



De lapekoer fen Gabe-Skroar trochskodde : oanteikeningen by de rimen en teltsjes fen broerren Halbertsma

<https://hdl.handle.net/1874/231522>

DE LAPEKOER FEN GABE-SKROAR

TROCHSKODDE.

OANTEIKENINGEN

BY DE

Rimen en Teltsjes

FEN

Broerren HALBERTSMA,

BY ELKOAR SAMMELE FEN

W. P. DE VRIES.

DEVENTER — 1895.

Deventer Boek- en Steendrukkerij, vroeger firma J. de Lange.

mm 040085

Kast 160

Pl. E N^o.18



DE LAPEKOER FEN GABE-SKROAR
TROCHSKODDE.

RIJKSUNIVERSITEIT UTRECHT



0315 0558

DE LAPEKOER FEN GABE-SKROAR

TROCHSKODDE.

OANTEIKENINGEN

BY DE

Rimen en Teltsjes

FEN

Broerren HALBERTSMA,

BY ELKOAR SAMMELE FEN

W. P. DE VRIES.



DEVENTER — 1894.

Deventer Boek- en Steendrukkerij, vroeger firma J. de Lange.



FOARWIRD.

It is nou al mear as sauntich jier lyn, dat de earste stikken fen 'e Broerren HALBERTSMA yn it ljocht kamen.

„Sont dy tiid binne seden en brúkmien yn Fryslan, lyk as yn de measte oare lannen tige foroare. Ytlike dingen, dy 't destiids by elk bikend wierne binne yn ûnbrúk en de nammen derfen yn it forjitboek rekke.” (F. H. en H. 1891, side 64.)

Mear as ien forhael spilet boppedien yn it Fryslan fen de 18de of 17de ieu en der wirdt folle yn oanhelle hwet nou forgetten of tominsten yn in skúlherntsje fen ús ûnthâld weitreun is.

Ek brûke de skriuwers wurden en sizwizen dy yn it Fryske wetterlân, hwer 't sy hikke en tein binne, wol, mar yn oare oarden net hiem binne.

Under it lêzen fen 'e RIMEN EN TELTSJES haw ik oanteikene, hwet nei myn tinken nedich forklearre of opheldere wurde moast. It kin net oars of der scille goeds wêze dy fine, dat ik to folle en wer oaren dy miene, dat ik to min jow. De miette is in kostlik ding, mar slim to roayen. Stiet er hwet to folle yn myn boekje, wêz dan sa goed, lêzer! en slach it oer. En fynt de iene ef de oare yet hwet yn R. en T. der 't er by my forgees om siket, och, freegje dan asjebleaft efkes yn ien fen ús Fryske Tydskriften; kin ik jimme dan net helpe, wel nou, dan is er faek wol in oaren.

Ik haw om myn boekje for inoar to krijen in bulte freegje moatten, mar ik haw derby ûnderfoun, dat elts, dy ik oankaem, as er mar koe, my graech helpe woe. Derfoar siz ik hjarren allegearre tank.

Dy tank komt bynammen ta oan de hear Mr. PH. v. BLOM yn Den Haech, dy sa goed wier om myn skriuwen troch to sjen foar it printe waerd. Sunder syn stipe scoe ik faek stykjen bleaun wêze of hie 'k to minsten it rjuchte paed net hâlden.

Ik hoopje, dat dizze oanteikingen oan lêzers fen 'e RIMEN EN TELTSJES fen nut en nocht wêze meye en hja dy forhalen en dichten der better troch fetsje, hwerfen de hearen Leopold sizze (Van de Schelde tot de Weichsel III, blz. 139): „dat zij meenen ze ten zeerste te mogen aanbevelen aan allen, die van een echt gezonde lectuur houden.”

FORKOARTINGEN.

R. en T. = Rimen en Teltsjes fen 'e Broerren Halbertsma,
oarde (ek tredde) printinge.

J. H., L. N. = J. Halbertsma, Letterkundige Naoogst, 2 dl.

De H. H., Id. Fr. = De Haan Hettema, Idioticon Frisicum.

S. W. = Van de Schelde tot de Weichsel, van Leopold.

W. D., S. R. = Waling Dijkstra, De Silveren Rinkelbel.


V. D. = Van Dale, Woordenboek der Ned. Taal.

Cor., H. T. = Coronel, Historische Tentoonstelling.

J. W., O. N., = Johan Winkler, Oud Nederland.

R. c. a., M. v. H. = Roosjes c. a., Merkwaardigheden v.
Hindeloopen.

F. H. en H. = For Hûs en Hiem.



IN WIRDKE

oer 'e spillen, der 't Pibe-Rommerts jonges bazen
yn wierne en ek oer oare.

It keatsen wirdt folle dien yn it Noarden fen Fryslân, mar oeral net op deselde wize. Ho 't it op it Bildt en yn oare streken fen 'e Westhoeke ta giet is to sjen yn it moaye boekje *Friesland en de Friezen*, útjown to Ljouert fen Hugo Suringar, do 't de „Historische Tentoonstelling” hâlden waerd yn it Hôf.

Yn 'e Dongeradielen keatst men mei syn fjouweren; by priiskeatsen moatte de dielnimmers troch inoar lotsje, hwa 't maten wêze scille.

Twa steane *foar 'e streek* to opslaen; de beide oaren sa 'n 25 M. fierder *yn it park* om út to slaen. De opslagger mei net oerrinne, d. w. s. as er in oanrintsje nimt net mear as ién stap oer de streek dwaen. De útslaggers (de bêste stiet ornaris efteroan) sjugge tige ta; komt de bal yn it park en hja slagge him net werom, dan telt dat fiif for 'e opslaggers. Dy binne der dan ek op út de ballen sa to slaen, dat se min to *krijen* binne; sy bringe se krekt foar yn it park en dan leech by de groun (in *pripper* neamt men dat) of yn it hoekje of twisken de beide útslaggers yn, ens. Is de bal to koart (komt er foar it park del) of bûten (falt er bisiden it park) dan telt dat fiif for 'e útslaggers, doch allinne de earste slach mar. Bart dat letter wer dan moat de oare man fen it portuer opslaen. Wirdt de bal werom slein *oer* de streek, dan hyt er boppe; sa 'n boppeslach telt fiif. Binne de útslaggers sa lokkich, dat trijeris oanien to lappen, dan telt de lêste boppeslach tsien en hja binne dos op tweintich. Mar dat falt net folle foar; meastal bliuwt de bal hingjen twisken it park en de streek, omt de útslaggers him net fierder krije kinne, of om 't er fen de oaren

keard of in ein weromslain wirdt. Dan is er in *keats* en de porturen geane om, d. i. se forwikselje fen plak en fen wirk. Slagge dy fen 'e streek nou beide bûten of to koart, dan telt dat for it portuer yn it park tsien; sa folle hawwe hja ek, as se de bal twa kear de keats foarby slagge. Dogge hja dat net, dan telle de opslaggers der tsien foar. Wirdt de bal twa 'ris boppe slein op in keats, dan is dat for 'e útslaggers in foarntsje fen tweintich punten, mar dan jowt in tredde boppeslach net mear as fiif. Der hawwe jimme it forneamste; it kin wêze dat er yet mear oan fêst is, mar folle net. Mei 35 punten is it út.

Fen it keatsen binne ytlike sprekwarden yn 'e deiske tael opnommen, b. g.:

„For master opslaen.”

„In boppeslach.”

„Mekoar heine en slaen.”

„In pripper.”

„De bal weromslaen.”

„Foar de ballen stean.”

„Mekoar de ballen takeatse.”

„Foar de ballen opdraeije.”

It tippen is yn Fryslân oars net folle hiem as op it Bildt. Op 'e toelle fen in âld weinstsjil, dy in bytsje skean op 'e groun stiet, laeit in houten bal. De spilers geane in ein der ôf stean en smite nou mei kneppels (*tippetstokken*) nei dy bal om him sa fier as it kin foart stouwe to litten.

(Fr. en de Fr. 82.)

Kockeslingerjen haw ik as jonge faek mei dien. Wy kochten elk in heale grouwe koeke (neimakke Dimter of blau-melt), namen dy by de iene ein yn 'e folle fûst en slingeren dan mei de earm, sadat in great stik fen 'e koeke der ôf en in foech ein foart stoude. Dy sines it fierst kaem, hie de koeke fen syn maten woun. Der siet wol 'ris in inkel sânkertstje oan, mar dat waerd sa goed sa kwea oan 'e broek ôffage, en bleau er al hwet sân oan, nou, dat wier net djipper: „sân skierret de mage” sein wy.

Wy hellen for de foroaring ek wol ris in oar stik út mei ús koeken. Der waard in lange latte yn 'e groun heid en der in koeke oan fêst boun. Dan oan 'e gong mei foege kneppels; smytstû net, sa hastû net. Hwet er ôfkneppele waard, wier for de lокkige smiter. Ef wy ek oan *sport* diene!

It liket wol, dat Pibe-Rommerts soannen hjar net bemoeiden mei *tipeljen*, dat hjir troch jonges en ek wol jonge feinten folle dien wirdt.

Der binne lyk as by it keatsen fjouwer spilers; twa stokken, in *langstok*, fen om ende by in âlde jelne, en in koartstok, ryklik in palm, binne it ark. De lêste moat bileaven fen swier hout wêze; ik leau, dat hagedoarnen heech oanskreaun steane. De *langstok* hat op 'e ein in kerf. Dêr wirdt in kûltsje yn 'e groun makke; twa fen 'e spilers geane der by stean wylst de beide oaren *útrinne*, d. w. s. der in eintsje fen ôf stean geane. It spil bigjint mei *tipeljen*: de koartstok wirdt dwers oer it kûltsje lein en mei de *langstok* foart wipt. Dy der in eintsje ôf steane, binne der op út him to heinen. Lokt dit dan is de spiler ôf; sa net, dan leit er de *langstok* efter de kûle en der wirdt mei de koartstok nei smiten. Is 't rekke, dan is de *tipelder* ôf; is 't mis, dan moat er *rosse*, d. i.: hy lit de koartstok falle en slacht er ûnder it fallen mei de *langstok* tsjin oan. Nou moat it oarde portuer de koartstok sa tichte by de kûle sjen to krijen, dat de *langstok* der net twisken kin. Komt dat sa net, dan taksjearret de *rosser* ho folle stokslingten der twisken binne. Is er to happich en neamt er in to great tal, dan moat er op 'e eask fen 'e tsjinpartij mjitte en rekket ôf as er to folle sein hat. Dat is ek it gefal as er by it weromslae (as de oaren de koartstok nei de kûle smite) dizze efter de kûle bringt. Bliuwt er oan, dan moat er nou *tippe*. Hy leit de koartstok yn 'e kûle, sadat de boppe ein der hwet útstiket, slacht er mei de *langstok* op, dat er omheech spat en jowt him dan in trewinkel. Ho fierder hy fljucht, ho better, d. w. s. ho mear it for de tipper telt, altyt op 'e selde kondysjes as by it *rossen*. Heint de tsjinpartij de stôk, dan is de kûleman ôf, mar telt dochs tsien. Slacht er mis, dan is er ek ôf en fen it selde lekken kriget er in pakje, as de koartstok efter de kûle spat. Nei it tippen bigjint men wer fen foaren ôf, ont

de iene partij sa folle punten makke hat as er steld is, 150 bygelyks.

Raskert hiette in spil, dat spile waerd mei raskert-boerden en prikken (Sjuch R. en T. side 174, rigel 8 f. b.) In boerdsje mei in hânfetsel der oan waerd op in roun prikje lein en dan mei foarsje oan litsen. It prikje rekke dertroch oan it draeyen, waerd op it boerdsje heind en der mei foart slein nei in maet, dy 't it werom sloech, as er koe. It hie dos wol in bytsje fen *raketten*.

Rebinketsje diene wy ek wol (yn oare streken wirdt it, mien ik, *pinkjen* neamd). In stok waerd skean yn e groun stitsen; it iene ein wier plat makke en der leine wy in fjouwerkantich houtsje op (*rebinkhoutsje*). Op 'e fjouwer kanten stiene Romeinske cifers. Mei in stok waerd it dan foartslein en der waerd teld, al nei de kant dy boppe laei.

DE SKEARWINKEL FEN JOUTE-BAES.

(INLEIDING XIIIb).

Amerij = in lyts egenblikje. It is forbastere út *Ave Maria*; dat is it bigjin fen in gebetsje by de Roomsken. It wol dos egenlijk sizze: de tiid dy men nedich hat om in *Ave Maria* op to sizzen.

Bamberg wier foar in fyftich, sechstich jier in forneamde gúcheler, hwaens famylje yet yn wêzen is en de „affaire” foartset.

It skip brouwe, d. w. s. de naden fen it skip ticht stopje mei *wirk* (= útraffele tou). Yn it Holl. *breeuwen*.

Omkoal. Yn *Noord en Zuid*, VI, side 181, wirdt sein, dat dit wird út it Deensk kommen is (Deensk *omkuld*) en dat it sa folle bitsjut as *omfier smiten*.

In hynstebiter is in fleanend ynsekt mei in lang lichem. It is famyije fen 'e *wartebiter* (waterjuffer), mar hwet mear mânsk. In oar lid fen dizze famylje komt folle oan ê sêkant foar; it liket wol, dat de aeikes op 'e bûtendykslânnen út komme. Yn hiele swaermen kinne dizze bistkes (hwet lytser en grouwer as de waterjuffers) boppe de dyk lâns flean. Men neamt se hjir *kouweskádden*.

Dy Lipske, to s. foar út Dútsklân, út Lippe. Under de lytse Dútske lântsjes dy men bynei mei in pols bispringe kin, binne ek *Lippe-Detmold* en *Schaumburg-Lippe*.

Kraenooch is in braekmiddel. It komt fen 'e siedden fen in beam (de *Strychnos Nux vomica*), dy yn East-Ynje wækst. Yn dy siedden sit in swier forgif, it *strychnine*.

Ombidich = it Holl. kleinzeerig. It wirdt ek wol brûkt yn 'e sin fen *omraek*: „Hear my sok ombidich liegen 'ris oan!”

Maeye meitsje, d. w. s. Rients wol út é tsjinsk. Yn Fryslân geane feinten en fammen ornaris de toalfte Maeye (âlde Maeye) yn en út 'e tsjinst. *Maeye meitse*, as sprekward = hjir of der mei útskiede.

De sile op 'e hakken nimme = foart gean. As in boerefeint of arbeider mei de boerewein efkes stean moat, dan set er it hynzer sa lang los foar it reau troch de look út 'e keat to lûken; de sile falt dan fen it teksel. Pjukt it hynzer der nou út, dan nimt it fensels de sile op 'e hakken.

Smeulske praetsjes binne praetsjes om immen de gik oan to stekken of ek om him leech to lizzen. Holl. *smalend*.

Rients. *Tsienris sa goed ens*. Yn 'e earste printinge stiet nei *by elkoar skrept*: In hiel winter moat men de kij yn 't gat opsjen. Foarjiers mei it oplûken fen de paden, as in oar feint eris nei de fammen kin, moat men ens. Dat is yn 'e fierdere jeften útfallen.

As de paden oplûke, seit Rients. De boer wennet yn it leechlân, der by 't winter de paden folle ûnder wetter steane. Foarjiers, as it wetter leger wirdt, wirde de paden wer droech; *hja lûke op*.

Swé slaen = in bulte fortoaning meitsje. Dy sizwize komt fen 'e mieren. Is it gêrs ôfmeand, dan laeit it op swé. Stiet er in bulte gêrs, dan wirdt it swé fensels great; in mier moat dan folle wirk dwaen, mar it liket dan ek tige moai for de boer. Sa waerd *in great swé slaen* (ek wol allinne *swé slaen* of *folle swé slaen*) = fortoan meitsje, drokte útjaen sa-t-it hiel hwet liket.

Oan it waeyen fen 'e flagge to sjen. Hinget de flagge út, dan kin men oan it hin en wer waeyen sjen ho folle wyn der is. It wol hjir sizze: *oan 'e libbenswize fen in minske to sjen*.

De reamme fen 'e aden nimme = it jild út 'e bûse poanne. De greidboeren moatte it fen 'e reamme hawwe; is dy der net, dan kinne se ek gjin bûter meitsje, dos net boerkje. Dat meitsje de fyndoeckspoepen, troch dat se de boerinne en hjar dochters de ryksdaelders ôf prate for fine jûpen, ens.

De bûterkeapers stekke yen ôf. Hja stekke de boar djip yn it fet om de bûter to probearjen. Mankearret der hwet oan, den krijt de boer de heechste merk net, den hat er in ôfstekker.

In hânfet (om de sûpe út 'e tine to skeppen) = in greate skûtel mei in koarte stâlle; de skûtel mei de stâlle út ien stik hout sneid.

In lânbrebier spile alear ek for dokter.

Lânopfretters. Yn boerestrecken binne amteners net folle yn tel. It boerefolk, dat op it lân skrippe moat, mient, dat sokken in maklik libbentsje en it jild mar for it krijen hawwe; al fortsjinje se bygelyks fjouer-of-fiif-hûndert gonne, dochs frette hja it lân op.

Toelle = in lyts bankje der se op sitte ûnder it meltsen.

Prommedanten = droege prommen. Egenlik = *prunes d'Entes*; Entes is in plak yn Frankryk.

Sûl op en del rinne. In flater yn 'e twadde en tredde pr. Yn 'e earste stiet *fûl*.

Daemsteech is in hynzer, as it fen dy kuren hat om yn ienen stokstiif stean to bliuwen en mei gjin swipe of moaye warden foart to krijen is.

Dimpen = dempich.

Bekstallich = it hat in stive, hirde bek. Bekstallich wirdt ek wol sein fen immen, dy bretaël is.

DE LAPEKOER.

DE BOLSWERTER MERKE.

Bolswerter merke. It reisgjen nei forneamde merken hiene de Frizen tige hiem (Ljouwerter merke en dan bynammen de lêste Mandeis, Bolswerter, Snitser, Birgumer en Hearrenfeanster pinkstermerke wierne de drokste). Foar in tritich jier kamen er de Tiisdeis nei Ljouwerter merke hiele rigels sjeazen op 'e Sweach mei „klaikers” sa-t wy seine, to sizzen feinten en fammen út 'e klaeistreken. Hiel eptich gyng it er dan net troch. Sjuch de oant. oer it merkehâlden yn *De Noarger rân*.

Tsjep. „It wierne tsjeppe ljue” d. w. s. ljue, dy it bihoarlik stelle koene, dy goed foar it ljocht kamen.

In *tsjep* jong faem = kreas, knap.

Sa *tsjep* yn sneinske klean = kreas, mooi.

Gammel (lyk as *tsjep* yn: *In wirdke foarôf*) = sukkelhaftich. Fen in saek dy-t er net to bêst foar stiet, seit men wol: „dat sjucht er gammel út.” Omgammelje.

Proes = kreas opdien, opklaeid.

Skjirkert = skier-roek, Holl. bonte kraai. As dy fûgel op 'e rûchskerne of yn 'e tún hwet to pakken hat, sjucht-er út-en-gedûrich fen siden út en nei efteren en draeit dan de kop kûrich op side.

Tûk = klear for 'e saek, by-der-hand (yn 'e wâlden der neamt men in fromminske, dat hjar tige redde kin, in *by-der-handske*.)

Yn *tûk sjitte* is tûk = wis.

Nuver = freamd, butenwenstich, mear as gewoan.

To bier gean = mei in faem de herberg binnengean om bier (ek wol brandewyn of reade wyn mei sûker) to drinken, to sjongen en to dounsjen.

Forg.: *biersalmen*.

De pipen stiken se op 'e hoed. Men rookte alear út lytse pypkes en Gabe syn maten, dy er oars gjin plak for hiene, sa fol wierne de bûsen mei tabaksdoazen, greate messen en pongen, stiken dy, do se hjar nocht fen smoken hiene, op 'e hoed.

Swietekou = hwet swiet to koagjen is, koekjes en sa út 'e koekecream.

Patsje = tuetsje. De earste Kerstenen hiene it hiem om mekoar by hjar miene gearkomsten to tuetsjen. Gyng dat sims hwet mear as broeder-en-sisterlik ta? Ik wit it net, mar wol, dat de „broederkus” ôfskaft waerd. Yn pleats derfen kaem in earnen pleat mei in byld fen Jezus. Dy waerd elts bar om bar tahâlden om derop to tuetsjen. Men neamde dy pleat in *par*; derfendinne ús wird *patsje*. Sjuch J. H., L. N. I 200.

Pypkeniel oer rizenbrij. Rizenbrij wier in gastmiel by de âlde Frizen en as se ris útstrike woene, dan kaem der pypkeniel oer. Rys mei resinen wier ek in hearemiel.

(„It libben is altyt gjin rys mei resinen,” seit Gabe). Keniel wier stielich lekker omt-it fier wei kaem. Yn 'e kofje wier it ek tige by tige swiet. G. J. lit Tjerne by syn lânheare sizze:
„t Neitinsen is sa swiet, ja swieter is it my
„As pypkeniel en sûker oer 'e rizen bry.”

Oeribel = al hiel bûtenwenstich, sa-t men it komselden sjucht. It is it Franske wird *horrible* = holl. afschuwelijk. It wirdt sims freamd brûkt.

„In oeribel tsjokke wyn-bealch,” der kin men bigryp oer krije, mar hwet moat men tinke fen „oeribele moai” of „oeribele lekker?” En dochs heart men soks faek sizzen.

WIDZESANG.

Moetel = sêft en flêskich, Holl. *mollig*.

Wiggelje = hin-en wer waeye. Holl. *wiegelen*.

Weachkes = lytse *weagen* = baren fen it wetter. Yn it Dútsk = *woge*.

Wettersich. In *ich* is in kant.

„Alde — dit riert ich noch seam!” seit Jolle by G. J. (Nijsgj. Jolle en Haitse-iem). Men seit yet: „oan alle iggen en einen to koart komme.” It komt ek yn 't dialekt fen Overysel foar: „dat mo'j dan es an en *egge* setten.” Sjuch S.-W. I 536.

Tsjok = dik, grou. „Yen tsjok ite;” tsjokstrou (ek poatstron).

Spynke = in trijehoekich kastke yn 'e hoeke fen 'e keamer, derom ek wol hoekspyn neamd (itenspyn). Yn it Holl. *spinde*.

Giizje is hjir boartsje, it Holl. *stoeien*.

Oars ek = laeitsje, skatterje.

„Giizje, gobje troch in dei,

Fûget ús: jeugd bringt it mei,”

seit Jolle. Fen *giizje* en *gobje*, hat men makke it wird giizgobje. (sjuch yn Jonker Piet en Sibbel = gek-oan-stekkend laeitsje, spytgnize, it Holl. *ginnegappen*).

Glûpe, ek wol *gloppe* = widze.

Sobje en knobje = tûtsje en trijûwe, sa as in mem dat hjar berntsje dwaen kin, as hja it út de widze nimt.

Permantich = greatsk. In freamd wird, dat út 'e Spaenske tiden wei by ús bleaun is, hwent it komt fen it Sp. *paramento* = tooi, dos. In oar wird út dy tiid is *parlesjanten*, dat men ôfliedt fen *par los santos* (by alle hilligen), in flokwird, der-t de Spaenske soldaten ridlik gau mei klear skynden to wêzen.

JONKER PIET EN SIBBEL.

Palais Royal. It Palais Royal wier yn de dagen do-t Dr. E. dit sankje makke de went fen 'e hertoch fen Orleans, dy yn 1830 kening fen 'e Fransken waerd (Louis Philippe).

Pytskje = slaen mei in linich ding, in Spaensk reid of in ryske bygelyks. Tink oan it Dútske wird *Peitsche* = swipe.

Wrammels blij = siker blij. It lêste moat bliid wêze. Sjuch V. B., bls. 82.

„Blier = vroolijk van gelaat.

„Blij = vroolijk uitziende.

„Bliid = blijde.”

Men sprekt fen *in bliere troanje*, *in bliere simmermoarn*; *in blij úterlik*, *blij-read*; *de blide bernkes*, *dat makke my bliid*. In blier wyfke is dos net it selde as in bliid wyfke.

Gysten = hastich, by it wylde om ôf.

„Net sa gysten, jonge! dû seist in ungelok krije!”

Yester = in plak foar yn 'e greide of op in reed, der-t it folk by it meltsen de kij hinne driuwt. Yn it Holl. *melkplaats*.

Tier en fet, d. w. s.: ik tocht, dat Jo der goed útseagen. Dit *tier* is bisibbe mei tierje = goed waeksje en groeye, en mei *tierich*, yn *tierige greiden* = welige. *Tier* hat ek in oare sin. „Fij, fanke! hwet bistû tier yn it iten!” Dan is it = it Holl. *kieskeurig*.

Rimpen = hastich, koart ôf. Rimpen en gleon = it Holl. *heetgebakerd*.

DEAGRAVERS-SANKJE.

Lodde = lep. „Hy rûkt nei de lodde” seit men fen immen, dy der nei útsjocht, dat er it net lang mear meitsje seil.

Ark en reau = it ridskip. Mei it ark docht men it egenlike wirk; de lodde is deagravers ark. Mei reau mient men hwet er fierders by nedich is, ta forfier of oars it ien of oar. In

arbeider dy op it lân pjukt of eidet, hat in gripe of eide ta ark; is-er der mei kroade of karre kommen, dan is dat it reau. In *reauwke* = kopke en pantsje.

Kleau, for kleaude fen kleauwe = Holl. klooven. It is hjir brûkt om it rym; in grêf wirdt graven.

Wyt ik.. ta = tankje ik oan.

Formôgle = formôge, (forrotte). Hwet formôget bliuwt droech; âld hout formôget. Holl. = vermolmen.

Nei Hölty. Om sjen to litten, ho Dr. E. stikjes út it Dútsk forfryske, jow ik it oarspronkelike hjir by:

Grabe, Spaten, grabe!
Alles was ich habe,
Dank ich, Spaten, dir!
Reich' und arme Leute
Werden meine Beute
Kommen einst zu mir!

Weiland gross und edel,
Nickte dieser Schädel
Keinem Grusse Dank!
Dieses Beingerippe
Ohne Wang und Lippe
Hatte Gold und Rang.

Jener Kopf mit Haaren
War vor wenig Jahren
Schön, wie Engel sind!
Tausend junge Fäntchen
Lecktem ihm das Händchen,
Gafften sich halb blind!

Grabe, Spaten, grabe!
Alles was ich habe,
Dank ich, Spaten, dir!
Reich' und arme Leute
Werden meine Beute,
Kommen einst zu mir!

UT-FEN-HÂS BY DE BOER.

Tsjirmje (egenlik = 't Holl. kermen) hjir = lûd jaen. De wylde fûgels litte hjarren heare. It is ek = gûle: „dat bûrren en oerbûrren hjar tsjirmen heare koene.” R. en T. side 351a, r. 27 f. b. *Tjirme* kwine. „It earme bern giet neat foarút; it tjirmt al hiel út.”

Yn 't spier = yn 'e war, drok oan 't wirk.

„Is Maeye hwet oars as gemien hjoed?

„For hjar allinne alles yn 't spier?”

H. G. V. D. VEEN.

Mjoksjen = it himmeljen fen 'e stâllen en fen 'e groppen der efter. *Mjokskret* = kroade derta; *mjoksplanke* = de planke by de rûchskerne op.

Onganzen = it flues der-t de frucht yn sit (fûlens), ek wol it ôffal by it slachtsjen.

Haffelje = hjir en dear in bek fol wei nimme. Ek = ondúdlik prate: „hy haffelt der raer yn om.”

In spatskûtel sit by in tsjerne boppe it lid om 'e stôk, mei it iepen nei ûnderen; it molken dat by it polskjen omtheech spat, wirdt er troch keard.

Risse = klearichheit meitsje. „Dû bist swier to rissen” seit men tsjin ien, dy net rissolvearje kin. Men seit ek *tarissing meitsje* = it Holl. toebereidselen maken, toerusten.

Reis nei it himelske Jerusalem. Ik haw om dat boekje socht yn Dr. Schotel, Volksboeken, enz., mar de namme der net yn foun. Wol: Duyfkens ende Willemynkens pelgrimagie tot haren beminden binnen Jerusalem, wtghegeven door Boëtius à Bolswert.”

Scoe Dr. E. mei dizze reis ek miene: Bunyan, Eens Christens reize naar de eenwigheid? Dat boek waerd folle lêzen.

Breedskade hoedke = hoed mei in bréde rânne, dy folle skaed joech. Skaed = rânne, sjuch R. en T., side 33a, r. 2 f. b.

Gobje = laeitsjende sjen. Sjuch giizgobje.

It brea op 'e knibbel. Fen pantsjes wist men yn dy goede âlde tiid net. Yet binne der wol hoeken yn Fryslân hwer-t-it wizansje is, dat elts syn stik brea en bôle foar him op 'e tafel set. Do-t de ierapels ûnder it folk hiem waerden, wier it yn inkele oarden brûkme om in hoep op 'e tafel to lizzen en der waerden de ierpels dan binnen wipt. In pantsje (lokje) mei fet waard er boppe op set en der koe elts yn stippe. Alteas sa is my faek forteld wurden.

Oerdwealsk = bûten it spoar, útlitten, 't Holl. brooddronken. V. D. hat ek *overdwaalsch*, mar jowt dat wird op as forâlderder.

De earen scille hjarren wol bikôge wurde. Dit sprekward wol sizze: sy scille letter wol 'ris ynbine, altyt sa folle net to sizzen hawwe. Hwer komt it wei?

Tinen en aden. Tinen binne fetten, dy nei boppe ta smel útrinne. By de boer is er al folle sûpe yn. Aden binne platte, skolle earnen (koperen) bakken; de mólke wirdt er yn getten om to reamjen.

Sjêdriden = it riden mei sadden, (sjedden) of plaggen. *Opleikje* = de sleatten lâns de simmerdykjkes úthimmelj mei heakkels en de dykjkes mei de modder opheegje of forswiere.

In pljims pompier = fjirde part fen in bôge of fel. Yn Stellingwerf seit men *in haest* (to s. in hiele bôge).

De kaeyen fen 'e himel skierje, to s. der waard préke. De kaeyen waerden glêd makke om 'e tagong ta de himel makliker to meitsjen.

Kóltsje = in wyt plakje, dat hynders of kij foar 'e kop hawwe. Sa 'n bist wirdt der ek wol *kóltsje* om neamd.

I T F A M K E.

In flodder is in mûtse fen kant, dy oer it earizer dragen wirdt en oer de nekke hinne floddert. Der heart in *kyps* by

en gjin nijmoadrige hoedsjes, lyk as er nou wol by dragen wurde. Oan dy kyp's wierne kielbannen = „sydne beagen.”

Beagen = brede bannen. Tink oan é sylbeage, dy it hynzer fear it boarst hat en de beage, der de skipper yn rint. Beag, baug is yn it algemien = ring; sjuch J. W. oer *Haarringen* enz. yn O. N.

In dobke = in kûltsje. Fen dobbe = in lytse fiver, hwer men wetter úthellet of it fé drinke lit. Dy fen 'e pokken skeind is, hat ek *dobben*, hy hiet *pôkdobbich*. Sjuch ek yn it folgjende stikje *It Libbensein*; „syn wangen dobbich en dea.”

In slinke wynt der hinne = in geultsje krinkelt der hinne. Geulen yn wetters neamt men ek wol slinken.

Tynt fen tine = útsette. It wirdt hjir sein fen 'e faem hjar boarsten efter it jakje. Fen 'e waermte tine de foetten út. Wirde de sêslûzen sletten en rint dertroch in diel fen it binnen-wetter de fearten wer yn, dan tynt it wetter.

Snipperheit = kreazens, fluggens. *Snippre* tonge (yn *It Libbensein*) = flugge, kleare tonge.

Bloarre = in sûle, in olfert, in jobbe. It is egenlik in kou: „de greatste rykdom fen de âlde minsken wier in kou, dy bloarre hiette....” R. en T. 76b r. 5 f. b.

Kantens, fen kant = flink fen lea. Holl. welgeschapen.

IT LIBBENSEIN.

Spijrrren = lange gêrsstallen. Ek lichte jiffers, to s., net fen flêsk en bloed, mar fen hout.

Riboskje is by inoar set fen ridelje en boskje of bosse. It earste is = trilje, skodsje, en it twadde = stjitte. It wol sizze: oan alle lea trilje en skodsje, — fen koarts, fen kjelt of eangstme. Ien, dy de hannen trilje as er it ien ef oare beet krijt, hat de *riding*, sa-t men seit. Yn âld-Holl. wier *rede*,

redde, ride = koarts. Mûglik is ridelje der wel fen ôfkomd. Men seit ek yet: mei bakkerts bosse (ek wol dosse.)

Skrousk = kâldfielich. Dy skrousk is kin it hûverjen net litte.

De stjerrende eagen dof of skel, d. w. s.: de eagen binne nou 'ris dof, den wer skel; de stjerrende sjucht nou dof foar him hinne om foart dernei de eagen forheard op to slaen.

Wrine = tekken. „Nynke, der ûnder dyn wrynke,” sjongt P. Jelles. Fen stearrenenden is it bikend, dat se jamk mei de fingers oan 'e tekkens plúsje.

It glês wier forroun = syn tiid wier om. De dichter tinkt hjir om it sânglês, dat men alear brûkte en hwermei de Dead faek ôfbyld wirdt.

Bilêze = mei moaye praetkes immen fen syn doel ôfbringe.
„Och, list dy net bilêze?”

O, bliuw by my, No. 54.

V. Loon, Lieteboek.

UT IT NEIWIRD FEN J. H.

By ljue, dy hwet op 'e hoarnen hiene roun hy folle mei de stikel om = hy sei it op tsjin ljue dy hwet op hjar gewisse hiene. Yn Maeike Jakkeles wirdt it ek brûkt: „By ljue dy altyt oer it goede prate woene en it yn hjar dwaen sa krekt net hifken oan de greate inster as de bûse er mar baet by hie, roun se folle mei de stikel om.”

Forg immen *ôfstikelje*; *stikelpraet* = 't Holl. hekeltaal.

Car. Tuinman yn syn Verzameling van Spreekw. seit dat by âlds lilke bollen in boskje hea op 'e hoarnen hiene.

Grinich = fortrietlik. Fen *grine* = gûle, jeuzelje, lyk as lytse bern dat folle dwaen kinne.

Eksteur, forbastere fen *exécuteur* = úttierder. Yn 'e goede âlde tiid wier de grytman sa om-ende-by „de wetgevende macht” op it platte lân en eksteur „de uitvoerende.” Hy waard deryn

bystien troch *adstinten* „adsistenten, helpers” (nou fjildwachters). Sjuch F. Sj., O. en N. F. II, 413. Nou wirdt mei *eksteur* wol de earste polysjeagint yn in gemeente bineamd.

In feet = veete; men seit ek wol *in pik* op immen hawwe.

Sarjes baitsje. Sarje (Holl. sarge of serge) is wollen goed mei in keper.

Him sels bidrippe. Flêsk, fûgelgoed, ens. waard alear bret oan in spit, dat boppe it fjûr draeye koe (yn âlderwetske hûzen sjucht men yet wol de izeren ringen yn 'e mûre bij de skoarstien, hwer it spit yn draeide.) Wier it nou fetternôch, dan koe it him sels *bidrippe*; sa net dan moast de kok of kokenfaem der bûter op drippe litte. As nou immen in oar syn hilp net nedich hat om troch 'e tiid te kommen, dan seit men, dat er him sels bidrippe kin.

Stokmantsjes = gounen, dy sa neamd waerden nei it byld fen „de Hollandsche maagd,” dy in lâns yn 'e hân hat.

Bigoarje = troch goarjen by *inoar* skrabje. Goarje = gjirrich libje. Hjir komt fen *goarrich*.

De mage oerize = de mage oerlade, egenlik to folle *ies* jaen. Ies (aas) = hwet iten wirdt; mar men brûkt it nou oars net as fen wjirmen dy-t oan 'e heak slein wurde om fisken to fangen. Men fynt it ek yn *ieslok*.

Rynsk (egenlik = myld yn 't jaen, *goedgeefsch*), hjir = oerdedich, rij. Fen immen dy folle praet seit men, dat er rynsk yn syn wurden is. *Deun* is krekt oars om; dat is by it gjirrige om ôf.

Sib wirk = sibbe frijerij. Sib is it Holl. *verwant*. Sjuch J. Heeringa Gz., Fryske Keningssang:

„Us Kening is fen 't Fryske bloed;

„Hy op it naust mei ús bisibbe.”

Dernei krige it de sin fen *tige by tige bifrjeone, hiel iens*.

Bier en barmhertichheit. Hwet is dat bier? (Sjuch ek R. en T. 10b r. 14 f. u.) Yn De H. H., Id. Fr., fynt men it wird *beerkleed* = rouwkleed. Is bier = beer = rouw?

Yn 't boun. „Ho! praet ik roun yn 't boun? sa 's 't heech tiid, ik moat gean,” seit Tjerne by G. J. en J. H. teikent op dy wurden oan — L. N. I, 217 — „ik boun, ik bond, vanwaar *boun*, gezelschap... In feinte en famme boun, een gezelschap van jongens en meisjes.... Maar *boun* heeft ook nog de beteekenis van een knoop, die in de war is. *It jern is yn 'e boun*,.... *de bisten binne yn 'e boun*.... Van dit laatste *boun* hebben de stad-Friezen, zot genoeg, boonen gemaakt. „*Ik ben geheel in de boonen*.” — Dit lêste hawwe de lân-Friezen wer oernommen yn hjar sizzen *dû bist yn 'e beane*.

Knotte, boask, Amelander ljeafdestrûp. „Wotte sa wotte, der hastû de knotte.” Sjuch ek R. en T. 261*b* r. 8 f. b. en 362*a* r. 11 f. b. en fierders.

Knotte = knoop, is in forkoarting fen knottedoek. By âlds wier it hiem, dat de frijer syn faem in pear dikketons (ek wol oare gouden mintstikken) foreare en dy waerden yn in moaye siden doek biknoopt. Naem de faem de knotte oan, dan wier sy oan 'e feint *boaske* (Holl. *verloofd*.) Dos is boask = *verloving* en net = *huweljck*.

Dat jild yn 'e doek scoe yet in oantinken wêze oan 'e tiid, do-t de man syn wiif fen hjar heit koft. It waerd er op in bisondere wize yn biteard en biknope. Gabe die dat mei de Amel. l. str., dat seil wêze op 'e manear sa-t dat op Amelân brúkme wier. In ôfbylding fen dy strûp fynt men yn J. H., L. N. I, hwer men mear fen dizze dingen lêze kin op side 178 en forf.

Yn R., c. a., M. v. H., (it boekje is útjown yn 1855) wirdt op bls. 26 sein, dat er yet in knottedoek is mei dizze wurden yn kleurde letters der op:

- „Godt groet u liefste tot alder eeren.
- „Ghi sit die liefste naest Godt den Heer.
- „Min ooghen mogen u verliesen,
- „Maer min hart en sal geen liever kiezen.
- „Doch vat gi doet,
- „Kiest eer vor Godt.
- „Denck dat.”

KALS SIMENS.

In oaren jowt twa beammen to sjen, dy der op binaeid binne en dêr twisken stiet:

„Die tiid is kort, die dode snel;

„Wacht u van sonden, so doet ghi wel.”

HESSEL OCKES.

Wy lêze der, dat er bûten dizze twa yet trije oare knottedoeken wierne (to s. sa fier it de skriuwers bikend wier.)

Ontheistre = fen syn stik, út 'e liken. Hwet heistre is (fen heisterje = arbeidsje om it ien eft oar yn oarder to krijen), is klear, is foarinoar; ontheistre is der fensels de tsjinstelling fen.

DE BEAR OP REIS; DE FÂGEL FEN BEARN-POEP.

In danigen nychheit. Nychheit = it Holl. *nieuwigheid*, of better = *benieuwdheid*, wirdt nou meastal útspritsen as *niget*; „ik haw der myn niget oan.” *Danich* = extra; in danigen sin oan it iene eft oare hawwe.

Ut 'e dyk dold = great en swier. Oan in dyk sit in bulte modder; in arbeider, dy der útgraeft, kin hiele stikken op 'e lodde nimme.

Geye = it útroppe fen nocht en wille (Holl. *jubelen*).

„O, hwet in gejei

„En hwet in gegci

„Fen oargel, trompet en fyoele!”

T. E. H., Merkeliet yn It J. Fryslân.

Blibben = lippen. Hjir fen dinne *blibkje* = mei de ûnderlippe lûke, sa-t in bern docht, as it oan 't gûlen ta is. Blibben binne by skylfisk en kabeljou de flanterige stikken under de bealch, efter de kop (yn it Holl. *lippen en keeltjes*).

Poep. In skelnamme for 'e Dútskers. It wird komt fen it Dútske *Bube* = jonge. Reisgjende mûzekanten neamt men yn Fryslân folle *blaespoepen* en de keapljue yn lapkegoed, *lapkepoepen*, ek wol *fyndoeckspoepen*.

DE REIS NEI DE JICHTMASTERS.

Groat mei krôdde = groat mei hirde, swarte kerlen deryn, dy hjir en dêr ek *wikken* neamd wurde. It binne de siedsjes (peld) fen in soarte bûterblom (akkerboterbloem, *ranunculus arvensis*).

Hounemizel = swolderij om 'e neil fen tomme of finger.

Sa krebintich as in kroade. Howol it beide allyk boekstavere wird (yn de R. en T.) is kroade, yn *groat mei kroade*, (nou = krôdde) lang net it selde as yn *sa kreb. as in kroade*. Yn S.-W. is it beide forklearre for ontûch. Mar it is hjir = kruiwagen; Pibe wier troch de jicht sa stiif as in houten kroade.

Hipperts. Yn it foarjier sochten wy as jonges tûkjes fen kwitse- of koetsebeibeamkes (= lijsterbesseboom) — hjir op 'e klai behelpe se hjar mei wylgetoekjes — makken der in kerf om hinne, op in bihoarlike distanje fen 'e ein (*ho'n* ein dat hinge der fen ôf, ho lang wy de hippert hawwe woene) en sloegen er dan op mei het mes, wylst wy songen:

Hippert, hippert, pipe!
 Hwennear scistû ripe?
 To Maeye, to Maeye,
 As de fûgels kraeye!
 Dan binne se yn 'e doppe.
 Stiif, stiif kloppe;
 Trije kear it tsjerkhûf
 Dan wol hy er ôf;
 En as er der dan net ôf wol
 Dan scille wy him helje
 Mei pipen en mei trommen.
 Dêr komt de keizer oan sjongen.
 Lytse Jan, greate Jan,
 Dy my in skûtsje meitsje kin.
 Nei Oasten, nei Westen,
 Alle eibertsnêsten.
 Kwik oppe douwe
 De kop ôf houwe, houwe.

De bast liet ridlik gau los en mei de holle pypkes, dy wy sa krigen, koene wy in hearlike(?) muzyk meitsje. Men hoegde net heal sa krebintich to wêzen as Pibe-om, om fen dat getoet breinroer to wurden. Sjuch *Oude Tijd* '69, side 327, hwer twa Drintske sankjes opjown wirde. (*)

Gjin lins = gjin rêst, sunder ophâlden.

Goarriich = noartich, nysgjirrich, koart. Fen *goarre* = sjuchtme. Dy hwet miskearret hat folle gjin bêst sin; sa gyng it Pibe ek.

Piskiker. It wetter fen in sike wier alear by dokters en kwaksalvers in earst ding om er de sjuchtme út to finen. Men reisge dan ek wech-ende-weer wei nei forneamde — divelbâunners, yn selskip fen in flesse mei in fochte deryn en der stoareage de „medicijnmeester” dan op en troch. Derfen dinne de namme. Sjuch ek R. en T., 433.

Hûshimmelers-drankjes, d. w. s. drankjes die de útwirking hiene fen Urbanus-pillen. „Skjin skip meitsje” neamt men it ek wol.

Wylde wolven, to sizzen de „wearwolven,” dy by nacht en ontiid deade liken fen it tsjerkhûf hellen. Sjuch W. L. side 33.

(*) Ik wit net oft de hipperts nou gauwer los litte wolle, of dat it sin for it „muzikale” ôfnimt, mar ik hear, dat de jonges to B. tsjinwirdich mei dizze wurden ophâlde:

Hippert, hippert, pipe!
 Hwennear seistû rype?
 Oankommende Maeye,
 As de fûgels kraeye.
 Antsje-moi mei 't skerpe mes
 Sloech de kat de kop ôf,
 Heal ôf, hiel ôf.
 Ast' net wost' du seist' er ôf.
 Ien, twa, trije,
 Dan scille wy dy wol krije.
 Ien, twa, twa,
 Dan scille wy dy wol ha.

Dat *ien, twa twa* forret earmoed en it is lang sa „mystisch” net as ús *kroek oppe douwe*.

Pestoarske wier alear de namme, hwer mei dominij syn wiif troch de ljue fen it doarp oanspritsen waard. Nou is it fensels *mefrou!* en it scoe raer poetsje it each út wêze as men tsjin sa'n minske sei fen pestoarske. Dochs haw ik in âlderling yn ûs gemeente de fron fen 'e leste dominij, dy hjir stien hat (hy is yn 1882 foarttein) nea net oars as sa neamen heard. Sjuch hjir oer yn S. en R. side 113 en forf. in stik fen J. W.

Bientsjekou = in húske of hok by de tsjerken, hwer men de deabonken yn bewarret. Holl. = knekelhuis.

Poanne = sliepmútse mei in „toppert,” in kwastke fen losraffele triedden.

De reap is draeid = it spil is klear. Reap is in soarte tou, dat fen strie by inoar draeid wirdt.

Master. Sa neamde men foar jierren de plattelâns-dokter, dy ek folle brebier wier. Dêr fen dinne it sprekward: „it kin in master misse.” Sa'n master wier wol knap, mar der krepearden derom wol ris boeren. Ek it wird „masterje” = ûnder dokters hânnen wêze, komt er fen. Hwa mear fen sa'n master witte wol, kin der fen lêze (en mei wille) yn „Meester Maarten Vroeg” fen Jakob Vosmaer.

Boalsalve = salve fen 'e beul, hwer dizze nei de giseling syn „klanten” de rêch mei ynwreau. Sjuch ek yn Maeika Jakkeles: „it skouder út it lid, der de boal twa fjirders bûter oan fortsjinne.”

Oan 'e dobbe-ich = oan 'e kant fen 'e dobbe; yn 't Holl. „aan den rand des grafs.”

Rikstealen = rikjende turven.

Wolfangers = de dokters, dy hjar djûr bitelje lieten.

Beanhearre, ek wol easterske beanhearre, is in droege wyn út it easten, dy-t de beane ryp makket.

Klaphout = droech en hird hout, der-t de kúpers bûterfetten fen meitsje. It wirdt folle út 'e Eastsé, bynammen út Memel, oanfierd.

In longrige poep = in stevige, sterke Dútsker. Wevers skynden folle út it poepelân to kommen.

Marge = woarst. Egenlik is marge, hwet yn it Holl. *beuling* hiet. It waerd folle iten yn it Antony-gasthús to Ljouert (R. en T. side 139, de noat).

Hjir is in *recept*: bargebloed (dat men nei it opfangen riere moat; oars wirdt it stiif) mei roggenmoal en sjerp oanrierd en dêr rezinen en stikjes rizel mank, wird yn in term treaun en dat spiltsje dernei sean. Binne de margen noach, dan moatte se yet om rjucht lekker to warden yn 'e „broei" yn in koer mei hea.

Toppen. Der kaem eartyds jamk in stof foar, dy hiet *blau-toppen* (yn it Holl.?) en ús frouljue brûke nou *toppene* skûteldoeken. Yn dy skûteldoeken kinne yet hirde stikjes sitte, as wieren it brokjes fen sjudden. Ik wol leauwe, dat beide makke wurde fen it rûchste flaeks. Sjuch ek op *flaekshikkelje*.

Doeren of toelebouden, hiete op oare plakken wol bollepysten en de Latynske namme is *Typha latifolia*. *Pompebledden* binne de greate bledden fen 'e swanneblommen, dy yn it âlde Fryske wapen pronken; *Nymphaea alba* en *N. lutea*.

It baeitsje ophingje. Yn ytlike oarden fen Drinte miene de jongfeinten yet, dat in minske-antlit makke is om er in mes op to probearjen. Dat „geloof" wier ek hiem yn 'e Fryske doarpen. As it merke wier hjir of dêr, kamen de fjuchtersbazen hein en fier wei, en hingen hjar boppeding yn it weardshús op. Dy der nei taelde wier hjar man. Yn oare provinsjes setten de romroftste bekkensnijers hjar mes yn 'e tafel of hingen it dêr boppe, sa as wy lêze yn v. Lenneps roman Ferdinand Huyck.

Douanen = kelderrotten, omt sy alles neisneupten en yn kelders en gatten krúpten, lyk as de rotten.

Hja binne yet net oan 'e reap slein = hja binne yet net to plak. By it dekken fen in boereskûrre wurde de bosken reit of de skobben strie mei reap (tsjinwirdich folle mei kramtried) fêst naeid. Lizze hja to plak, dan wurde se oan 'e reap slein.

Bysjager wier âldtiids de namme for fjildwachter of rottelman. Hy makke jacht op 'e bizen, d. i. undogensk folk. In biis is yet immen, dy strêken úthellet, nou ja, wol potsich, mar by it ondôgenske om ôf.

Greate Gerben fen Jobbegea. Wier dat in historiske persoan, of tinkt Pibe-om mûglik oan in ongetider, dy by him haeide en sa filosofisk redeneanje koe? -- Ik wit it net.

Slingerij is in herberge bûten Grins oan 'e A-weg, Hoen-diep. Dêr wennet nou in Bruins yn.

Gayom-en-hjar = it jeudefolkje. Is Gayom = Goyim, sa-t de Jóden de Kristenen neame?

Oan in earen knop. Earen, ek earren of earden (dit lêste scil in forbastere útspraak wêze) = koperen. De koperen mûlkamers wurde earren of earden amers neamd.

Krupsje = in kwael, dy men foar tiden al skipe hat. Sjuch yn it fêrs fen A. J. de Bull, In de Grijsheid: „Kruptiën van oude dagen.” Komt it wird fen *corruptie*? = bidear.

Jenever-oalje-keap, ek wol Ongersman neamd, d. w. s. in man út Hongarije. Sa'n kearel reisge it lân ôf mei allerhande kwaksalversmiddeltjes, dy er it onnoazele folk djûr wist oan to smarren.

It greate mienskar. It wier in brûkme by de âlde Germanen om onfordielde fjilden by in doarp to hâlden, hwer de biwenners mei in-oar it fé op weidsje lieten. Lang is dit yet yn Drinte sa bleaun (markegrounen). Sa'n fjild wier in mienskar. It greate mienskar is it tsjerkhôf.

Rhumatismus Chronicus = lidsykte.

Clément Marot wier hofnar by de Franske kening Frans I. Hwet Gabe fen him fortelt stiet ek op namme fen *Gonella*, in nar fen 'e hertoch fen Ferrara yn Itaelje. Sjuch Laurillard, Vlechtwerk, 75. Dêr lêst men fen Marot, dat er ienris oan 'e rjuchterkant fen in hôfhear roun, dy him dat kwealik naem en sei:

„Ik wol gjin gik oan myn rjuchterhân hawwe to rinnen.”
 „Net?” andere Marot; „nou, ik wol,” en wipte nei de oare kant.

Boddelerij = pasleinkast. Fen bottelarij (en dit fen bottel, bouteille = flesse), = samling fen flessen, romers en mear sok reau. Sjuch W. D., S. R., 67.

Swift = in losse baes, dy him net del jaen wol, ek wol *smycht*.

Wringe, ek draeihikke, omt er om ien fen 'e peallen, hwer hy twisken hinget, draeit.

De soldaet fen Herbayum seil yn dy dagen in forneamd divelbanner west hawwe. Ik haw him ek oantroffen yn in jiergong fen Iduna; der hiette er de soldaet fen Hearbeam.

De nearring roun staf, ek: de nearring staf meitsje = de nearring forroun; meitsje dat de nearring to 'n ein rint. *Staf* komt ek foar yn 'e sin fen dom, onbigryplik: „sa staf as in âld hin.” Ek = dôf: „Mem is oars yet kras, mar hja wirdt frij hwet staf.”

Abstoanje = swolm.

WIDZESANGEN.

Tategelonger = gelonger nei tate; breagelonger = gelonger nei brea (Sjuch Nijjierswinsk 1842, R. en T. side 382a boppe). Fen *longerje* = sterk nei eat útsjen, Holl. = *hunkeren*. „Longerst' op in bonke, Bijke?” freget men de houn, dy mei gleone eagen nei it flesksnijen sjucht. Bern mei de honger yn 'e hals neamt men wol *longerich*.

Koeze = flaeinamme for in bern, lyk as ek *tút*, en fierders *hertlapke*, *poalle*, *poeleke*, *ock*, *ockebyld*, ens. G. J. brûkt it fen Cupido (yn Kupido Reau-bjuster):

„Dêr wier Koeze ontbôge, ontpyld.”

Tiis hjar yn dyn reagen. As jern of tried yn 'e tiis sit, is it net maklik los to krijen. Sa moat de sliep it bern yn syn fine triedden (reagen = Holl. rag) fêst meitsje.

GEALE SLIEPKE.

Poepeslomke = in lyts knipperke yn it gêrs, lyk as de poepen nimme yn 'e ongetiid, as de sinne op it heechst is.

Leavich reid. Leaf = de bledden (Holl. loof); hjir de plom dy boppe oan it reid sit. Leaf = blad. Sjuch R. en T. 370b r. 10 fen b.

Gnobbe fen gnobje = stelle, egenlik = it Holl. snoepen. Fen it iten *gnobje* of *sline*.

In tsjoarre kealke is in kealtsje dat oan in tsoar (men seit ek wol ris *seur*, it Holl. *tuier*) fêst boun is, d. w. s. oan in ein tou, dat oan in izeren spit sit; it spit slacht of stekt men yn 'e groun. Hat it beest oan it tsoar it plak, dêr-t it komme kin ôfweide, dan wirdt it spit forstitsen; it bist wirdt fortsoare (*vertuid*; lykwol brûkt men it Holl. wird meast fen in skip, dat twisken ankers fêst laeit).

Stânnen binne de lange gêrzen op 'e greiden, dy oan it ôfmeanen ta binne. Joute-baes praet fen 'e *stânnen op it boerekin* (R. en T. 280a), dat is it stoppelige bird.

Wettergulpen = wylpen, in soart wetterfûgels mei lange bekken (*wulp*).

Hoantsen, ek wol *hoantsjes en hintsjes* neamd, yn it Holl. *kemphanen*.

Teapert = Holl. kwartelkoning, spriet. Dizze fûgel (dy mei de kwartel neat út to stean hat) skynt net mak to wêzen; hy hat to minsten namme jown oan in kwea wiif.

En Toon de seine harret. Toon is fensels in poep; hy harret de seine, d. w. s. makket dy skerp mei in haerhammer. (Holl. = haren).

Sint-Jans tried = fyn spinreach, dat bynammen yn 'e hjerst by moarntiid oer it lân laeit en fierder op 'e dei yn 'e loft driuwt; *herfstdraden*.

IT MARKE.

Yn 't liezieh-bleddige gnod = yn 'e liezen of snilen en bledden (pompebledden en sa). Gnod = lytse, lege planten, dy gin wearde hawwe for it fé. By G. J.:

„D'eabarre trapet plomp troch 't gnod

„Oer 't goed krûd hinne en sykt de pod.”

Yn 'e dod = yn 'e slom. *Dodsje* = slomje.

Skûtefaer, ek skûtsjeboer, is in turfskipper. Hy song as in *alk* = as in roek, net omt dy sa bjuster moai sjongt, mar hy lit him fier heare.

Digerje = útsjen troch reek of mist, ek = stiif sjen.

Peasjou = fisknet.

It wiel, in wetter dat er kommen is troch it forsinken of weislaen fen fêste groun. By it trochbrekken fen diken oan sé of rivier, slacht it wetter sims djippe gatten oan 'e binnenkant fen 'e dyk, der it troch it iepene fek fljucht. Sa'n *wiel* is der yet to Moddergat.

Ljordichkes, it selde as *lodderich* = foreald, grien, Holl. verliefd. *Lodderich sjen* = verliefd kijken, minzaam zien. Vondel brûkt it ek:

„Konstantijntje, 't Zalig kijntje

„De ijdelheden Hier beneden

„Uitlucht met een lodderoog.”

It wird seil wol bisibbe wêze mei it Dútske *lodern* = flikkerje, gleon wêze.

Op 'e wier. („Der yn dy griene wier,” R. en T. 22b, r. 3 f. u.) G. J. seit fen Tjesk-moar:

„Der se opp' hege wier del bokke

„En fen beide ich 't lân beloake

„En de sé seach yn syn tût.”

In heech stik lân.

Gegou is hjir it selde as *gegei*.

Sa hearrieh. It lûd klinkt fier yn it roun. „It is hoar” seit men ek wol yn forgrjimmerke Hollansk.

ALD JAN-OM.

Sjaggelje = langsum omrinne. Syn tiid forsjaggelje = troch liddich wêzen, omrinnen de tiid forlieze.

De wever op 'e lânsdei. In wever wier op 'e Fryske doarpen net folle yn tel, faek wol mei om-t folle wevers út it poepelân wei kommen wierne. Sa 'n ien paste alhiel net op 'e lânsdei. Sjuch ek hwet H. seit yn it Foarwird fen Minne Jorrits reis: „Der binne ljue genôch dy graech seagen, dat jimme de wevers en skoenmakers nei Ljouert stjûrden.” R. en T., side 423a.

Stroukje. As er eartiids by de boer op Sneintjoun frijers by de dochters kamen, dan waard er strouke, d. w. s. pankoek bakt. It wier do sa gjin mûde bij de boeren om klijnbrea to iten; boekweiten groat wier al folle de kost op gewoane Sneinejounen.

Strûne, strúnjeye is yn inkele oarden fen ús provinsje yet yn gebrûk, mar it giet er sa skou net mear troch as yn âld Jan-om syn tiid. Do waerden doarren en feinsters fen bûten fêstmakke en allerhande kattedwea om hûs en hear útrjuchte. It is nou mear in bisite, dy kammeraten oan it frijende pearke bringe. Sjuch ek Sint-Peters-boask, R. en T., 257.

Earsling = it is allegearre forkeard. Hwet los en fêst wier waard faken fen it plak toaid en wit-hwer-sa'ne brocht. Egenlyk = efterstefoar, fen ears = aars.

Gnôrje = kibje. Egenlik = in lûd jaen as in âld baerch.

IT TSJERKHÔF EN ROTTELWACHT.

Yn 'e griene wier = it tsjerkhôf, om-t it heech laeit. Sjuch *op'e wier*.

Reinkleed. Sa wirdt it swarte kleeed neamd, dat frouljue op bigrafenissen oer de holle slagge, sadat se der útsjogge as sjammen. Men neamt it ek *regenkleed*.

Wif = it Holl. wuft; ek = wispelturig. Gysbert-om brûkt it yn Tjesk-moars Sé-eangstme as egennamme for immen fen losse sinnen:

„Wif woe mei in dolle holle
„Ta de wrâld út holle-bolle.”

Tsjoed = kwea, komt meast foar mei goed: „goed en tsjoed” = wel en wee.

IT BOLSWERTER NUT.

De sinne toelle al = gyng al nei ûnderen.

Dy joun wier de brij wer opskept = dy joun wier it spil wer klear. Brij wier hast in *natsionael* gerjucht by ús foaralden.

Gjin grilke oan 'e loft = de loft wier klear en moai. Men brûkt dizze sizwize ek om to witten to jaen, dat er gjin swierrichheden binne, dat in saek him moai oansjen lit. Fen gril of griltsje, in fûgeltsje, dat folle oan it strân forkeart en him op 'e lappen jowt, as it reine wol. Ik mien, dat et yn it Holl. *strandlooper* hiet.

In tuitich tilke. In tilke is in lytse tille = brêge. Dit brêchje roun mei in *tuit*, to sizzen it laei yn 'e midden heger as oan 'e kanten.

Gloppe = steech, egenlik hwet yn it Holl. *blinde steeg* hiet. Ek = glûpe = widze. Sjuch Widze-sang fen Piter Jelles, Jong Fryslan, 112.

De rotten yn 't kleaster. In rottekleaster is in greate falle for rotten, dy de boeren op it noat yn 'e skûrre sette.

Hôlefólje fen hólje en fólje, d. i. drok prate en gekjeje. Sjolle-kreamer seit by G. J.

„t Húget my

„Ho wy laken, tuilen, hollen.”

Folen is ek yn it Holl. en bitsjut pleagje, narje. V. D. Sjuch ek J. H., L. N. I 271.

Ut 'e koker spylje. Gúchelers hiene al folle in koker, hwer sy foar 'e eagen fen it „publiek” fen alles en yet hwet úthellen; sy spilen út 'e koker. It bitsjut hjir: it raer op sizze, núvere útfallen dwaen.

Pijld = oerhelle (mei sêfte wurden). Forg. immen hwet tapije.

It houten wammes = de kathedr, ek wol *houten broek* neamd.

Yn 'e doljorum = al hiel fen streek. Doljorum = delirium, dronkenljues-sjuchtme.

Yn earden skealjen; earden = earen = earren = koperen.

Foar 't sy earne tsjoarre wierne = foar sy hjar hjir of dêr del set hiene, foar-t sy fest plak hiene. Sjuch *tsjoarre kealke*.

Búzekoal = Holl. kabuiskool, ús gewoane koal.

Rúlebútsje = ruilje en bútsje, it Holl. ruilebuiten. *Buiten* is it selde as *ruilen*. V. D.

Utwreidsje = yn omfang, greatens tanimme. Fen *wreid* = tridsje oan 'e wirtel fen in plant. It wol dus egenlik sizze: de wirtels nei alle kanten útspriede. Sjuch F. H. en H. 1889, side 148.

Utwreidsk (útwyrydsk) is freamd, útlansk: utwreidsk yn klaeying en menearen. Ek = tige útlittend: „De útwyrydskheit heart net by ús thús.” Sjuch it Foarwird fen De forname Uftenhúzers, R. en T. 379a.

Hoiteflip, in soarte fen koeke, dy folle to Harns bakt waard. De namme scoe komme fen twa broerren, dy se bakten, *Huite* en *Filippus*. Sjuch F. H. en H. 91, s. 250.

In abbegaesje fen alderlei reau = in gearset fen alderlei dingen, dy freamd byenoar passe. Is *abbegaesje* = *alligatie*? (F. H. en H.) of = *bagage*?

Boarne of saed, ek wol mei it Holl. wird *put* of *pomp* neamd. It wetter wellet der yn op. Boarne = born = bron. It fé boarnje = to drinken jaen.

It oerd op syn pile. It oerd is it skerpe, it spits. Op Amelân hat men it *Oerder* dûn; wol dat sizze it dûn op it *oerd*, op it spitse ein?

It ljeaf lodske fen 'e heide = de harderin, wol bikend út 'e ferzen fen 'e Holl. dichters út 'e 17de ieu en ek út dy fen G. J. Is dit *lodske* ek bisibbe mei lodderich? Yn 'e deiske tael neamt men in sleau frommis gau'ris *Lutske* of *Litske*.

Hakketearje = it net lyk fine kinne, *kiezebite*.

Hjar prûze molkenkeamer. Sjuch ek R. en T., side 352: „De molkenkeamer brûsde er oars út,” = hja hie goede boarsten.

Warkeamer = rjuchtkamer. G. J. hat:

„Ja siker! hja stjitte om de founaminten

„Fen rjucht en war.” Ps. XI.

En Dr. Eeltsje skriuwt yn De Rûker, Nr. I: „De iene komt mei swiete praetsjes, de oare mei flokwirden en drigeminten fen *rjuchtsjen* en *warren*.”

Lansitiger = de persoan dy troch it lânsbistjûr oansteld is om to itigjen (ijkmeester); hjir = mintmaster.

It wirk laei op in oar moar. Moar is it selde as *fean* (yn it Holl. *moer*). Dizze sizwize seil dos bitsjutte: „yn dit fean is gjin wirk, hjir is for jimme neat to dwaen, jimme binne hjir net to plak.” Wy sizze al folle: „jimme binne de planke mis.”

Reau bisten, bislach bisten. H. brûkt beide, reau en bislach, for fé. In boer hat reau en bislach; dan forstiet men oars ûnder it earste it ridskip: weinen, karren, ploegen ens., en it bislach is it fé. Hat-er bisten genôch op, dan hat-er syn *bislach*. Forg.: de weide bislaen.

Sketfé. Yn De H. H. Id. Fr. fynt men *sket* ef *sketh* = vee, rund; *sketskiale* = beestenstal; *wicksket* = gevogelte en *woldsket* = woldragend vee, jarig vee.

Plomkebjizzems = biezems fen fearren.

Elkoar kjiskou tapije = elkoar swiet goed tapresse. Sjuch op *pjld*.

Poatterige taheakke. Poatterich = suterich, gammel. It komt yn R. en T. faker foar; op side 110b: „it seach er forlitten en poatterich út” en op 275b: „dat bigjint er mei Jouke poatterich út to sjen.” (Sjuch F. H. en H. '89, s. 188 en '90 s. 288). In taheakke is, hwet er by jown wirdt (G. J., Fryske Tjerne). In p. t. is dos in t. dy net folle to bitsjuten hat.

Yn 'e keeft fen in oarre. In keeft wier in pronkkast, dy faek moai útsneid wier (Cor. H. T.) Oarre = pake of bebbe.

Omneulje = omsanikje, gjin foartgong meitsje.

Mar goedryk, bloedryk. Dat wol sizze, dy jild hat wirdt net fen syn famylje forgetten, lyk as it in earne stakker jamk oerkomt.

Trutlingen en eftertrutlingen = neven en niften, efterneven en -niften. Yn F. H. en H. '91, side 191 seit Dr. Buitenrust Hettema, dat it komt fen in ald Dútsk wird *trute* = ljeave, koeze.

Skoweling = immen dy efterút skoud wirdt, om't men him net telt of achtet. Holl. *verschoveling*.

Poddebûkje = mei folle skrippen en lijen troch de wrâld komme, lyk as de podde dy langsum op syn bûk foartkrûpt.

In seinepôle is in pôle dy boppe it wetter útstekt en mei de seine meand wurde kin. In pôle is egenlik in stikje lân mei wetter der om hinne. „Froskepôle,” op 'e pôle bliuwe, in mounepôle.

· **Jûk!** In útrop = lak!

De krúste penning (sjuch ek bls. 357) to sizzen in penning, in stik silver mei *krús* en *mint* derop. Neitiid waerd dat *lieu* en *letter*.

Yn 'e faksen sitte = tsjin inoar kreauwe, tsjin inoar úthelje. *Fax* is in âld Frysk wird, dat *hier* bitsjut. *Faxfang* = it lûken oan 't hier. De H. H. Id. Fr. Yn 'e f. sitte is dos al hiel lyk mei *elkoar yn 't hier hingje*.

Op 'e pof = to boarch. Ek yn it Holl. *op den pof koopen*.

Bitsich bodsje = hird skrippe. Dy dat dwaen moat is in *earme bodder*.

Hotsje = skerp meitsje, Holl. *wetten*. In sprekward seit: „de hotte (ek wol hwotte = wette) en de file moatte net oer inoar gear.”

Dûkelige dammen wol sizze: dammen mei gatten en kûlen er yn. In dûk = Holl. deuk; dûkelig = mei dûken, mar dy moat men hwet djipper tinke as in dûk ornaris is.

Oan it jislók. Jislók of iezlók = it gat yn it heafek by de heafeksdoar. As de kij op stâl binne en de boer bigjint mei it hea to foerjen, dan wirdt er fen it fek in stik ôfsplist; sa kriget men it iezlók. *Lok* seil wol it selde wêze as gat, ipening; tink ek om sâltlókje, fetlókje, holle dingen om er sâlt of fet yn to hawwen. De kij hawwe it dan skoan; lekker hea folop en hja hoege it net iens to sykjen. Oan it jislók sitte wol dos sizze: it wirdt sa'n ien mar tasmiten, hy yt fen 'e greate bult en docht er neat foar. Holl. *uit de ruif (staats-ruif) eten*.

In spinnebealchs jûpe = in jurk ef japon, dy oan 'e mil sa ticht ynreauwn is, dat er binei gjin mil mear to sjen is. In spin is ek tige klien twiske kop en bealch.

Point d'argent, point de Suisses = gjin jild, gjin Switsers. Do-t Napke ús yet net segene hie mei de konskripsje (ik tink, dat dy net wer ôfskaft is om sa for goed de pik op 'e Franske keizer yn as folts to hâlden) waerden de soldaten hierd en derta lieten de Switsers hjar folle brûke.

Ik haw hjar ris tante = Ik haw hjar ris ûnderstien. Tante is it Franske *wird tenter* = bisykje, understean.

Sjobis, sjoele. Dy beide wurden sizze sahwet it selde. Wy hawwe der ek foar: *soksis, bloarre, jobbe, súl.* Holl. *druiloor, sul.*

In klipke, fen klibbe. In klibbe hea of strie = in greate heap, dy ticht yn elkoar sit. Bliuwt der op it lêst in byt fen sitten, dan is dat in *klipke*.

De witsjers fen it hôf = de tsjinnern fen it hôf of it Rjucht, de fjildwachters.

It doaske fen Pandora. De âlde Kreken fortelden fen dy jiffer Pandora, dat sy in doaske krige hie fen Jupiter en do sy dat ipen die, fleagen der alderhande sjuchtmen en soargen út, dy sont under de minsken bleaun binne. Do P. it doaske wer taflapte, scoe de Hoop der krekt útwippe, mar dy waerd er nou yn biflapt en bleau sa biwarre.

Onthjuske moai, dat is sa moai, it is net to bitsjuten. F. H. en H. '91, 128.

In bleistrige jûpe. Dit wird *bleistrich* forklearret J. H. sels = *opgeblazen*. In bl. jûpe seil dan wêze *in oppofte jurk*. *Bleistrich* dat folle brûkt wirdt yn 'e sin fen rimpen en wyld (*in bleistrige jonge*) brûke de skriúwers oars. (Sjuch Beslinga-State).

Bitrollemolle = rûch ynpakt, der is mar it ien of oar om hinne slingere.

Lewaske = slokje. Fen *lavas* = brandewyn op krûden. Van Lennep seit yn syn Vermak. Spraakk.: „Vrouw Lijsbet mag geen brandewijn... maar *lavas*.” Sjuch ek V. D.

Jenten en drenten jifferkes yn 'e dagen fen 'e optochte. Jenten en drenten = aerdich en himmel. *Jent* brûkt men ek yn it Flaemsk. It is Franske gentil = aardig. For *drenten* heart men ek wol *trinten* sizzen. Jiffers yn 'e dagen fen 'e optochte binne „huwbare jonge dames.”

Yn 't brat = yn 'e pronk. Brat is in wollen stoffe.

Stroatskaewje = op 'e strjitte omsliere.

In darkert = in prústich (proastich) man. Sjuch ek R. en T., side 187a: „Hwet darkert komt der oan?” en side 291b: „Du stapste der hinne as in darkert.”

In brodze fen trije dassen. In brodze is egenlik in fize heap smoarch goed. „Pas op, traepje der net yn, der laeit in brodze.” Halbertsma hâldt it bisibbe mei broeye. Forg. ek: *brodzich waer*. It wol hjir sizze, dat dy man syn hals to broeyen set hie yn trije dassen.

Yn 'e Hopsek; in herberg to Ljouwert.

Fen 'e want yn 'e tomme = fen 'e romte yn 'e krapte, fen 'e finne yn 'e jester.

Hy rûkt nei de lodde, d. w. s. nei de lodde, hwer syn grêf mei dold wurde scil. Men seit it fen immen dy men oansjucht, dat er it net lang mear meitsje scil.

Hantsjemieren. Sa neamt men de Dútske arbeiders, dy simmers by de greidboeren yn 'e ongetiid geane. By hiele keppels kamen se alear út it Poepelân opsetten; nacht en dei marsjearren hja troch (sjuch *It Poepeljeyen* F. H. en H. '90, side 339), wylst sy songen, dat it daverre. To Aldeboarn, Snits, Bolswert en mûglik mear oare plakken stienen se oan 'e merk, to s. dy gjin fêste boer hiene, en dy waerden der troch de boeren bitinge. Sjuch yn R. en T., side XXV, hwet *Abe* en *Felse* der fen sizze. In onhuer folkje wier it meast; arbeidsje koene se en woene se, mar ite! nou, onbitinklik. En tier wierne hja net, dat wier in gelok for de boer. De namme Hantsjemier wol sizze Hânschen Mäher, d. i. Hans meaner.

DE HARKERS.

Net útskaid. As wy sizze: „dy jonge is nei syn heit útskaid,” dan miene wy dermei, dat er krekt op syn heit liket. H. brûkt it sa ek wol; R. en T., 30b: „allegearre út it selde bloed skaid” en 51a: „Keimpke like.... wol hwet nei hjar faer útskaid to wêzen.” Mar hjir mient er mei útskaid krekt oarsom: „de Bolswerters wierne net útskaid” = de B. wierne net forbastere. Sa ek R. en T., 180a: „hja scoene sa’n útskaide soan as dy net sykjen heare meye.” Ek yn it ferske ûnder it portret fen G. J.:

„Lok master, sljucht en rjucht! memm’ tael’s bihâld en amme,
„It útskaid brod to hún. Ysbrekker is syn namme:
„Yn tinse en tael, yn kinst en ’t gleonste rimersfjûr,
„Yn ’t golle Friezne hert, sa godlik as natûr.”

It útskaid brod = it forbastere brod; Holl. *verbasterd geslacht* (gebroed); *út* stiet hjir gelyk mei *ont* yn it Holl. *ontaard*.

Stalke = frjeon. Hoeufft yn syn *Friesche spreekw.* laet it ôf fen *stâl-lyk*, dy yn ’e stâl mei in oar allyk is.

Oppernolk. Nolk (is it koarts? = noflik?) neamt men immen, dy der op út is in oar to bileaven. Opper tsjinnet ta forsterking.

Hikke en tein = it Holl. *geboren en getogen*. Forg.: „it aei bigjint to hikjen.” R. en T., side 332b, r. 16 f. û.

Halbertsma. De útgong *ma* op it ein fen Fryske famyljenammen is net = man. Men set dy útgong efter foarnammen. Sa komt fen Douwe Douma, fen Sytse Sytsma, ens. Efter gewoane subst. skriuwt men *stra*, bygelyks: Dykstra fen dyk, Heidstra fen heide, Wykstra fen wyk, ens.

Wizansje = brûkme. Fen it Franske wird *usage*.

Ik weinje net op it pompieren souderke d. w. s.: ik biliz myn jild net yn pompieren, dy sa falikant binne.

Foldedich = Holl. gastvrij, mild.

DOCH DYN PLICHT.

Eardske of earske = lyts persoantsje, sa lyts, dat er wol liket oars net as *ears* to wêzen. Yn S.-W. = ierdmantsje, kabouter.

Fûgel, hjir = in patsje, in tûtsje.

Smoarmogge = in doafpot, in mogge der it fjûr yn smoart. Men seit it yn 'e súdwesthoek fen ús provinsje.

Jimmetsje = it jouniten bihimmelje.

De bef oer scis op it skouder drage. Op bls. 48a: „*Oer scis* de galle ris kwyt reitse” en op 250a: „ik hiet *oer scis* de wylde boer.” Oer scis = nou en dan, S.-W. III bls. 132. Mar op side 61b fen R. en T. seit H., dat by de Menisten *oer scis* gjin register fen geboarten hâlden waerd. Hjir hat it wird *oerscis* folle fen *hielendal*.

Yn R. c. a. M. v. H. komt it twaris foar:

„’t Weer voar him ek in tiige toer.

„’t Koam jer altiid *oerschesmis* oer” en

„De koning die pierde nes eris, dat er heel *oerschesmis* hir koam.”

Yn beide foarbylden is *oerschesmis* = unforwacht.

Digerkykje, fen digerje en kykje = stiel nei eat sjen.

Wammis mei de boel = foart mei de boel, wei er mei.

Bink = misset, forkearde slach. Sjuch R. en T. 330b.

Fen top ta teil = hielendal. Yn it Holl. *van top tot teen*. Teil scil wol = tegel wêze, fierstien. Dos: fen boppen ta ûnderen.

Sjammelûk, ek wol allinne sjamme = fûgelforskrikker, spook.

Skabberich geweten = in smoarch geweten. Skabberich of skobberich neamt men, hwet er sjofel útsjocht. Immen dy yn stikkene klean rint, sjocht er skabberich út.

Rju unrjuchtfirdige lapen. Men wit hwet de skroarren nei jown wirdt. Rju = frij hwet. Yn it Holl. hie men alear *rêf* = mild, overvloedig, V. D.

Beste linde. Linde of Lynde is hirde, drege turf. Hy kriget de namme fen it rivierke yn Stellingwerf.

Er siet gjin lonte yn jo, to sizzen gjin fjûr; domenij kaem it folk net genoach op it gewisse troch se hel en divel foar to hâlden.

Lymmoar of lymoer = flauwte, biroerte. „Hja krige it op 'e simmels" seit men fen sokke frouljue, as der domenij it fen foar hie. Egenlik = liifmoarssykte = mansikens. F. H. en H. '92, 259.

Gjin grewel = al hiel neat.

Fyndoeekspoep, ek lapkepoep = keapman yn manufacturen. Meast binne dat Dútskers of alteas fen Dútske komôf, sa-t de namme meastal yet forret. Fyndoeeks wirdt er by neamd, omt lytse keapljue mei in marse of koerke it lân yngyngen mei skûteldoeken, skerldoeeksgoed, jern, bân en mear snypsnaren.

Longerige lobben. Lobben = skonken en longerich = grou, swier, sterk. Sjuch R. en T., 66a: „de smid, dy in great longerich kearel wier."

J. C. P. Salverda skriuwt longre: „Ocke longre lea."

Oanstjerte = hwet men erft.

Hyla! of hilla! Men brûkt dit wird om immen to roppen. J. H. H. wol it ôfliede fen *eala!* hwer de Frizen mekoar mei groetene: „eala, fria Fresal!" Sjuch hjiroer S. en R. '90, siden 309 en 341 en F. H. en H. '90, side 284.

Nôtich komt yn 'e deiske tael net folle foar. It is it selde as *bidaerd*.

De treddeis tsjinst = de treddeis koarts, dy by âlds folle mear húsriem wier as nou en, as er ien kear plak by immen foun hie, net tel wer weigyng. Derfendinne, dat er folle middelstjes tsjin bitocht waerden. Sjuch F. H. en H. '90, siden 88 en 89.

De mint krije = it land, in púst er oan krije.

Tuik, tuik oan. Men seit ek: *tuik moai spylje*. Mei tuik-roppen lokket men de keallen. *Tuik oan mei immen* = mei sefte wurden immen riede en liede, lyk as Master mei Olfert moast.

It onk yn de stambeantsjes is it ontúch, dat Olfert der út wjoede moast.

Onbinlik wirk = ongeskikt wirk; it is *onbinlik* immen sok wirk op to dragen.

Yn omslach reitsje = yn drokte, yn need reitsje; men seit ek *yn tsjok waer reitsje*. „Jonge fammen dy yn omslach rekken.” (W. D.)

Njoggen-ûrs-let = it lieden fen 'e klok om njoggen úre.

Dat wjirmske kloklieden! = dat fordealde kloklieden. Hwerom neamt O. it wjirmsk? Nou, wjirmsk is in flokwird lyk as ek *wylde wjirmen! mieri!* en oaren dy nou yn onbrúk binne. Sjuch J. H., L. N. I, 218.

Flak en njút = der is nou wol mei him om to gean, hy is bidaerd en mak.

Dat med wier sa'n dûbelliddich kearel net to mansk. In med is fiif fearn pounsmiette (45 A.) lân, om-ende-by sa folle as in goed mier yn in dei meane kin. In dûbelliddich k. is ien mei *dûbele lidden*, dôs ien, dy it arbeidsjen dwaen en útstean kin.

Bigangel = lykstaesje fen ien dy yet libbet. It wirdt sjoen troch minsken dy mei in helm berne binne en is in teiken fen 'e oanstearde dea fen dyjinnige, hwaens staesje it is. Sjuch *It Hekersshol*. Ek V. d. V., W. L., 31.

Santepetyk is forbastere fen it Franske *sainte-boutique* = de hillige winkel of kream.

Dizenich waer = dampich, mistich waer; it Holl. hat *dijzig*. V. D.

Sy pjûwden my efternei en forspriken my. Neipjûwe = sarjend neirinne en oanstjitte. Forsprekke = útskelle, forwinskje. Sjach J. H., L. N. I, 269.

Op side 307b fen R. en T. lêze wy: „En al de toalf stammen Israëls ... dy pjûwden Dupin nei.

In line staid = in line spand, en wol sa, dat it mar in lyts eintsje boppe de groun wier, (*) sadas Olfert er oer hinne trûzele. Moat *staid* ek *stald* wêze?

Trawaet. Hjirop hawwe de hearen Leopold (S.-W. II) oanteikene: = *moeilijke positie*; IJslandsch *trafali* = moeite, zwaarigheid. My tinkt oars, dat it hiel wol it Holl. wird *travaat* wêze kin, dat in koarte, mar sterke wynfleach bitsjut. Sjach V. D. Sêljue sizze wol, dat it *travadig* is. (Valentijn, O. en N. O. Indie). As sa'n *trawaet* it skip oerfalt, sit it tige yn need; derom koe Gabe it ek tapasse op Olfert.

Op 'e naed gean = de flecht sette. De jongens sizze al folle fen *der út naeye*.

Dwersbongelje = tsjinhaspelje, tsjinwirkje. By it koalsiedterkjen binne der arbeiders, dy it útsleine strie fen it kleed ôf smite. Mar in oaren stiet bûten it kleed klear om dat lêge strie ûnder it koalkleed to arbeidsjen; der komt dan om sa to sizzen in rânne, dy it weispatten fen it sied bilet. It liket wol, dat dy man de oaren tsjin-arbeidet. By it folk fen it kleed hiet sa'n arbeider de *dwersbongelder*.

Gegryn en getrún = it grinen en driûwen fen 'e bern. Sjach ek R. en T. 88b: „De oare niften trûnen danich by Gabe, ens.” Trúnje = oansette, oandriûwe.

(*) Yn 'e earste printinge fen R. en T. stiet *nei*

Master. Ja, mar der kaem, ens.

Olfert. Sjach, der kinne jo de groeden noch sjen, domenij. Ik haw er altiten noch hwet foetpok op.

Domenij. Mar hwet diestú do?

Foetpok = it droege flues, hwer-t in keal yn to wrald komt.

MISWIER.

Miswier = it wierret forkeard, it is gjin geskikt waer.

It waer lúne om = der wier foroaring; men wist net hwet it woe en scoe. Yn 't Holl. scoe men sizze: *het weer is grillig*.

In waerûl om 'e sinne scil in ring om 'e sinne wêze, hwer it folk fan seit:

„Een ring om de maan, die kan vergaan, Maar een ring om de zon daar schreien vrouwen en kinderen om.”

Gljirje, ek *gljirkje* = helder, klear wirde. „It reinen scil hast wol ophâlde; it bigjint yn it westen to gljirjen.” It wird scil wol bisibbe wêze mei it Holl. *gloren*.

Krôkje en wiskje. Sa lang er nou en dan 'ris in snieflokje falt, scit men, dat it *krôket*, mar komme se rju tagelyk, dan *wisket* of sniejaget it. *Wiskje* neamt men it ek, as de hirde wyn it wetter sa op jaget, dat it yn 'e hichte spat. Sjuch R. en T., 162a.

Boerekofje waard folle dronken oer iis, foar-t de ljue fen *pons* wisten. It waard klear makke yn lytse tsjetteltsjes fen bier, brandewyn en sûker mei nôtemuskaet „ad lib.”

Efteroansblok = in foech beamstamme op 'e hird. Om Krysttiid hinne waard er in unwiten blok hout op 'e hird lein, in *Krystblok*. It lichte hout, prikken en sa, laei mear nei foaren; de stamme wier it *efteroansblok*.

Sy reauntene eltsjoar yn 't ear. *Reauntsje* = lûsterje, it Holl. fluisteren. „It Ingelgereant op Skiermountseach” = het gefluister der Engelen. It komt dus ek oerien mei it Holl. *in de ooren ruischen*:

„Fen Starum ho reauntsje en rinne

„Ald sizkes me al yn 't ear.”

Formale = forrifelje. In wird út 'e Hynliepper tongslach. By R. e. a., M. v. H. lêz ik: „Mooglik had de man it deend om de Hiinlippers eris to vormalen.”

Gload = nofteren, onnoazel. „Gloade, onnoazele stakkers” neamt H. de Ternaerders. R. en T., 329 yn 'e noat.

Bijenzelje = forrifelje. Jeuzelje is oars = seure, oanhâlde mei it selde praet. Bijenzelje = immen mei oanhâldend seuren oerhelje om it tawird to jaen.

Skrok = skrael. Men seit it ek fen it waer, as er yn it foarjier troch 'e kjeltme neat waekse wol. Ek: in skrokke wyn.

Klikje = in bytke, dat oerbliuwt. „Der is yet in klikje wyn yn 'e flesse bleaun.” Fen iten wirdt er mear sein: *nuske*. „Wy scille hjoed mar opwaerne kost ite,” seit de húsfron; „it is allegearre *nuskes*.” Klikje seil wol it Holl. *klikje wêze*.

Haftich. Dat hy soks haftich wier = dat soks in him siet, dat er derta yn steat wier. *Haftich* komt oars net mear op him sels foar.

Mei in boarst. Sjuch ek R. en T. 29a, r. 12 f. b. = yn ienen, op slach.

Mei ham en gram. It iene of it oare mei h. en gr. opite, d. w. s. *yn syn hear en fear*. De earste sizwize slacht mear op hwet er yn sit: de snippen wurde iten *mei ham en gram*. De oarde sjucht mear op hwet er om sit: de boer treau de hazze *yn sijn hear en fear* yn 'e koalrapen (to koaitsjen). Ham = haem, fûlens, „vruchtvlies.” Gram = it yngewant, de termen, ens. Tink oan *fiskgrom*. F. H. en H. '90, s. 191.

It brief allinne wol lêze kinne is in sprekward, dat bitsjut: it iten allinne wol op kinne. Alear wier de kiust fen lêzen net sa húsriem under it folk as tsjinwirdich; dy in brief krige hie faek de hîlp fen in oar nedich om dat brief to lêzen.

Fetse-put = Bonifacius put, efkes bûten Dokkum oan 'e Kollumer trekwei. J. W. jowt in oare forklearing, Fr. Alm. '94.

Keppels = de Keppelstrjitte yn Dokkum twisken de Flaeksstrjitte en de Wâld-poarte.

De fjûrput fen Starum. „Ook is (in den jare 4 n. Chr.) bij 't Roode Klif, niet verre van Staveren, een vlamme uit de aarde geborsten, welke drie dagen duurde. Den vierden dag kwam er een groote draak recht omhoog uitvliegen, enz.” V. L., A. T. blz. 12, 18, 21.

Mork en risken = yn it Holl. *wollegras* en *russchen*, yn it Latijn *Eriophorum* en *Juneus*.

De hietens stymme nei boppen = mei geweld omheech gean, útdampe. „De bûthúzen bigjinne to stymjen.” R. en T., 174. Ek yn it Overyselsk komt it foar: „worop in de midden 'n schottel met eerpels stiet te stuumen.” S.-W. I, 587.

Minskebihagers = lichte frouljue? F. H. en H.

Hy sâlte syn weet op = hy hâlde syn noat ont it djûrder waerd.

Aldfrinzich is hy, dy him oan it âlde haldt; âldmoadrich. Master Tsjerk seit fen syn teltsjes: „Ei, dy binne al to simpel en âld-freansk (= âldfrinzich) for de Jonker.” R. en T., 406a.

Jeltich = op jierren. Fen jeld = âlderdom. (Sa komt kjelt fen kâld). Jeldge pleagen = pl. fen 'e âlderdom.

Heukereslibben = it libben fen immen dy allinne omheukert. d. i. ienlik wennet en alles allinne biskrippe en biklauwe moat.

Syn bûks wjergea = in wiif dat him paste. Ek wol 'ris *sydsilvêr*.

In kein en tipsidich ding = in kreas en himmel famke, dy hjar wearde kin en fielt.

Noardske balke = in spylark by de âlde Noarske folken. W. D. skreau in Lietboek: „Doaitsen mei de Noardske balke.”

Klirkje, ek útklirkje = immen útheare, efter syn geheimen sjen to kommen.

Wiggemoannen = it Holl. wittebroodsweken. In *wich* = in wéten bôle, hwet by de âldsjes in pré wier.

De bûter bare = de bûter biarbeidsje, yn it Holl. *kneden*. Ek „de bûter ombare.” Sjuch S. en R., 174.

Tsjildich = frjeonlik en tsjinstich.

In skalk each op stroatskawers = in forkeard of unbitrousum each op omrinders, — in pear feinten, dy ômslierden, hie er yn 'e laempe. Forg.: „om gjin skalk each to jaen.”

In wjoldich man = ien dy trochrazend is, it geweld brûkt. Wjoldich of wjaldich = waldich, weldich; fen geweld.

By hjar wé = goed by de saek, en sa komt it by Halbertsma faek foar. Men seit ek: *by hjar sâp en stút*, dat wol wêze seil: *by hjar sâpe en stút* (= stoete yn it Drintsk), dat by âlds it drinken en iten wier (ombyt en jounsmiel, as er to minsten jouns gjin waerm miel kaem).

By syn wé komme kin hjir ek betsjutte: *sa fier komme, dat men syn wé, syn leed goed ynsjocht* (den is it slimste al foarby).

Wirdt men hwet flau om 'e mage, den is men ek *wé* en men nimt den in wébyt (flaubyt) = in byt om it wé to kearen. Sjuch yn R. en T. it forhael fen 'e studint Agema by de boer. Side 81 en forf.

De kerfstôk is izer = it boargjen is dien, it is út. De klanten hellen by âlds it brea fen 'e bakker op 'e pof (nou fensels altyt kontant). Baes en syn mingers wierne greater helten yn bakken en iten as yn it skriuwen en lêzen; boekhâlde der wisten se net fen. Mar it rette him wol. De keaper hie in eintsje lat en baes ek; waard er in brea helle, dan snei baes yn beide latten in kerf; derom hietten se kerfstôkken. By de ôfrekking waerden dy „confronteard.” It is nou dúdelik hwet it sprekward sizze wol: *de kerfstôk is izer*. Forg. ek: *frij hwet op syn kerfstok hawwe*.

Pisbiloaitser = piskiker. Aldtiids reisgen de ljue mei it wetter fen in sike nei dokter of divelbanner, dy dat fochte mei kennerseagen biseach. *Loaitsje*, ek loakje = sjen. De *tsj* en *k* wikselje folle, binammen yn Fr. en Holl. wurden: tsjerke, kerk — tsjettel, ketel — tsjiis, kaas — meitsje, maken — weitsje, waken — ens. Sjuch ek R. en T., side 224.

Siker sonk = for goed wier; Holl. *voorwaar*. In sizwize om de wierheit to bikreftigjen.

Kedize = redde, mei oanpiele. Sjuch R. en T. 229a: „Myn broer hie gjin spelling yn it gehiel; dêr liet er my foar kedize.” En side 303b: „Wy hawwe dêr net foar to kedizen.”

Van Lennep yn syn Vermak. Spraakk. brûkt it ek: „Wat heb je er op te *kediezen*?” en seit dat it bitsjut *aanmerkingen maken*. Yn V. D. is it net to finen.

Foarhaed = it foarste ein, foareker of foarikker. *Hued* (fen haved) is *hoofd*.

Remeedsje = it Franske remède = geneesmiddel.

Floataftich = goed yn syn soarte. Forg.: „hy kin wol float hâlde.”

Wytling = wyt lekken fen it béd. „As in wytling bistoar de arbeider.” P. G. Bleeksma, Al to ... S.-W. III.

Gibelkes = freamde grapkes.

Grobbelich = smoarch en ongedien.

Diggelfjûr is nei it sizzen fen inkelen = it Holl. St. Elmsvuur. Om-t dy ljochtkes sa hinne en wer hippe en fen 'e iene beam nei de oare geane, seit men fen in nijtsje, dat it as diggelfjûr troch it doarp rint.

Lazeris = mei de selde sjuchtme oanhelle as Lazarus, de earne man út 'e moaye gelikenis fen Jezus; melaetsk.

Fjûrboeter, dy op it fjûr tasjen en it ûnderhalde moast.

Yn in stikje fen De H. H. yn in alde Fr. Volksalm.: „Dat oaljan Wangeroog” wirdt de man, dy jouns oan it strân in fjûr oan lizze moast (der wieren do yet gjin fjûrtoerren) *fjûrbeiter* neamd.

Smoezen binne lange turven fen in licht soart; turven fen 'e boppelaech fen it fean.

Yn 'e mizel (mieslerij) = yn it lijen, yn it onleech. In mizel of hounemizel is in swolm, dy om 'e neil fen 'e tomme of finger rint. In siden triedsje der troch lûke hiet in probaet middel. R. en T., 91a.

Plotsk = geizich, sûnder glans.

Geizenich en tsjouwerich. It earste seil wol gelyk stean mei geizich. Tsjouwerich wirdt, mien ik, brûkt for *seurderich*; it scoe hjir dan wêze: der sit gjin foartgong, gjin rjucht libben yn.

Tsjinstich = hjir koartsich. Sjuch treddedeistsjinst.

Ynskewiele = ynskikke, tastean. Sjuch it Holl. *schaveelen*. V. D.

Dy yn in âlde leye in lytse butte foun. In leye = lege, in leechte yn it lân der it wetter lâns rint, as it heech stiet. In *butte* is yn Hynlieppen = in greate houten doaze. It wird seil bisibbe wêze mei *boats* (waiboats). V. D. hat *but* en *botte* = houten vat en ek draagkorf, rugkorf.

It lân stie bros, d. w. s. troch it hege wetter' wier de feanige groun bros; men sakke er licht troch.

It miertou = it tou hwer it boatsje mei fêst boun wier. Forg. it Holl. *vastmeren*.

ÚT 'E KOARTE STIKJES.

Side 55a—side 68a.

Poalke is in flaeinamme lyk as *pop*, *koeze*, *noekje*, ens. It komt fen poalle = holle, lyk as út dizze trije foarbylden blike kin:

G. J. yn Kupido-Reau-bjuster, neamt de god der lieafde om syn ljocht hier *goune poalle*. J. C. P. Salverda seit: „Trochtraper set kaem nea yn poalle” en „Hy frisslet foar him in krans, Dy om syn kroeze poalle risslet.” De selde brûkt it ek as flaeinamme: „Bidarje, myn poaltsjes! bidar' dochs en yt!”

Pojjeman (= poalleman) is yn Oerisel ek in flaeinamme for in foaltsje. S.-W. I, 534.

Yn de H. H., Id. Fris. stiet: *poda* = hoofd, hersenpan. Egenlik is poalle = oan it leste wird, dat diel fen 'e holle, dat mei hier biwoechsen is.

Hoask = trou, frjeonlik, (Holl. heusch).

„Dy seil dat erf fen tûzen jierren

„Biwarje, hoask, as 't hillichst pân?”

Salv., Der Friezne Tael.

G. J. neamt Godsfrjeon *hoask en trou*.

En G. J. yn it sechste fers fen Ps. II seit:

„Tsjinje hoask.... de Hear.”

Demd = foroardield: Holl. *gedoemd*.

Yn hoopjende weane = de hoop komt bidragen út. Holl. *een ijdele, bedriegelijke hoop*. G. Japiks brûkt it Holl. waan.

Weiflêd, fen weifliede, it Holl. vlieden.

Bolswina wier nei-t de legende seit, in dochter fen kening Radboud en liet Boalswert sette.

Passiflora, Holl. lijdensbloem. De blommen binne fen komôf út Amerika. Hja krigen de namme fen passiflora, omt de preesters yn Itaelje yn 'e dielen fen 'e blom de foltertugen fen Jezus en de groeden, dy se neilieten seagen: de kroane fen toarnen, in neil út it krûs, en de wounen yn Jezus lichem.

Santinne is in hillich frommiske; fen *Sant* of *Sint*.

Onlân is op deselde wize makke as *onwaer*, *ontiid*, *onminske*. It is egenlik gjin lân, omt it folletjids ûnder wetter stiet. It is hwet better as it Holl. = *moeras*.

As 't bern mar in drip hunich slikke hie, ens. Wy lêze derfen it folgjende gefal yn V. L., A. T., 347:

„Liafburg (de mem fen 'e préker Ludger), geboren zijnde, moest op last van haar heidensche grootmoeder, verdrietig, dat haar schoondochter alleen meisjes werden geboren, door een slavin worden verdrongen, een recht, dat zij volgens haar leer op jonggeboren kinderen hadden, *mits zij vooraf niets genuttigd of geproefd hadden*. Dan het wichtje greep met haar handjes het vat of den emmer om den rand.... Een buurvrouw... ontnam het de slavin, liep in haar huis *en stak het een weinig honigs in den mond*, waardoor het van den offerdood was verlost.”

Opswylje = fen alle kanten by elkoar helje, lyk as men docht mei hea, dat yn swê laeit.

Snippre famkes = kreaze, keine famkes.

Skek is in stevige, foarske streek by it reedriden, in ôfsetter dy yen in skoat foarút bringt.

Tas = knappe, handige vrouw; V. D. Yn 'e jefte fen 1829 stiet for dizze rigel yn 't plak:

„Bin 'k flinke Sibbel net fen 'e Ryp?”

„Angnietje! maar wat sin gy een tas.”

Bred., Het Moortje.

Simperje = jeuzelje, oanhâldend kleye.

Blastich is immen dy op hêge toan en rimpjen útfalt en yn al syn dwaen gysten is.

In fotsen hûndert goune. Hûndert goune is by de keapman gjin tol en derom neamt er se *fotsen*, dat wol komme seil fen *fod*, *fotsje*. Fotsich is dos gelyk mei it Holl. *voddig*.

Maerteblomke = *Galanthus nivalis*, sneeuwkllokje, wirdt ek *ncaken wyfke* neamd en *linderke*. It lêste omt it sims folle to lijen hat fen waer en wyn?

Rinket = in lytse doar yn 'e greate slûsdoarren.

De bakkershoarn. By âlds bleezen de bakkers op in hoarn as it klienbrea klear wier. Tink oan it bernerymke: „De bakker op den hoek Die heeft van nacht geblazen.”

Fym'l as in skjirre = skerp, fûl. Men seit mear: skerp as in fym.

Bluistrich = 't Holl. luisterrijk, prachtig, opgeblazen. Sjuch R. en T. side 237a: „Ho is dyn bluisster (= luister) nou forroun.” Yn 'e deistige tael is *bluistrich* frij gelyk mei *blastich*. Sjuch op *bleistrige jâpe*.

En útwjûd mei ierd en oer d. w. s. de âlde beamstammen binne omwaaid, en hjar wirtels hawwe net allinne de ierde,

der-t se mei biditsen wierne, mei opskûrd, mar ek de hirde brúne sânlaech dy der ûnder sit en *oer* neamd wirdt. Sjuch yn 'e wâlden mar ris beammen, dy sa útwjûd binne.

Keap jaen = bilies jaen. Men seit ek *krimp*, *kamp jaen*. As men keap jowt by it handeljen, dan is it plachtsjen dien.

DE TWADDE JOUN.

Domenij siet by S. en P. to pizeljen, d. w. s. in *jounpraetsje* hâlde.

Pizelje = jounprate. It wird is makke fen pizel = koken (sjuch R. en T. side 112*b*). Sytstra neamt pizel in wird, dat op it eilân Wangeroog yn brûk is for *keamer*. It komt ek foar yn „De Bruudvaartshövel up Sylt” — S.-W., II, 38, hwer it forklearre wirdt = in lytse keamer. De H. H. Id. Fr. jowt: *piste* = keuken en *piseldreple*, *piseldura* = keukendeur; *ût to pizeljen* is by it jongfolk ek wol = út to frijen. Sjuch fierders F. H. en H. '92, 195.

Roffelje = ron en rûch der oer hingean. Egenlik = it lân licht en rûch omploegje; by de timmerljue = rûch mei de skaef der oerhinne gean. Sa ek = der mar rûch en onbitocht hwet hinne rabbelje.

Poetsje it each út of ek wol: poeske it each út = it aei is britsen, de frjeonskip is dien.

Jestael = brûkme.

Fen de wize ljue en krychshelden út Dokkum neam ik: *Gemma Frisius*, dy prefester wier to Leuven en yn 1558 stoar. *Julius v. Beyma*, dy yn 1539 berne waerd en yn 1598 stoar. Hy wier prefester oan 'e hégeschollen fen Wittenberch, Leiden en Frentsjer.

Fokke Abelsz en syn broer *Jan*, dy troch O. Z. v. Haren opneamd wurde by de kapteins fen 'e Genzeskippen.

Ulricus Haber libbe fen 1636—1694, wier pref. to Frentsjer en riedshear yn it Hôf fen Fryslân. Hy hat in bulte boeken oer it rjucht skreaun.

Lieuwe v. Aitzema, stoar yn 1669; hy wier president fen 'e Hanzesteden yn den Haech en is foaral bikend troch syn boek: „Saaken van Staat en Oorlogh.”

De Folkema's, heit, soan en dochter, dy yn it begjin fen 'e foarige ien libben en yn 'e teikenkunst masters wierne.

Flut, ek drêge flut = mólke, der-t de reamme ôfskept is. Fierders mear dingen, der de krêft út is, lyk as slappe kofje en thé. By V. D. *vlotemelk*.

Nerf d. i. *Narwa*, in stêd yn Ruslân oan 'e Finske golf. Der wirt in swiide hânnel dreun yn hout.

Rju neigeande = frij hwet goarrich, oan 'e gjirrige kant.

Bûgel of **bûgeltas** hie in frommis alear op side. It wier in knip fen silver en deroan hingje in tas, hwer se it jild yn hie.

Dat 's in bollekeal. In sprekward dat út 'e boerewrâld weikommen is. Bringt in kou in keal, dan hat de boer ljeafst in koukealtsje; bollen wirde folletids slachte. In bollekeal neamt men derom eat, dat yen ôffalt, der men hwet mear fen forwachte hie.

Koaterboer, ek wol keuterboer = in boer op in lyts spiltsje.

Dipper = flitich en sparsum. Sjuch V. B., F. S. 82.

By de flotgêrzen lâns. It flotgêrs (vlotgras, *Glyceria fluitans*) groeit folle oan 'e ieh fen 'e fearten en poelen yn it wetterlân. Dizze sprekwise stiet dos gelyk mei: *by it kantsje lâns*.

Raspige skonken. Dat is oars in kwael, Ealsom! dy by de hynzers foarkomt. It is in útslach boppe de hoef, der de bisten in danigen jûkte fen hawwe. In biskriuwing er fen fynt men under mear yn Vragen v. d. Dag, 1887 side 83.

Ommasterje = in master (in dokter) brûke.

Hja dúne. G. J. yn Tjeskmoars-Sé-eangstme seit:

„O! dy d' Heechst' dos smaedsje en húnje

„As forwylde kij, dy dúnje.”

Dúnje = wyld omfleane.

Biklinke = lytser wirde, ôfnimme. Botsje-moai waerd sa kjel, hja biloeck net allinne (bleek wirde), mar hja waerd sels smel om 'e kaken, *hja biklonk*. „Men kin wol sjen, datstû in hoart út oarder west haste; dû bist sa biklonken.”

Haboos seil wol forbastere wêze fen it Franske *à vous!* dat men seit by it tabringen fen in slok. Us foarâlders scille dat yn Napke syn tiden wol folle heard hawwe.

In skeisen = in âld jildstikje. Sjuch ek W. D., S. R., 11.

Trúnje = oanhâldend freegje, flaeyend twinge.

Kilemoardsje, fen kielje en moardsje (?), in it Holl. *kelen en moorden*.

Hy weefde er mank = hy boerke en hy weefde. „Dy earte binne min lêzen; der binne rju beane mank,” d. i. der sitte beane twisken. *Mank* is bisibbe mei it Holl. *mengen*.

De hantsen (moat wêze *harntsen* of *harntsjes*) binne trinzen (Holl. lussen), by eltsoar frissele fen it *drom*, dat binne de loshingjende triedden op it ein fen in stik weefd doek. Dy trinzen wirde oan houten pinnen, dy tsjikken liete, fêstmakke en sa it doek oer 'e blikke spand.

Krankyl kin wol it Franske wird *tranquille* wêze = bidaerd, kalm. Ja, yn it Frysk seit it yet mear: it is ek *kranich*. „Dû hast dy krankyl hâlden, boi!” seit heit tsjin syn jonkje, hwaem dokter in kies útlitsen hat; de lytse feint hat kik noch mik jown.

Ontfytmanje, ek ontfykmanje, = ontbrûk meitsje, weikape, troch in *fyt* (slinksche streek) ôfhandich meitsje.

Moai stiif yn 'e rêch = hja siet er goed by; der wier modder oan 'e kloet.

In tutsjemoai, in tutte; wirdt sein fen in sleau, healloun frommis.

It woe gjin smoar sette = hja hâlde neat oer. As in bist fet wirdt, seit men, dat it smoar set.

Oerhearrich d. w. s. oerhearrige mâl, it laei der raer hinne. Oerhearrich is egenlik = Holl. *ongehoorzaam*.

In hoed mei in douweflappe = in âldmôdrich hoed mei in brêde rânne.

Taetsen binne koperen tingeltsjes mei brêde rounne koppen. Men sjocht sokke stokken as Folperda ien hie, yet wol yn hânnen fen kijkeaplje.

Dûkelhalzich is immen, dy de skouders hwet heech sitte en de hals hwat yndûkt is.

In môlkstap dat is de stap fen immen dy it wend is om mei de môlkamers to rinnen.

Bartjes wier de skriuwer fen in rekkenboek, dat alear folle brûkt waerd.

De hotte en de file oer inoar gear. Hotte en file tsjinje beide om izeren of koperen ridskippen skerp of glêd to meitsjen. *Hotte* wirdt ek *wette* neamd. It sprekward wol sizze: twa kreften sette it tsjin elkoarren yn 'e kant. Hjir gyng dit oan wearskanten mei bitoeft setten; it kin ek hird om hird gean. Forg. *hottefylje*.

Mael oan it kin = in plakje. It Holl. *moedermaal* = deaplakje; *ijzemaal* = izersmet. Deaplakje en mael scille dochs net it selde wêze; Maeike Plom hat in *deaplakje* op it krop en in *mael* oan it kin. Ytlike minsken hawwe oan it kin in brún plakje, dat hwet foarút stiket op 'e wize fen in wart. Ik wol leauwe, dat H. dat in *mael* neamt.

In war ein fûgels is twa of trije, dat hinget fen 'e greatens ôf.

Yn trelit = yn drokte, yn opskûr.

Dy de tsjin to great nimt = dy de pols to fier set en der net tsjin op springe kin.

Pompierblazers = ljue dy it pompier (to sizzen it bank-pompier) weiblaze, dy in oar de boel út 'e bûse helje, lyk as dat faek by klitsen fen frouljue bart.

Under de hoantsen útbret. Hoantsen (= Holl. kempaant) binne forneamd om hjar fjuchtersaerd. Dy ûnder de h. útbret is, is gau op 'e tean trape, de kop is sa'n ien gjin jelne lang.

Tsjitte = tsjetterje, yn inoar om bekje, op 'e wize fen in keppel mosken, dy deiles binne.

Kâld jild is goud of silver. It stiet tsjinoer de libbene have, it fé. Sjuch fierders yn R. en T., s. 29, hwet de préker op it Bolsw. nut derfen seit.

Bras. In bras bistie út skjirre, spjeldkjessen en nidlekoker en waerd oan in silveren keatting mei in heak om 'e mil dragen. It sprekt fensels, dat oan dy dingen sels it silver ek net sparre wier, hwent it wier do mode om sa folle goud en silver mei to toayen as men it mar skikke koe. De Hynlieppers neamden sa'n ding in *prak*. Sjuch *Oude Tijd* '69, side 168.

Poatstikken = stikken (jild) dy sy oppoatte, by inoar sparre hie. „Hy hat in poatsje efterút.”

Dat er fen nimmen aen hie. Yn L. N. I, 296, hellet J. H. in ferske oan fen G. J. en der komt dizze rigel yn foar: „Wy hienen fen nimmen aân.”

De hear J. H. hat hjir by oanteikene: „Dit woord is mij nergens voorgekomen dan hier. Het schijnt een verkorting van het A. S. *anda* = nijd, bôosheid, — en *kwaadaardige stoornis*, *nijdig letsel*, te beteekenen. Oud-Ned. *ande* = schade.... *Ahuden* is in het Hoogd. = iets kwaads vermoeden; in dien zin zou 't beteekenen: „wij hadden van niemand kwaad vermoeden ...”

Dat bitsjut it hjir ek: de proast miende sa frij to wêzen as in fûgeltsje yn 'e loft.

Punthoun wirdt sein fen manspersoan, dy hiet op frouljue is.

Kroandea. Dit kroan koe wol 'ris komme fen in ald Holl. wird *kronie* (caronie) = lijk.

Geldery is in oerloop, in oerditsen gong, fen 'e stâl nei it hûs bygelyks. Sjuch ek R. en T., 336b: „Wein en hynzer steane hjir ûnder 'e gelderij.” It is it Holl. *galerij*, *gaanderij*, dat alcar ek *gellerij* skreaun waerd. V. D.

In evels geweld. Salverda seit:

„Och, hie Ocke(s) tût net wyld

„*Evils* gruwsum God oanbyld!”

Dy it sterker úterje wol, seit fen divelsk.

Weitaekt. Take, dat net folle foarkomt, is weinimme. Sjuch R. en T. 258b: „de âldste weage it gan om er in stik fen to *taken*.” En op s. 248 seit Tryntsjemoi: „Der dounsje gikken dan yn 't ronn, En 't is mar om us jild to *taken*.” W. D. brûkt it ek (S. R., 23): „As se... by de spine kaem, moast er in taek dien wirde.” En de âlde Holl. dichter *Hooft* yn syn *Warenar*:

„Daer is toch niet as de wint en spinnerach in huis,

„Of hy noch zorgt dat iemant die zel komen *taken*!”

Forg. fierders it Ing. to *take*.

By de Haerlemer tape, d. w. s. hja dronken Haerlemer bier. By âlds waerd er yn Fryslan in bulte bier dronken, folle mear as nou, en fen 'e freamde soarten foaral it Haerlemer. In rymke sei dêr fen:

„De Leidsche lape (= it lekken).

„De Haerlemer tape (= it bier).

„En de skiere iel (= Skieringers en Fetkeapers).

„Bringe Frýslan yn 'e wiel” (yn 't ûnk).

En yn Waatze Gribberts Brilloft lêze wy: „O tûsen botses! dat Haerlemer bierke dat smakket my sa swiet!” — Sjuch J. Winkler, Oud-Nederland (Bier en Bierdrinkers in Friesland).

Kasie. R. Posthumus jowt in wird op, *casje*, en seit, dat it in húske-fen-hâld-oan is hwer-t meast licht folk by eltsoar komt. (Vrije Fries I).

Dweilen = hearefeinten. Hwerom dweilen? Ik tink foar it neist, omt se sa faek de foetwiskers binne fen hjar hearen. Ek wirde se wol foreare mei de namme fen mosterjonges; sy rinne noch al folle by de strjitte mei in koerke yn 'e earm, en dat stiet lils for in great kearel. Hjar „offysje” hat by de rjuchte Friezen nea net folle yn tel west.

Soepelaers, soepelbroers. Ien dy stadich wei prjûwt, him net op in stuit dronken sûpt, mar derom sines wol kriget, neamt men, mien ik, wol *seupelder*.

In krouske greauwen en in nuske ljirre. In *krouske* en *nuske* beide = in bytsje iten, dat oerbleaun is. „Wy scille hjôd mar opwaarme iten hawwe; it is allegearre krouskes en nuskes.” Greauwen wirde ek *kanen* of *koannen* neamd.

In onbismoede feint is rûch en rou, sûnder skik of fatsoen, lyk as in beam is, dy net snoeid wirdt.

Premomsje, ek wol ris *presumpsje*, is it Franske *présomption* = it Holl. vermoeden.

De hoazen oantolje = mei alle haest oanlûke. In wird út 'e Hynlj. tongslach.

Pytske = ryske, der-t men linich mei slaen, mei *pytskje* kin. Sjuch op dit wird. Mei in pytske of ryske fen in wylge-beam bynt men de framboazen wol oan.

It gjuwde er troch = it fleach er oer, nei 't men út de sin opmeitsje moat; wirdt dit gjûwen yet brûkt?

Wiid en waech. Yn Overysel seit men *wiid wage*, yn Drinte *wiedwoagen* (S.-W.); alle trije it Holl. *wagenwijd*?

Geld en wyld ophelje = alles by inoar helje, ryp en grien. Geld kin ik oars net as yn: *in geld skiep*, *in geld rier*, d. w. s. in kiek, in rier, dat ûnder de raem of de bolle west hat, mar net takomd is.

Soebadde, ek *soebatte*, in wird, dat nei men mient út it Maleisk ôfkomstich is, en *bidde*, *smêke*, bitsjut. Sjuch S. en R. 16, 47 en 56.

Op 'e bonne foi = op goed fortrouwen, to sizzen, dat er sûnder jild to D. komme scoe.

Ut 'e liken. De liken binne de touwen om in seil. As it hird waeit, fljucht it doek der wol út; it seil is dan fensels neat mear wirdich, it kin gjin tsjinst mear dwaen. Der wolle sommigen de komôf fen dit sizzen sykje. In minske is út 'e liken, as er troch it iene ef oare sa forbonwereare is, dat-er net mear wit, hwet er dwaen of litte seil. — De skoel út 'e liken seil wêze, dat dy hjar op 'e naden bijown hiene.

Sa hoeden foar 'sa hoedend; V. B., 131 = hy woe net wêze, hwet er brocht hie. Hoeden is immen dy him yn acht nimt; mar it wirdt ek sein fen immen dy for in oar net witte wol, hwet er docht ef tinkt. „Men wit net, hwet men oan Sije-Klaske hat; sy komt er altyd sa hoeden mei oan.”

Sûkerdjear. Sa wirdt yn 'e sûdwesthoeke fen Frl. in sûkerpoat neamd. Yn S.-W. is der by oanteikene: vergelyk *kwispedoor* (dat wird is oars fen fremde komôf).

In holpanne mei beu to meuken. Holpanne (om yn to sieden of to brieden) tsjin oer panne = lid, deksel. Beu is opstoofd flesk fen in nofteren keal; meuke = sêft stove. *Meukrige brij* = brij dy troch it sieden tige mingd is.

It margemiel fen 'e ongetiders. Ongetiders, sjuch hantsjemieren. It *margemiel*, ek wol *heamiel*, waerd jown, as de lêste weide hea thûs kaem. Pankoecken mei spek wier nûmer ien fen 'e gerjuchten. It folk song dan op 'e weide:

„Boer, boer! de panne to fjûr;

„De lêste weide hea komt oer.”

Sjuch W. D., It heamiel by Geale-boer.

Riskepitten. Dy waerden by âlds brûkt om kinstljocht to meitsen. Yn in pantsje mei oalje waerd sa'n riskepit stitsen; dy moast der de tsjinst dwaen dy by de tûlaampen (hwet wier dat in forbettering!) it ketoen die.

Hja fimele er in bytsje mank = hja mocht jern oer en út 'e Skrift prate. Fimelje = it Holl. femelen.

De line om 'e reak skére. Sjuch ek R. en T., 114b en yn W. D., S. R. side 4 stiet: „de line om it hea lizze.” It wol sizze: moai mei immen hinne prate om ta yens wyt to kommen; immen fen 'e lije side oankomme.

Teamich en fliensk (ek fluensk) = oerlangsum en flaeiyend. Holl. *teemachtig en fleemend*.

Helm yn 'e bûter = stevigens; de bûter wol stean.

Waerlamkes of wjerlamkes binne fûgeltsjes, dy yn 'e lége mieden ta hâlde. Hja krije de namme fen lamkes fen it lúd dat se, yn 'e loft fleanende, heare litte en dat wol hwet hat fen it bletterjen fen in lamke. Waerlamkes om-t men seit, dat hjar roppen rein foarspelt. (Holl. *regenfluiter*).

In wébyt. Sa neamt men in byt iten, dy it flauwe laddrige fen yen weinimt en yen tsjin de geauhonger biwarret; = in byt tsjin it wé. Forg. *wéwetter* en *by hjar wé komme*.

In lepsen is in ynholdsmiette for noat en ierapels en sa. In koer likernôch = 50 kop, in healkoer 25, in kynsen 12½ en in lepsen rom 6. Nou komt 6 kop ierapels sa hwet oerien mei 5 poun. *Lepsen* net to forbjusterjen mei ljippen = it Holl. *lopen*, dat likernôch 83 kop is.

Hosk = net wolkom, der oer. Op side 356a: „Hy bigoun to bimerken, dat er der *hosk* wier.”

In brogge klieme = in stik iten smarre. Brogge wird brûkt for „boterham.” Yn 'e Dongeradielen wirdt it komselden brûkt; der seit men in stik brea, in st. iten.

Balken oan twa sprekke = danich sprekke, sprekke „fen raek.”

Bjûwe wirdt hjir brûkt for greatsprekke, poche en blaze. It is my oars nea net foarkommen.

In onwiten ding = in ding, dat yn syn soart bûtenwenstich great is.

Koerang = need, alteast sa wirdt it forklearre yn S.W. III, bls. 136.

Krok = siedsjes en tsjef fen it gêrs, dy-t yn it hea sitte.

Prikel, Holl. perikel, en dit fen it Franske *péricle* = gefaer.

In himpen húske = lyts, mar himmel.

Stimmende hússtallen, d. w. s. húzen, of better sein, hústeden, der it stimrjucht oan forboun wier (op laei). De égener derfen koe syn stim útbringe as der in nije grytman wêze moast. Sjuch G. J., Fryske Tjerne en bileaven de oanteikening derop yn J. H., L. N. I, 145.

Jild opnimme by de Menisten. Sjuch R. en T. 42b.

It pear foel fen 'e stoel = it waerd troch domenij fen 'e preekstoel ôflêzen, dat sy trouwe scoene. In „Burgerlijke Stand” hâlde men er do net op nei; dy kaem yn Napoleon syn tiden op. De tsjerke rette der mei. Sjuch ek W. D., S. R. side 7: „Pabe en Doutsen foelen mei in great healjier fen de preekstoel.”

Stypmoar en stypfaer, meast útspritsen *stymmoar* en *styfffaer*. Fen stypje = helpe, bystean, nei-t sommigen wolle.

Troch yl en swaerd = troch alles hinne. Yl en swaerd beide = tsjok en taei fel.

Bûtsje is it Holl. *boeten* yn „netten boeten,” „ketelboeter.” Hjir = breidsje of knope.

Onhjirmlik = hwet net út to stean, net to dûldsjen is.

Lask klaeid of yn 't lask klaeid, seit men fen immen, dy gjin boppeding, jas of kammesoal, oan hat. Ek praet men fen *laske ljue*, dat binne troude ljue sûnder bern. En men yt *laske* ierapels, as men der neat by hat.

Op 'e proppen komme. As it glêd is, set men de hynders op skerp; men slacht of skroeft skerpe pinten. proppen, ûnder de hoafisders. Glide se dan al, ris — hja kinne wer op 'e proppen komme, to s. it forhelje, stean bliuwe.

DE ALD KIES FEN PIBE-OM.

Ik bin op it lêste skoft = it rint mei my nei de ein, ik haw myn jierren.

Pjut. „Sa 'n pjut!” neamt men immen dy bûtengewoan lyts is. Is 't ek forbastere fen it Franske *petit*?

Mieslerije = swolmerij. Hounemizel.

Faren = rimmetyk yn 'e holle. Sjuch v. d. V., W. L., 47.

Singerje = hiet wêze en stekke, troch de oanrin fen it bloed. Fen singe = zengen.

Erfsilver, d. w. s. silvergoed fen âlderserf. It bistriken fen ringfjûr mei sok silver hiette in *probatum* middel.

Spynsalve is salve for seare spenen, der-t jonge frouljue wol 'ris mei tangele binne. By âlds wier men frij hwet mansk om allerhande salven by elkoar to kliemen, lyk as for seare spenen en brânwounen, for ipen hakken en winterhânnen en sa mear hinne. Sjuch oer de hûsmiddeltsjes dy rju oanret en brûkt waerden: V. d. V., W. L. en Maeike Jakkeles.

Knoffelbânnen om forknoffle hânnen torjuchte to bringen. Hja koene probaet lein wirde fen frouljue, dy twillingen hawn hiene. V. d. V., W. L., 32.

Yn 'e pogge, hjir = yn it lijen. It wirdt folle sein fen immen dy net yn in goede hûd sit, der gjin rjucht groed yn is, dy lyts bliuwt for syn jierren. S. K. Feitsma skriuwt yn Forjit-my-net: „it wier in âlde pogge fen him” (= kwael, sear).

Pokhout groeit yn 'e West; it to skrabbe hout en de bast wirde yn it apteek brûkt.

Spykoalje, nierkoalje en oalje fen pjirren. It is in raer goedsje, dat Pibe-om hjir opneamt en hwer-t dizze oaljes fen makke wirde, ik wit it net. Wol haw ik heard fen tsienderlei oalje (der scille faek dizze soarten ek mei mank wêze), dat in middel is tsjin forknoffele hânnen.

Swiid = great, fen frij hwet in omfang. „Swiid wier it rjuchtsbied, dat hja fierde.” (F. H. en H. '92, 3).

„In swide handel driuwe.”

Krimmenearje fen it Franske (se) *récriminer* bitsjut egenlik *kleye*, *oankleye*; yn it Frysk = tige en oanhâldend kleye oer in lyts ûnk.

IT HOLOGRAEF.

Holograef wol sizze mei egen hânnen skreaun, dos = in sels opmakke testamint.

Ychel. „Du bist in ychel” seit men tsjin ien, dy fûl is en it net gau sitte lit. „In boas ychel” wirdt ek folle sein. Men brûkt ek: *ychelswyn*. (Sjuch: Twa boeren en de Skrie) en yn 't Platdútsk folle *Swinegel*, beide = stikelbaerch.

Aes. „It lytste aes hat it measte geraes” seit in sprekward en min tinkt den oan in lyts boas ding, dat tige finnich is. Men past it folle ta op undogenske bern, foaral op sokken dy de kop er foar hâlde. „Dû aes, datste biste! mienstû it witte to scillen?”

Nei de nerf tingje. De houn woe de ljue dalik by de hûd pakke. De nerf is de kant fen it lear hwer-t it hier op 'e hûd sitten hat. Frans tinge dernei; dat wol sizze: hy die syn best om it folk by de hûd to krijen.

Dryakel, it Holl. *theriakel*, wier in geneesmiddel, dat yn it foarige tige by tige forneamd wier. Men wol hawwe, dat it útfoun waerd fen in liifdokter fen keizer Nero en út wol sechstich forskate stoffen bistie, hwerûnder ek hûnich en opium wierne. Yn Turkije neamt men yet elts middel tsjin in sjuchtme *theriak*.

Ut 'e mik = it spil is forkeard, it is net yn 'e heak. In *mik* tsjinnet om to skoarjen; is eat út 'e mik dan hat it gjin skoar mear en it rint mis.

Hjir is modder oan 'e kloet. In kloet is in skippersboom; wirdt dy yn in weake groun stitsen, dan bliuwt de modder der oan sitten. Men brûkt dit sprekward om te sizzen, dat er cinten binne. „Feye-Douwe docht in lûk nou-t-er Halbe-Ael trouwt; der sit modder oan 'e kloet.”

DE KLUENSKONK.

Kluenskonk, sa neamt Gabe domenij syn seare skonk, omt dizze it op it klubenier smyt, dat er to Grins to folle dronken hat.

Hoarnwiif, of *hoarnmoai* (yn It libben fen Aechtsje Ysbrants), op it platte lân in namme for „vroedvrouw.” Men brûkt frij hwet mear de namme fen „goedfrou.” Hwerom *hoarnwiif*?

Kreamheinster = backster (baker). *Heine* is hjir *forsoargje*, lyk as yn *djerheine*. F. H. en H.

Mounle-ie. Je, ee, a = wetter. In mounle-ie is de sleat, der de wettermounle it wetter út ophellet.

Dy ljue dy gruzen der sa fredich hinne, d. w. s. hja libben der sa hinne, sunder folle erch of soarch. Grúzich is *net tige skjin*. „Hast' dy wol wasken? dû biste sa grúzich om 'e holle.” „It linnen is grúzich.”

Riezel oer 'e búk, d. w. s. pastoarske waerd fet, hja dijde út. It wirdt folle sein fen frouljue, dy oer it berneheljen wei binne.

Treeft, hjir = de izeren opstap fen 'e wein. In treeft is oars in izeren opsetsel op trije poatsjes op in fjurpot of in komfoar.

Alteraesje = ferbouwereartheit. It Franske *altération*.

Knikelsbledden. Yn myn jongesjierren sochten wy, as der ien wier mei iepen wounen oan hânnen of foetten wol bledsjes út 'e blikke, dy wij „peerdefoetsjes” neamden. Sa goed it my foar stiet, wierne it blêdsjes fen 'e *hondsdrif* (*Glechoma hederaceum*). Wierne dat knikelsblêdden?

Hounekalmei = hwet in houn fen efteren jowt en dat fordroege.

Syn eigen quea, dat is yet hwet slimmer as hounekalmei. Alear = quade. „Thet hi lidza (lizze) inna sine quade dey and nacht.” De H. H., Id. Fr. Oudemans hat it ek yn syn Midd. ned. W. b.

In fiterhynst = in hynst mei fiterlokken. Dy fiterlokken binne op it fleurichst in moaist by jonge, kraftige bisten, dy yet „weelderich” binne en yn hjar oermoedigens om hjar hinne slagge. It wirdt, mien ik, ek wol ris tapast op manljue, dy hwet gleon nei freamde frouljue binne.

Tonder. Do de lucifers yet net útfoun of to minsten lang sa hiem net wierne as nou, brûkten de ljeafhabbers fen in pypke tabak in tonderdoas of tontsje. Dat ding wier fen koper, om-ende-by in palm lang. In lidsje wier der op en de boom koe men op en del skouwe. Dat tontsje waard fold mei in forkoald stik doek (linnen). Om dat to meitsjen waard in linnen lape yn brandewyn doopt en dan yn 'e brân stitsen. De flam kaem sadwaende net oan 'e lape en dizze forkoalle. It swarte goed (tonder) waard dan yn it tontsje treaun. Moast men it brûke, dan naem men it lidsje der ôf, hâlde in fjûrstien boppe oan 'e kant fen it tontsje en ketste op die stien mei in stielen fjûrslach. In fonkje spatte yn 'e tonder, men bliis der op en — klear wier Kees.

In stimpheft. V. d. V., W. L., 48 seit, dat it stjelpige noasblieden ophâldt as men in stimpheft sa lang yn 'e hân hâldt, ont dizze waerm wirdt. Stempen = stelpen (V D.); in stimpheft = in heft (fen in breames) dat men yn 'e hân naem om it blieden ophâlde to litten.

Ulefysten, in soart poddestoellen, dy-t yn 'e greiden waeksje. Trapet men derop, dan fljucht er in hiele wolken fen stof út. Yn it Holl. hiete se *bovisten* of *wolfsveesten* (veest = fyst = fiig yn hynstefiig) en yn it Lat. Lycoperdon Bovista.

Deizen = latten oan 'e balken slein foar of bisiden de skoarstien, der it spek opleit en de woarsten oanhingje (ek wol *speklatten*.)

Suchtich en siikkreunich. Suchtich wurdt net allinne sein fen ljue, dy mei wettersucht oanhelle binne, mar ek fen minsken dy oare siekten (sjuchtmen) hawwe. Forg. it Holl. zucht = ziekte. Siikkreunich = kleyend en swiersettich.

Ylbijen = Holl. wespen. Wy neamden se ierdbijen om-t se hjar nesten folle yn 'e groun en sleatwallen meitsje. Sy kinne fûleindich stekke, en wurde op sommige plakken ek wol *holders* neamd.

Utscriptis mâl = sa mâl, dat it net to biskriûwen is.

Bisouwe = al hiel forsteld wêze; egenlik = it Holl. *bezwijmen*.

Wy sloegen in Franskman de mûtse ôf = wy dronken in flesse wyn.

It teltsje fen de domenij en de koster hjar reis nei it tsjerkhôf komt op rym foar yn *Das Buch für Alle*, Jahrgang 1876, en yn S.-W. II, bls. 62 en forf. De Lapekoer is yn it Dútsk fortaeld, Sjuch it Bericht fen W. Eekhoff.

ÚT 'E LÊSTE STIKJES.

Skowel = earmoedich. Skowel klaeid wêze. Ek *sjofel*, Holl. *schamel*.

Teisterkes = lytse spierkes, dy yn 't lijen sitte, net waeksje wolle; *herterkes*.

Mei glûpige freegjende eagen. Men scoe dit yn it Holl. hast werjaen kinne mei *schalks vragende oogen*.

Tyspelje. It byld fen it bern stie foar syn sinnen, mar net oanien; nou en dan wier it wei. Immen foar 'e eagen tyspelje = in ding foar 'e eagen hâlde en it wer weilûke. De sinne tyspelt troch 'e blêdden, as dy fen 'e wyn hinne en wer waeye.

Touwerfleagen = tongerboien. **Touwerje** = tongerje.

Request. Dokter Eeltsje wier bigien mei it lot fen 'e Fryske skutters, mar binammen mei dat fen hjar frouljue en fammen. Under de namme fen E. Hiddes fen Grouwergea skreau er ek it liet: „Foeke-Schutter en Hospes-Tryn” en yn 'e Lapekoer fen 1834 komt ek in Skutters-sankje foar; beide kinne jimme efter yn dit boek fine.

Gearjeft = hwet men mei inoar byien bringt. It wier op byienkomsten fen it jongfolk folle moade, dat de feinten mei elkoar jild joegen ta in slok. Men neamt dat ek *laepjen* of *lappen*.

In ynfieren forhúgen = in wille, dy rjucht field wirdt, dy oan it hert giet. Sjuch ek R. en T., 230 boppe-oan, hwer fen de Friezen ûnder de republyk sein wirdt, dat hja de ynfierenste genegenheit for de prinsen fen Nassauwe hienen. Yn 'e deiske spraek hat ynfieren yet hwet oars to bitsjuten, lyk as blykt út dizze foarbylden:

„Men wit net hwet men oan Jakkele Frouk hat; sy is altyt allike *ynfieren*” d. w. s. sy haldt in oar op in distansje, is er net gemiensum mei.

„Griet fen Sape-Rinsk mient siker dat se hwet mear is as sljucht hinne en wer; sjuch sa 'n *ynfieren* gesicht ris” = in fornaem gesicht.

W. Dykstra yn syn wirdlijst efter G. J. skriûwt: *ynfieren* = oprecht, hartelijk. Dit wird is nou = gemaakt deftig.

Naricht. By de stikken, der-t J. H. fen seit, dat se út in freamde tael forfryske binne, moast-er ek de *Teltsjes fen Master Ale Byfoet* neamd hawwe, dy nei it Dútsk fen Hebel makke binne. In Hollanske biwirling der fen fynt men yn Leopold syn Skoalleboek *Stofgoud*.

IT GROUWE PAK.

Bidest seil tinkt my wol bisibbe wêze mei it Holl. *bedeesd*, mar de sin is hwet oars, = it Holl. *zedig*.

Eptich = sa-t it heart, al hiel yn 'e foegen.

Dimmen = it Holl. nederig, bescheiden. V. B., 82.

Hy hat lân en sân. Dat is twaris it selde. Mar it folk, de „spraakmakende gemeente,” dat sprekwizen makket, freget der net nei; as it mar falt. Wirden dy mei deselde letter bigjinne (alliteratie) hat de Fryske tael like goed as de Hollanske. Sjuch F. H. en H. 1890.

Riwwenearje, ek rinnewearje, fen it Franske *ruiner* = yn 'e ûnderwal, to neat bringe.

Lodderein of âlde klongels, nammen fen rûkersgoed. It earste is forgrjimmanke út *l'eau de la reine (de Hongrie)*, en it oare út *eau de Cologne*; — *feintsjelok* sizze de fammen.

Abt Liaukama. Dat wier Eelke Liaukama, abt fen it kleaster to Lidlum. Hy wier in fromme man, dy it oerdwealske en ondogenske libben fen 'e mountsen yn syn tiid mei strangens to kear gyng. Dy hiene derom in skean each op him en seagen der nei út om him in loer to draeyen. Dat bakten se him yn it jier 1336. Hy wier do nei Boxum reisge, hwer it kleaster twa pleatsen hie, *Ter Porte* en *Monnikhûs*, dy troch saneamde conversen (útwenjende mountsen) bihoffene waerden. Dy fen Ter Porte stie it op hjar wize mar 'ris tige oan, dat er kaem en sy biloafden him alle moaye dingen for 't ferfolch, mar by it miel wisten hja him dronken to boarnen. Do er syn roes útsliepte, makken se him wekker, forwieten him dat er sels dronken wier en sloegen him mei in kneppel dea.

Hat er al keate? Sjuch oer it *keatspil* F. H. en H. '89, side 186. It wird *keatsje* hat ek de sin fen „hwet los libje,” wylde hierren yn 'e nekke hawwe.” Salverda seit yn syn fêrs *Oan myn soan*:

„Lit Wyn en Tryn net yn

„En 't keatjen, wrokjen, flokjen net.”

En Roemer Visscher: „Elk moet toch eens kooten op zijn tijd.” It is it selde as it Dútske: „Jugend muss austoben” en it Nij-Fryske: „'t Jonge libben moat 'ris rûze. J. F. Hat er al keate? wol dos sizze: binne de flinken der út? is er bidaerd wurden?”

Jow acht op it laech, d. w. s. sjuch goed ta út hwet nêst hja komme. Binne de âlders goed, den komme de bern út in goed laech, mar doge de earsten net, den scille de lêsten ek net folle brets wêze.

As de hoeren fen Parys. Dat sizzen is wol hwet hiel sterk, al mei it wier wêze, dat de frouljue dy de heechste *toan* fiere op it stik fen 'e moade, nou just de dimmenste net binne. Mar Halbertsma wier yet in Fries fen de âlde stimpel, dy it „útskaeid brod” sjen noch rûke mocht. Yn syn ôfkear fen Franske seden en moaden stie er mei syn stalke Bilderdyk gelyk.

Der gjin spyn oan siet. Spyn is it weake hout dat krekt ûnder de bast fen 'e beammen sit. In stik hout der-t spyn oan sit, is sa goed net as „kernhout” om-t it weake diel gau rotsje of mûge wol. „In man der gjin spyn oan sit” = in man út ien stik, sûnder forkeardens.

In rimpen en gysten jonge = in jonge dy hastich en onbitocht is yn syn dwaen.

Ljouwerter galgelapers. Sjuch R. en T., s. 328 en 329.

Stultorum deliciae = hwet noflik is for 'e gikken.

Mundus vult decipi = de wrâld wol bidragen wirde.

Men fynt oeral Dokkumers, d. w. s. oeral binne onnoazele minsken, dy hjar fen oaren by de noas lûke litte. Binne nou krekt de D. sa hjuster onnoazel? Siz dat ris oan ien en hâld him de finger yn 'e mûle! Né; de D. binne neat net onnoazeler as de oare Friezen; op bls. 57 hawwe wy ommers goede opneamd dy boppe oaren útrinne. Mar H. moast in plak sykje, sa as de Hollanners yn Kampen, de Dútskers yn Schilda en Krähwinkel en de Ingelsken yn Gotham hawwe en hy naem Dokkum.

It sit yn it Fryske folksaerd (ek yn it Ingelske) om in-oar mei by-en skelnammen to pleagjen en to húnjen. Sjuch R. en T., 328. Mar binammen hawwe it stedsfolk en de ljue út it platte lân it op in-oar bigrepen. Dat wier al sa yn Gysbert-om syn tiid; hy lit ommers Nijsgjirrige Jolle útroppe by it sjen fen in kloftsje minsken út 'e stêd:

„Hertse bûrljue, komme bûte!

„'k Sjoch der stedljue triomfearjen,

„'k Leau dy stedljue binn' net wiis:

„'k Wird net wirch noch sêd fen sjen

„Nei dy malle moaye klean.”

Nou, ho dat stedsfolk oer „boere” tinkt, blykt út it sizzen fen in Ljouerter jifferke, dy op in drokke Freed de Wirdumerdijk lâns kaem: „Arrejassis! 't is hier allemael boere; men kan gien mens sien!”

Provinsjehout wirdt troch de frouljue brûkt om klean swart to boarsteljen. Alear waerd it raspe troch 'e ljue, dy efter de traljes sieten; de finzenis hiette derom wol it *rasphûs*.

Slyptrôch (sleeptroch) = in bak of trôch, dy troch in hynder sleept wurde koe. Sjuch ek *slypboerd*. Nou de wegen oeral sa folle better binne. hat men sok reau net mear nedich.

Stoatskawende, fen stoate (stjitte) en skawe = mei hoarten en stjitten skave, sa dat er mar in bytsje foartgong is; it Holl. schoorvoetend. Sjuch ek R. en T., 131a: „hy stoatskaewde nei de pream ta.” Car. Tuinman, Verzam. v. Spreekw., seit fen *stootschaven*: Dat zegt men van iemand, die naar den trant

der veenboeren met het hoofd vooruit al bukkende en als duwende voortgaat, alsof hij 't postuur van een schaver vertoonde.

Pykeamer = in keamer efter in winkel mei finsters, dy yn 'e winkel útsjogge. Yn in hopen tsjerken hat men foaroan *pydoarren*. Fen pij, Holl. *pui* = it underste diel fen in trepgevel.

Piscamelers (pishimelers, mychhimelers — fen in wird, dat it selde bitsjut as pisjen —) in soarte fen lytse mieren. Sy binne er yn it brún en yn it swart. De echte mieren, dy yn 'e bosken húshâlde, neamden wy *sprokken*.

Fleale, it Holl. vlegel, ek wol *swingel* neamd. Mar Oeble-om set de *fleale* mei it *swingelein* op 'e groun, hwer men út opmeitsje scoe, dat de koartstok de *swingel* is (dy oan 'e langstok swingelt, swaait). Yn 'e wâlden seit men *flaeye*.

Njirre = it Holl. adder, in fenynige slange. It wird folle tapast op in fûl frommis, ek wol op ien dy tige falsk is.

Koart krieme. Krieme is it Holl. *wenden*, *keeren*; nimt men der net to folle romte ta, dan kriemt men koart. F. H. en H. '88, side 189.

Breahogge = breames. G. J. brûkt hogge:

„Dêr stiest, ef ien fen dyn boerren

„Mei in hogge fen fiif stoeren.”

Nijs gj. Jolle.

„Snijt hjar tinsnis as mei in hogg’

„Ut 'e ierde”

34ste Ps.

Epkema seit, dat er it wird oars net kin.

Om sjippe nei Jerusalem. It Holl. hat ek *om zeep gaan*. Sjippe fen Jerusalem wier by âlds forneamd. Mar do t-er fen de ljue, dy diel hiene oan 'e Krústochten, sa'n bytsje werom kamen, sei men, dat se om sjippe wierne, en letter sei men dat fen elts, dy de greate reis oannommen hie. Mûlk tocht men by dat sizzen ek oan it himmeljen fen it lyk.

Sa seit *Ds. Laurillard* yn syn boek *Sprokkelhout*. Mar oaren sizze: né, hja hellen de sjippe út 'e *Levant* (Middellanske sé) en waerden den faek oppakt troch 'e sérovers, dy der tahâldden. Ek fen âlde Dútske wurden: *sepa*, *zepar* (= dea, stoarn) wol men it sizzen komme litte. Sjuch it tiidskrift Noord en Zuid V, 285 en 295.

De Boxumerslach. Yn Foarmoanne fen it jier 1586 foelen de Spanjolen yn Fryslan en stiken Spannum en Winsum yn 'e brân. Us folk teach er op ta, mar koe it net hise; in diel sette de flecht nei Ljouwert, in oâr diel naem de wyk yn 'e tsjerke en toer to Boxum, ûnder it bifel fen Otto Clant. Dy waerden finzen nommen, mar de eable Clant woe net yn Spaenske hânnen forfalle; hy fjuchte ont er del foel; de flagge wier syn deaklaed. Lêz: *Otto Clant, de helt fen Borum* (fen Bleeksma) en *Otto Clant*, in fêrs fen Bogaers (ek to finen yn *Van Eigen Bodem* fen Honigh en Vos, 5^{te} dieltsje).

Efterbaks is egenlik efter de rêch, hwent bak = bek = rêch. Wy prate yet fen 'e *bekkeling* fen in stoel en fen *tobek* gean.

Digerkike = digerje en kike = stiif nei it ien of oare sjen; Holl. *staren*.

Tsjin heuch en meuch = mei tsjinsin. Is 't in Hollandisme?

Regaet meitsje. Yn V. D. en ek yn Van Lennep, Zeemanswoordeboek, fynt men it freamde wird *regatta* en der stiet efter: „wedstrijd tusschen gondels in Venetie,” „zeil- en roeiwedstrijden.” Komt it sizzen *regaet meitsje* der fen ôf, dan scoe 't krekt oars wêze as: bakseil lûke. It is = mei iver oan it wirk tsjen; ek = immen oanfiterje (ik scil dy regaet meitsje!) Of is it it Franske *regard*? dan scoe it wêze *acht er op sluen*.

DE NOARGER RÛN.

Syn sweager Tys. Dizze sweager scil wol berne wêze, hwer-t Gabe ek berne is, yn it brein fen Dokterom, dy mei him ljue op it each hie, dy t-er mei hjar pompieren waerm yn lykje to sitten en fen hwa wit-hwer-sanne skreaud en skreaun wirtt ho ryk se wol binne, mar hwaens hebben as it ta in eintsje-bislút komt, faek danich ôffalt.

Op in poatstâl = op in lege stâl yn 'e groun del, lyk as men se yn Drinte fynt.

Seadbulten = heapen fen *seadden* of *sjedden* (plaggen), sa-t dy folle fen 'e heide stitsen en op bulten set wirde. Yn Dongeradiel seit men *sadden*.

Yntsje-Jans-boekje. Yntsje-Jans wier âlderling to Eastersé. Hy skreau in boekje oer allerlei fizioenen dy hy op in joun hawn hie.

Op 't rúterskerp, to sizzen hja hiene sporen oan 'e learzens.

Swinge is in bynt yn in boereskûrre. Net yn alle oarden fen Fryslân is dy namme hiem. Hy komt ek foar R. en T. 197b: „It sweltsje, dat op gjin swinge sit.”

Spinjoun. Alear wier it, binammen yn Drinte en Overysel, mar ek yn 'e Stellingwerwen, wizansje dat winterjounen de bûrljue by inoar kamen to pizeljen; de frouljue namen dan it spinwiel mei (derom neamden se it *spinmoal* of *spinjoun*). Sa gau hiene de âlden de hakken net oer 'e drompel, of by de iene of oare wier in gearset fen feinten en fammen, dy earst hwet kofje slabben, mar al gau „*lapt*en” om in slok to heljen. It sprekt fensels, dat sa 'n gearkomste meastol mei in frijerijke ôfroun.

Hamboai = it Holl. hobo.

Yn it nijgêrs komme. As de kij lange tiden oanien op 'e selde greide roun hawwe, dan wirde de gêrsraeikes koart en droech en sadwaende it miel skriël. Mar hat den de boer it hea út it lân, den is it lijen foarby en kinne de bisten hjar to goed dwaen oan it farske, Brosse gêrs, dat der op in nij yn waekst. Yn it nijgêrs rinne wol dos sizzè: *it skoan nei 't sin hawwe.*

Hynstetyskers = ljue dy yn 'e hynders omtyskje, der midden yn omslaen. Men mient er meast sokke keapljue mei, dy ljeaver tritich as fjirtich goune for in ôfboalde happe biede; hja keapje net for de *remonte*. Birgum, Bûtenpost, Eastermar binne yn Fryslân bikend by ljue, dy geve of ongeve hynders to missen hawwe. De Kollumersweachsters diene de lêste ljeaf-detsjinst oan 'e útlippe bisten.

Jobbe = ien der net folle by sit, in sûle, soksis. By G. J.: „Do'k boaske ear'n oan ús Ynts, hwet wier ik yette in Jobbe!”

Fr. Tjerne.

en by Cats:

„Een jubben van zijn eerste vlucht

„Legt om een wijf gestaag en zucht.”

Skraech = bynei, amper-oan. „Ik ha skraechwirk dien.” Ek yn it Platdútsk: „denn ick kann mien Lex man skraa.” S.-W., II, 68.

Hânbakje = Mekoarren yn 'e hannen slaen. Der wirdt ek sein: „hântsjebakke.” Bakje wier = slaen; sjuch G. J. útjefte fen W. Dijkstra.

Kalkoensprint. De proppen op 'e einen fen in hoofizer hiete *kalkoenen* (ek yn it Holl.) De rûn joech syn maet in trewinkel dat dizze de print fen 'e prop yn 'e hûd sitten bleau.

Op 'e kleau (kljuw), in herberge ûnder *Hidaerd*.

Hjar wite kleau ens. By it ferske dat Gysbert-om Sjollekreamer sjonge lit:

„Rôitske, ljeave herte,
 „Yn Sint-Lamerts merk'
 „Siestû op myn skerte;
 „Hûnich-swiete wirk!"

skriuwt J. H. yn L. N. I, 253 en forf.

..... „Dan (to s. de bêste Snein fen Bolswerter merke) loopt het er van alle kanten barstende vol, dat men op de hoofden der *Roitskes* en *Tietes* gaan kan. Vroeg in den namiddag begint het landvolk al binnen te stroomen. De boerenknapen, grootmachtig boven op hooge sjeezen naast hun blanke meiden gezeten, rijden de een voor de andere na door het stroomend kermisvolk. Men rijdt buiten de stad, rijdt in de stad, rijdt er weder uit en verklaart zich eindelijk permanent door uit te spannen. Men wandelt. Later op den avond verkleeden zich ook de meisjes in het wit; nu de eene herberg uit, de andere in; nu gedanst, gedronken en gezongen en in de pauzes *Roitske* op *Tiete skerte* het lied van Cecilia met lange strepen. Aurora beschijnt eindelijk die maagden, bij haar ondergaan zoo frisch van koonen en zoo hagelwit van gewaad, maar nu het aangezicht glimmende van het opgedroogde zweet, bepoederd met het zwarte door den dans opgestampte stof en van top tot teen bekleet, somtijds begoten met rooden wijn..... Nadat dit zoo den ganschen (volgenden) dag gewoeld en gejaagd heeft....., brengt men aan den avond zijn dame te huis. Het scheiden valt bitter en gewoonlijk zit *Roitske* dan nog den halven nacht op *Tiete skerte*. Maakt samen een jonas van circa twee dagen en anderhalve nacht en tusschen de 20 en 30 guldens."

In keizersgoune of Carolusg., sa neamd nei Karel V.

Trudzepoeyers = poeyers for 'e *trudze* = droes. Trudzich, of meastal trüzich.

Heuwerich der hinne lizze. Nei de sin is dit = yn 't hûndert om, forwaaid.

Forrêdde wirdt sein fen amers, tobben en sok reau, dat to folle yn 'e sinne omtoarke hat en der troch fordroege en lek wurden is, ja, faek út inoar leit. Den moat de boel wer op-

kalefattere wurde. Sa gyng it fiskael mei syn *corpus*, mei dit forskil, dat dit net fen 'e droechte, mar fen 'e wietens forlit wier.

Kertierspoat. De hoof wier al hiel op spâlt.

Ofearte. De rûn foun net folle iten op 'e pôle, dy wier ôffretten. G. J. seit:

„Godsfrjeon hie syn djier forweide

„Oan in on-ôferte heide,”

d. i. dy wier net ôfweide. En yn Ps. 80 lêze wy:

„De wâld-baerchs wrotte en 't wyld fenn' heide

„Ontwirtlet him en eart't syn weide.”

Eartsje = weidsje. Epkema wol it fen *etta* = voeden, weiden, ôfliede en it derom sunder *r* skrjuwe. Ofeart is by de boer it strie, dat de bisten net opfrette en dat ûnder hjar struid wirdt. It sprekward seit: *Ofeart wirdt wol 'ris foer*. *Eart* is ek = ôffal: it eart fen 'e braek. Sjuch Forj. my net '92, 4de jeftte.

Wyldlanske soalen. De soal is it platte, it underste fen 'e hoof sunder izer. Yn it leechlân is it folle brukme de hynzers sunder hoefizers rinne to litten. Mei dy soalen nou hie de rûn it tsjernepaed jier en dei útholle.

De Stjinwiker. Yn de earste printinge stiet:

De Stjinwiker bigoun to hânbakjen en scoe my danich lekje, mar ús ald boer bigoun dat to fortretten en sei, dat er my fen gjin healslachtige poep forsmaedsje litte woe. Yn 'e twadde en tredde printinge binne de wurden *en scoe my danich lekje*, mar ús ald boer bigoun dat to fortretten útfallen.

Peasgje, ek peaskje = súntsjes traepje. Egenlik = oer 'e wiete, smoarge groun gean, en om-t men dat meast foarsichtich docht, seil it ek wurden wêze súntsjes gean, foetsje foar foetsje. Peaskje seit men folle as it wetter yn 'e skoer komt: „it wetter peasket my tw de teannen.”

De blikkers to Ijouwert. Fen bonken makket men *beenzwart* of *beenderenkool*, dy de kleur út oare stoffen lûkt en derom by de blikkers wol thús is.

De robbe fen in kabbeljou, dat is it bist syn mage. Sjuch ek side 404a: „der fynt men dat goed altyt by yn 'e robbe.” Forgelykje *roppert*: „hwet hestû for goed yn dyn roppert slein?” — en ek *ropsek*. Sjuch ek V. D.

By de ûlkjes = by de hoeren, dy lyk as de ûlen jouns op 'e lappen komme. Yn Murk fen Ypekolsgea hiete se *skier-iel*:
 „Hy tocht do merke-skiere-iel
 „Dy seil to nacht wol rinne.”

In piper mús is in spitsmús.

Kâld en wearich = kald en hûverich (?)

De folle houwe hawwe (yn 'e oarde noat op bls. 133) = genôch, folop hawwe. Sjuch G. J.:

„Godsfrjeon hie syn djier forweide
 „Oan in onôfearte heide,
 „Der op onforbytne groun
 „'t Goed *de folle houwe* foun.”

By V. D.: *ergens den vollen houw vinden* = den ruimen overvloed rijkelyk aantasten. Nei 't Epkema seit makke men er letter in „woordspeling” fen: *Daar is 't Vollenhove*.

DE TREEMTER.

Kajútsfracht en kaplaken. It earste seil faek wêze de fracht for hwet de skippers yn 'e kajút meinamen. It kaplaken wier in soarte fen preemje dy for skip en lading bitelle waard om de skipper yn krigelens en foarsoarch to stypjen.

In skip as in gedachten = in skip sa moai en sterk as men it yen mar tinke koe.

Dat joech in klitser = alles hwet op en oan it skip wier, rekke trochwiet.

Presinning (presenning) is tarre seildoek, der-t men op in skip de lûken mei ôfslút of dat men oer it goed smyt om it wetter ôf to kearen.

Wy smite it for in bijlegger. Van Lennep yn syn Zeemanswoordeboek seit op *bijleggen*: „Onder klein zeil met dichtgereefde zeilen en aangebraste raas het schip zoo dicht mogelijk aan den wind houden om het tuig van het schip met stormweer niet te vermoeien.”

Fortokke = forlaet, Holl. *verleid*. Op side 288a: „In frommis seil my noait forstokje en op 303b: „Byke fen it Heech-hiem hie him mei tokke.”

Noordkaper, in walfisk op 'e kust fen Noarwegen en Yslân.

Tipeltange d. w. s. in tange om der mei om to tipeljen (tink oan *tipelsinnich*). Om in soarte fen tankje sieten izeren ringen; nou wier it de kinst om dy der ôf to krijen en se der wer op 'e selde manear op to bringen. Ik mien wol, dat sa'n ding yn it Dútsk *Nürnberg'scher Tausend* hiet der-t in biskriuwing fen jown wirdt yn ien fen Paynes Illustrierte Familienkalender.

Hommers binne in soarte fen greate sékreeften.

Bûzehappert. Us heidenske âfaers bifolkten de hiele natûr mei libbene wêzens, dy boppe de minsken stiene, macht oer dizze hiene en dy brûkten om hjarren goed of tsjoed to dwaen (alven, nixen, ierdmantsjes ens.) Ek yn it wetter hûzen sokke wêzens. Letter makken de Kristenpreesters der spoeken en kweade geesten fen en folgens hjar sizzen wennen er ek goeds yn it wetter, dy binammen bern en jonge feinten nei ûnderen lûken en fordrinsgen. (*Goethes Fischer* en *Heines Loreley* dy sa moai fen *Murray Bakker* yn *Radbouds Eila* forfryske is). Dy kweade wettergeasten neamde men yn Fryslân bûzehapperts. Sjuch ek de noat op side 151.

In baer foar in stuiting = de baer waerd tichte oan 't strân stuite, opkeard troch in sanbank. It is frij wol it selde as *branding*.

In grouwe pampes = in grou lichem. It Ingelsk hat in tiidwird *to pamper* = fetmeste. Dat wird seil ek foarkomme yn ús *slampampen* (= slempen en pampen) en de wirtel wêze fen pampes (immen dy fetmeste is).

Rie kouweflesk en healnôge ketelkoek. Rie = rauw; it is bikend, dat de Ingelsken iu bulte smaek hawwe yn bief, dat hiel efkes yn 'e panne west hat. Healnôch = healgear; „de aeyen binne nôch” = gear.

In labbekak = in kearel, der gjin *durf* yn sit. Yn *Van Dales Nieuw Woordenboek* stiet: *Labbekak*, prater, babbelaar, kwaadspreker; (gewest.) benauwde vreesachtige kerel; iem., die niets durft wagen. (*Labbekak* eig. *labbekaak*, is gevormd nit *labben*: snappen, babbelen en *kaak*, den wortel van kakelen).

Ho my de weaze der fen stiik = ho it my tsjin stie. *Weaze* is brûkt for kiel (sjuch R. en T.) „troch de weaze yn de termen jitte,” en F. H. en H. '90, 153 „in stik Dimter koeke troch de weaze skouwe.” It is oars ek = slyk en = bonge fen in baerch.

In drankbaereh = in siik baereh, dy drank yn krige hat? Of ien dy mei *drank* (waei of sûpe) foerre is?

It skip oan it keatting d. w. s. der wier „beslag” op lein.

Fen wetter noch weaze. Weaze is hjir = modder, slyk. It sprekward seit: „Berint de weazige foet eat, de jiskige neat,” d. w. s.: dy-t wirk siket, fynt wol hwet, mar dy by de hird bliuwt net.

Markol = meerkoet, komt yn it Fryske wetterlân folle foar en kin omraek dûke.

Lilje en piepje. Beide wurden = spylje, it earste is mear = in triljend lûd meitsje. By G. J. seit Fr. Tjerne: „ik lille, ik boarte, ik sobbe” en Sjolle Kreamer:

„’k Moat reis fen in oars fortriet

„Lillepiepje in nochlik liet.”

Lillepiepje, seit J. H., = spylje op ’e doedelsek. Sjuch L. N. I, 251.

In fligende stroom. In Hollandisme; sa seit men ek: in *fligende* stoarm, in *bedreven* kearel, *gedrevene* fisken, in *beslepen* kearel. Fierders: in gewante *knaap*, it is in *lust*, under ús *gepraet*, op it *geweten* komme, in *hont*, in skip as in *gedachten*, ens.

Skredich = lang en meager en tagelyk bonkich.

Ien for de wraek. Men seit mear: ien for it brekken.

Oan boart jine = oan boart hise. In *jijn*, *gijn* ef *gein* is in soarte fen takel. V. D.

In wâdlegger = in skip dat op it Wâd fart? Sa’n skip moat, as it leech wetter is, in hoart stil lizze en liket dan fen ’e dyk ôf sims frij hwet in ding.

Bikluye, d. w. s. it spek er ôfslaen. It is it Holl. *afklooven*.

Juttebier. Is dy namme ek forbastere fen juppen-, *jopenbier*? Dat wirdt yn Dantzig brouwd en is swiet fen smaek; it biet Wibren Haek net genôch op ’e tonge. Of W. H. mient ’er it sâlte wetter mei.

Wier ik mar in Harnzer! De Harnzers seit men wol ris woene gjin Friezen hiete mar bearden, dat sy Hollânners wierne.

OAN EOLUS.

It Latyn der boppe wol sizze:

„Wylst se soks yn hjar herte oerlei, kaem de godinne yn it Eölske lân, it heitelân fen 'e winen, dat ryk is oan âljende winen. Hjir is kening Eolus yn in romme spelonk de baes oer de oerhearrige wiren en de tsierjende stoarmen; hy slacht se yn 'e boeyen en hâldt se finzen. Hja âlje en beare freeslik yn hjar laltsens, mar Aeolus sit op syn hege burch (slot) wylst er syn keningsstaf swaait en bringt se ta bidaren. Liet-er hjarren yn hjar wêzen, dan scoene se hastich de sé en de ierde en de hege himel trochfleane en dy meislepe troch it loftrom. Mar de almachtige Heit, dy dêr eang fen wier, hat se yn tsjustre hōlen opslûten en groue stiennen en bergen op hjarren lein; in kening hat-er hjar jown, dy se fêst halde kin of los litte, nei-t it him hieten wirdt.

Forwaeide pylken en boagen, to sizzen de fearen pinnen en de pompiere, dy Eolus oer 'e keamer rammeid hie.

Yn de jamkste fâlden slaen = it goed opnimme. Yn 'e wirken fen Gysbert-om komt it foar yn it sechste brief oan S. A. Gabbema. En Epkema, op 'e lêste blêdside fen syn Wirdboek, as er praet oer it let útkommen der fen, seit: „Men gelieve dit in de beste vouw te slaan.” Dokter-om brûkt dizze sizwize yn 'e twadde Rûker: „De goede minsken.... seille it dêrom wol yn 'e beste fâlden teare wolle as ik er yette ien en oar blomke..... by byn.” Car. Tuinman jowt it ek op yn syn Verz. v. Spreekw. (yn it Holl. fensels).

Wy brûke it meast as bywird yn 'e sin fen *faek*: „It bart jamk dat immen syn frjeon yn 'e need forlit.”

Sy jowe ús foltsen ens. As in domenij of proponint út dy dagen nou ris kypje koe, dy scoe jern bikenne wolle, dat er

for hjar collega's fen nou rju mear wille is. Moasten do de kannedaten jamk fjouwer, fiif jier wachtsje of by d'iene of oare greате Hans foar gowerneur tsjinje, nou is it: „sykje út mar!” op trakteminten fen 1600, 1800, 2000 gounе en faek yette mear, wylst in bulte skoallemasters omheukerje mei seis- of saunhûndert.

Myn frjeon Van Eck, to sizzen Cornelis Fransen van Eck, dy yn 1799 profester waerd to Dimter yn 'e *theologie* en yn 1817 ek yn Nederlânske tael- en letterkinde. Hy is in 1830 stoarn.

In lang splinterich man, d. w. s. dy lang en licht wier as in splinter.

Yn 'e beage rinne = yn 'e line, yn 'e sile. De beage is de bréde bân foar it boarst.

Perdoes, yn it Holl. pardoos, is in Fransk flokwird, to s. *par Dieu* (by God).

Lëbbige frouljue. Binne dat frouljue, dy by inoar stean to praten en bekjen, fen dy kweakgatten, dy altyt wol tiid hawwe en thûs de boel der for wyld hinne lizze litte? G. J. seit yn it 3de fers fen Ps. 15:

„Dy nea syn mei-maet, efter rêch

„Troch laebjen ear ontstelt en kwea det.”

Halbertsma brûkt it ek foar *lilk*; side 293b: „en nou bistû laebich, dat ús keningen hjar ek nei hjar steat yn 't brat stekke” — en side 326a: „du hoegste derom sa laebich net to wezen.”

V. D. jowt in syn Wirdboek op, dat *lebbig* = spytig, smadelijk, beleedigend, is. En Car. Tuinman praet fen *leppig beschimpen*. Sjuch ek J. H., L. N. I, 225.

Men scoe út V. D. ek opmeitsje kinne, dat dit lebbig it figuerlike is fen it foarôfgeande = *naar de leb smakende. Leb-bige tsiis*; der to folle strjemsels ynkommen is en dy dertroch fen smaek bidoarn is. Lebbige fr. scoenen den sokken wêze, dy net doge.

Hwet nou oart (eart) is, kin neyerhân foer wirde = hwet nou net teld wirdt, kin neyerhân acht-neard wirde. Sjuch op *ôfeart*.

Gopperje, mear *gobberje*, folgens it sizzen fen Epkema: „ergens zijn mond op zetten,” is = langhalsje, der nei útsjen; Holl. hunkeren, watertanden.

Om 'e stûken rinne. Tetke seit tsjin Sjolle-kreamer:

„Dyn seis bernkes, earme djier,

„Rinne gûzjen om 'e stûke.”

Yn L. N. I, 264, teikent J. H. hjir by oan: „Bij de gemeenschappelijke bebouwing van een korenveld kreeg de deelgenoot zijn schoof van elke stûke; de arme liep er omheen en moest toezien.” In stûke is in heap fen toalf skeaven, by mekoar opset om to droegjen.

Fen Hiddes jonges. Nammen fen persoanen, dy op in stomme *e* útgean, hawwe oars yn it Frysk de swakke bûging, d. w. s. hja nimme gjin *s* efteroan, mar bliuwe gelyk. V. B. 70 ens. Forgelykje: Hidde ôfskie (J. F. en N. F. Lietseboek), Reontse ljeafdegel (G. J.) ens. Salverda brûkt de *s* wol: Ockes tût, Ockes lea, ens.

Reinskaed; sjuch *breedskade hoedsje*.

Wiskje, wirdt sein fen it wetter dat foar 'e wyn weistouwt.

In skraits of skreits = in lang, meager persoan. Yn Iduna '65 wirdt it opjown as de namme fen in fûgel.

Dy kriemt der om (de rivier) = makket in bocht. Kriemen is wenden.

De spinael fen 'e toer = de spil, der-t it spits om hinne bouwd is en die meastal mei in swier izeren krús, dat de pynapel en de hoanne draecht nei boppe stekt. It freamde wird *spinal* bitsjut: ta de rêchbonke hearende.

Poelepetaet = poule pintade, yn it Holl. parelhoen, is in soarte fen hin, dy yn Afrika thús heart.

De skrokste smjkrert = in kearel, dy it for him sels tige best nimt en yt en drinkt, dat er stint, mar dy for in oar sa gjirrich (skrok) is as in âld frek.

Ald-outer = it ôffal fen it tek (reid of strie) fen skûren en hokken.

Janke-en-hjarre = ûlkjes. Forg. ek: Tryntsje en Wyntsje.

Hja hawwe de earmoed foar eagen en doch trouwe se. Yn myn jongensjierren wenne er to Beetstersweach in âlde mefron, dy-t er ek sa oer tochte as H. en it op in bysondere wize útere. Hja sei stêfêst as er sa'n pearke nei it rjuchthûs stoep: „daar gaat weer een paar voor de mosterdstip.”

Opperman d. i. in arbeider, dy de mitselers stien en kalk tabringt. It wird bitsjut *wirkman*.

Klinten = hutten, sa as de wylde folken dy bouwe. (Sjuch R. en T. 184b, r. 7 f. b.) Ek de heidehûskes, dy faek yn fjouwerentweintich ûren kant en klear binne. En om-t it der altyt net al like rom en skjin is, seit men ek fen in hûshâlding, der it wiif smoarch en onhuer is: „it is dêr in klinte.”

Ritse = merke, mei in kerne in teiken jaen, by gelyks mei in bile in stikje fen 'e bast slaen. H. brûkt it ek yn 'e sin fen *fêst der yn printe*: „Dû hast it my yn it herte ritst om se ljeaf to hebben.” R. en T. 362b. Yn 't Holl. scoe men sizze: gegrift.

Dy de trudze hie = dy forkâlden wier. Sjuch trudzepoeyers. Non meast sunder *d*.

Us forneamde rimer Oene. Dat is Onno Zwier v. Haren, de dichter fen 'e Geuzen en syn dochter is freule Marianne. J. H. wier mei de Van Harens hiel goed bikend, sa as blykt út L. N. II, 427—530.

Brodzieh = soel en near, broeisk lyk as foar in onwaer.

Mei eat biheind wêze, d. w. s. dat men it fen 'e geboarte ôf al oan yen hat. *Biheine* seil wol folk wêze fen *heine* yn kreamheinsten en djierheine. In oar wird *biheind*, dat men bygelyks brûkt yn: *in biheind wyfke* is = lyts, bihindich.

Auto-da-fé, d. i. letterlik yn it Holl. fordútst: „daad des geloofs.” Dy moaye namme joech men yn Spanje oan it forbarnen, fordrinsgjen en ophingjen fen 'e ketters (Mooren, Jenden en Protestanten).

Don Oquendo. Hjir is H. in fyftich jier mis. Don Oquendo wier it haed fen 'e Spaenske float, dy yn 1639 troch Tromp en syn kornútsjes sa reage waerd. Op de Armada hie Medina-Sidonia it bifel.

Foar dat je doem hawwe w. s. foar dat jou fonnis fallen is (doemen = oordeelen) Do H. dit skreau wierne de hege biwaldsljue yn Dútsklân (binammen yn Prúsen) tige yn it spier om de stedinten nei to riden, dy fen frijheit en ien Dútsklan drôgen. Sjuch deroer: *Frits Reuter, Herinn. út mijn Gevangnissen*.

Vulturna = de súdeastewyn, *Auster* of *Notus* = de súdewyn en *Favonius* of *Lephyrus* = de westewyn.

EOLUS SYN ANTWIRD.

Greva = graaf. It Latijn, dat er boppe stiet, wol sizze: „Wy binne de slaven fen 'e wetten, omt wy jern frij wêze wolle.”

Gear-ript. Rippe is de boel rûch by inoar naeye, mei gleone nidle en barnende tried.

Noflik jild om to sjitten. Wy hawwe it nou maklik mei ús pompieren jild, ús ryksdaelders en gounen. Mar alear mei al dy forskate jildstikken, riders en seauwen, pytsjes en skeljen, keizersgounen en sechsthealen ens. ens. wier it in heksewirk de minsken ta to tellen, hwet hja hawwe moasten, foaral as dat in somke bidroech. Gjinn folk, dat der sa bitûft yn wier as de ontfangers; sy smieten yen de daelders of hwet it wier yn rigels fen fjouweren of fiven ta. (*) Men neamde dat in *worp*; it jild waerd yen net *tateld*, maar *tasketten*. Wy sizze yet: jild sjitte en jildsjitter.

Der de sy op it nêst sit, d. w. s. it wyfke fen 'e ljip. De namme wirdt net folle mear brûkt. Yn Overysel neamt men sije it wyfke fen 'e kwartel. S.-W. I, 534.

Tsjin de weach fen myn béd. Wy sizze folle fen: *yn 'e weach krúpe* en dat komt om-t wy ûnder it wird weach nou hwet oars forstean as by âlds. Wy miene der mei *it efterste diel* fen it béd en it is egenlik de murre of wand. Nijsgj. Jolle brûkt it sa yet:

(*) Sa wierne 4 rijkssd. fensels tsien gounen; 5 seeuwen en 5 achtentweintigen makken tweintich gounen.

„Scoene wy as alde ljue.

„Skoarje oan tsjerke-weach, by djoe, (*)

„Mei in droech ferklomme praetsje?”

Yn it Holl. hat men yet *weegluis* = *wandluis* en *wagenschot*, d. i. hout om de *waag* to bitimmerjen.

Op Terra = op 'e ierde. Terra is de planetenamme fen ús âld ierdbol.

De Russiske pip = gryp = influenza dy fen tiid ta tiid in trochtochte docht. „Lest heugt best”; derom lizze 1893/94 en 1890 ús yet farsk yn it geheugen. Yn 1732 moat dizze sjuchtme oars oan de measte minsken de kraech koste hawwe.

It palladium fen ús bihâld = hwer ús bihâld fen ôfhinget. Yn it âlde Troje wier in byld fen *Pallas (Minerva)* en fen it bihâld fen dat byld hinget dat fen 'e sted ôf.

Don Carlos en Christina. Do-t de Spaenske kening Ferdinand VII yn 1833 stoar, liet er it regear nei oan syn ienichste dochter Isabella. Mar dat wier net nei it sin fen des kenings broer, Don Carlos, dy folhâlde dat nei de *Salische wet* hy de opfolger wêze moast. Dat joech in freeslike oarloch fen 'e Christino's tsjin de Carlisten. Generael Espartero waerd op it lêst baes en Isabella kaem op 'e troan, al hiel tsjin it sin fen 'e adelike en geastlike hearen (*grandes* en *miterhearen*, †) neamt H. se). Isabella krige yn 1866 de bouns en do brocht in bernsbarn fen dizze Carlos, dy deselde namme hat, yn 1868 en letter Spanje yn trawaet, mar moast einlings ek mei „hangende poatsjes” nei hûs tsjen.

Yn syn eigen herne = yn syn egen lân of hûs. By J. C. P. Salverda:

„Straks, noekjes! komt memme mei iten to hern.”

„Lest reis teach er wer to hern.”

(*) Epkema wol *djoe* offiede fen *dei* en seit, it is = *by dei*, *dagelijks*, wylst W. Dykstra it forklearret as = *by heape*n. Sjnuch G. J. wirken, jefte fen W. D.

(†) Miter = hoed fen in biskop.

Egenlik is in herne in hoek of úthoek. Men seit ek *harne*. Sa hat men hjir by de boer de *tsjerniharne* en faeks is er oan it hûs in *harntsje* útboud. Twisken Wierum en Nes makket de sedyk in bocht, dy hiet *de kroeme harne*.

In krystwich. Yn folle oarden fen Fryslân meitsje de bakkers tsjin de Krystdagen in soarte fen krintebollen, dy se by hjar klanten thús bringe litte. Alear bakten se dy bollen roun (nou altyt lang net mear). Dy krystwiggen stamme yet út 'e tiid fen ús heidenske âfaers, dy se bakten as sy it greate Midwinterfeest fierden. Sjuch yn de *Jonkerboer* hwet Master Tsjerk er fen fortelt (R. en T., 414b) en ek F. H. en H. 1892 it stik *Fen âlde komôf*.

Limieren = oanbrekke. „It limieren fen 'e dei.” It wird scil komme fen it Franske lumière = ljocht. J. H. liedt it ôf fen *limiere* (it ljochgat yn in helm). L. N. I, 84.

Pestalozzi (1745--1827) in forneamde opfieder yn Switserlân, dy in bulte dien hat om it onderwys foarút to bringen.

Prinsen (1777--1854), skoallemaster to Haerlem, dy folle dien hat om it onderwys yn it lêzen to forbetterjen. In frjeonlike man wier it net. „Menige dankbare leerling liep, nadat hy de school reeds sedert jaren verlaten had, liever een straat om, dan den man voor wien de schrik er nog inzat, tegen te komen.” Sjuch *Hildebrand, Na 50 jaar*, bls. 38 en 39.

Dat wik ik dy = dat wytgje ik dy, dat haw ik dy to sizzen, dat forsikerje ik dy. Ek yn it Platdútsk: „Dat will iek di woll wicken.” S-W II, bls. 9.

UT IT GRJIMMANK.

Hjar each pluert sa blier = hja sjucht blier alle kanten út. Plure (Holl. *lonken*) = in bytsje skilich sjen, lyk as wy lêze yn it forhael fen 'e kreambisite by Fokke-miich to Wielsryp, R. en T., 351b.

Fyt! In útrop, dy men nou net folle mear heart. Gysbert-om brûkt him nou en dan: „Fyt! myn lea dy trilje!” (Sjolle en Tet). „Fyt! myn ark is stellen!” (Kupido), ens.

Faen for faem, by alds *fanna*. Forg. *fanke*.

Knevel = in great en sterk persoan; hjir = in baes yn 't masterjen.

Hesperuslaempe = Venus of Lucifer, de jounstjir.

Sjammen, hjir = skynsels, Holl. schimmen. Egenlyk = fûgelforskrikkers, spoeken.

Camstra-steate of Dekama-steate, stie to Jelsum en *Sytsje-bârren* to Hallum. Mei Groustins mient H. Frederik Sirtema van Grovestins, de forneamde generael ûi 'e Spaenske Suksesje-oarloch (1702—1713), dy mei syn dragonders bynei ont Parys ta teach om yn Frankryk to stroopen. Hy stoar yn 1750 to *Wester-Nijtsjerk*.

Omballingen, hjir = de persoanen, dy sa deistich by en om de prins wierne. Men mient er ek mei: alles hwet by in ding heart, hwet oan in saek fêst sit. „It hûs op him sels is sa djûr net, mar der komme noch al frij hwet omballingen by.”

De Froskepôle is in herberch in eintsje bûten Ljouert oan de farwetters de *Greuns* en it *Wâldmantsje*. Ut Ljouert wei sylde men der folle hinne.

Biderf = it Holl. nooddruft.

Dat giet op in fet baereh yn. Dat seine de ljue tsjin Auke, hwent sy tochten: nou komme de crediteuren en rinne elts mei in stik fen baes sines foart; hja slachtsje him út as in fet baereh.

Koaiboer of koaiker is in boer dy op in pleats of pleatske wennet, der in koai by is. Sa 'n koai is in stik lân mei beammegoed biplante en der midden yn is in fiver. Lok-einen (ropeinen) tokje de wylde einen der mei hinne; yn it foarjier en yn 'e simmer fandelt de koaiker de aeyen op, yn 'e hearst draeit er de bistkes de nekke om. 'Op in selde diztansje steane hjir en dêr yn it fjild peallen om 'e koai hinne; binnen dy romte meye gjin jagers komme.

TWIGEN ÚT IN ALDE STAMME.

DE WINTER FEN 1624.

Sodzich. De boayem fen 'e Grou is in losse feanaftige groun, dy de âlde beamstronken net fêsthâlde kin. Dy dûkelje faek op, togelyk mei de wetterplanten, dy er om hinne groeid binne, en driûwe den boppe wetter (*driûwtillen*). Njunkenlytsen wurde dizze troch it oangroeyen fen nije planten stevich; den hiete se *sodden*. In wetter hwer sokke sodden op driûwe, hiet *sodzich*.

Hispelje = it jern opwine mei in hispel. (Sjuch F. H. en H. '93 III). De klos, der de jonges it tou fen 'e draek opwine is ek in hispel, of hispelprikke, en de mitseler neamt sa it houten raemtsje, der de line opwoun is, dy-t er lâns de stiennen spant. Sjuch F. H. en H. '93.

It moarns en jounsmiel, dat is it meltsen fen 'e kij. Hwet in kou by it melken jowt, hiet *in miel*.

Simperje = kleye, jeuzelje.

Knisterje docht it as it sa fyn kâld is, dat it yen yn 'e noas oplûkt. It is in teiken fen fûleindige froast en moai winterwaer.

Forskrouwe en út 'e rakken = kâld, hûrerich en wirch. Tink oan *skrousk*.

Op kouweribben. Dat wier alear it ark op it iis. Sjuch Cor. H. T., 117. Tink ek oan de Starumer ribbeklauwers (kliuwers); R. en T. 328*b*.

Yn 't kwea de miet birinne = sa folle kwea dwaen ont de miette fol is.

Och, honke! In flaeinamme: sjuch ek R. en T. 411: „Skink mar ris yn, myn honke!” In inkele kear ek *nonke*; sjuch R. en T., 259b, r. 17 f. u.

It binn'hûs. (Sjuch ek nei *De Liekeblommen* de oanteiking op 'e rigel: „Wy as berntsjes boarten bûte.”) In âldmoadrich boerehûs hat trije dielen: *it binhûs*, *it milhûs* en *it bûthûs*. Komt men út it bûthûs, dan hat men folle earst in gong, dan de pûskoken, de koken en it binhûs. Koken en binhûs wierne egenlik de went fen 'e boer; pûskoken, molkenkeamer en tsjernharne binne twisken dizze en it bûthûs beboud en meitsje sa it milhûs út. Sjuch ek J. H., L. N. I, 168 en R. Posth. yn 'e *Vrije Fries* I.

Mâlkje is hjir = net rjucht troch frieze, sadat it iis net to fortrouwen is. Sjuch *gemâlk*, bls. 103.

De lége walden. It Fryske wetterlân wier by âlds mei greate bosken biditsen (*Baduhenna-wâld*!), sa as de nammen fen ytlike doarpen yet oanwize: *Wâldsein*, *Earnewâld*, *Suawâld* en mear oaren. De Lege Walden binne yn Wymbritseradiel oan 'e westkant fen 'e Snitser mar. Der rint ek yet in feart, dy de *Wâldfeart* hiet. Yn Hem. O. en N. binne de *Igewâlden*.

IN BLAUWE SKINE.

Nulle en lepkje. Nulle is it Holl. *talmen*, *treuzelen*. Om-nulle = ommale, gjin foartgong meitsje. Ek wol *neulje*. *Lepkje*, fen leppe (lyk as aeikje fen aeye) is it Holl. slurpen, opslurpen.

Soar = droech. Soare tsjillen = tsjillen dy net smard binne. Forsoarje = fdroegje. G. J. seit:

„It fjild troch simmerdroecht' tiermt toar en soar.” Ps. 32 f. 2.
Ek yn Noord-Holl. hat men *zoor* = droog.

Skeetsk = forachtlik. Sjuch ek R. en T., 212b: „En sy spitich en skeetsk.” G. J. seit:

„Wy hawwe ús fen him wers ôfweine;
„Elkien bijegne him steetsk, oerdwers.”

Christi Lijen.

Ek Hollânske skriuwers fen syn tiid brûkten dit wird, dat nou al hiel bûten tel is.

Trulje = foar it soaltsje hawwe.

Onder d'oes fen it hea. Op it hiem stie in heablok en it boppeste der fen stiik oer it onderste hinne. It tek stiket oer 'e mûrre hinne, dat is ek de oes. Laeit er in goatte, dan hiet dy ek wol oes. Tink oan *oesdrip*.

ALD GREULT-OM.

Sa meager as in range. Range = in lange, lichte tûke. For. it Holl. *rank*.

De pong wier wan = net sa-t er hearde to wêzen. Yn it Holl. is wan = in lek. V. D. Sjuch ek F. H. en H. '93, 197.

In miedstik = in stik miede, haeilân.

Ald Greult seil stryksom ha! = ik seil der op strike, hy seil der fen hawwe (Dokter mient yn 'e pong).

In earne sweager wêrzen se al. Werzje is hjir = ôfstikjelje, ôfstjitte. It wêrzet my = ik haw der in hekel oan, it stiet my tsjin. Greult-om seit ek: dy sûpe (spriik er) wêrzet my. Wy sizze yet folle: ik bin dit of dat wers (wars).

Bargefinken. It Holl. *vincken* = krouskes flêsk, mei sipels, piiper en jittich opstoofd. Sjuch V. D. Bargefinken = bargebinnenst, ek wol koartgoed.

Longerje = forlangje, der nei útsjen. It Holl. hunkeren. Sjuch ek *tategelonger*.

Dan hat er 't hypochonder = dan is er siik fen swiersettigens.

Impertinent = it Franske impertinent, onbiskamme, bretaël.

For 't hypochonder ens. = As Greult-om it hypochonder krige, dekte sy der op en wist it dermei to fordriuwen.

M U R K.

Dy wiern wol yn hjar sas = wol yn hjar skik.

De rânne like in wetterboerd. Yn V. L., Zeemanswoordeboek stiet: „Waterborden (veroud.) Planken, die op het scheepsboord gezet en afgenomen kunnen worden.

De merke-skiere-iel scil rinne. As op merken jouns de feinten en fammen hân oan hân bigounen te koiieren, sei men wol: „de skiere-iel komt los.” Hjir mient H. er de lichte fammen, Janke-en-hjar, mei.

Der wier net tsjin to kriemen = dit koe er net fordraeye. Krieme = swaeye; holl. *krommen*.

De flint skouwe = de flecht sette, op 'e naed gean. „Der útnaeye” sizze de jonges.

Schnurrig = grappig, koddich; mar de poep brûkt it hjir foar *bjusterbaerlik*.

IT FEARTFLAGJEN.

Dy de hjouwer yet net forroun hiene = dy yet hwet weelderich wierne. As de hynders by it foarjier fen 'e stâl komme, binne se sims frij hwet derten en oerdwealsk, bynammen as se goed op it foer sitten hawwe. Habbe se lykwols hwet oan it wirk west, dan bkomt dit al ridlik gau. Der komt dizze sizwize fen dinne.

In pronten kearel = in kearel, dy tige op syn wirk paste. Fen *prompt* = it Holl. nauwkeurig.

In bol-David = ien dy der wêze doar. *David* wier fen in bytke net forfeard, en dy yn it ien of oare útminst is in *bol*.

Dêr seil ik aeyen yn klopje! = der seil ik mei hirde wurden efter. Is de aeyen to kloppe wurde, slacht men er net sêft yn om. Forg.: de boel fen aeyen meitsje.

In earnamer = earne amer, is in greate koperen amer om er yn te meltsen. Men sjocht se ek folle by de bakkers, dy de mólke er yn hawwe to stean. Sjuch: *earen knop*.

De brebiersstók. In brebier hie by âlds in flaggestók oan 'e mûrre en der bingelen folle in pear earne skearbekkens oan om. R. en T. 278b.

Blauspinalen hoazzen = fen blau spinael jern, dat is katoenen jern.

Kien op it bier. As it bier âld wirdt en in bytsje sûr, den komme er faek fen dy wite brokjes op driûwen dy wol hwet lykje op fine brokjes stremde mólke; dat hiet *kien* of *kyn*.

De goarre = de koarts of tsjinst (treddeistsjinst). Mei goarre mient men ek wol in suchtme dy in trochtochte nimt (epidemie). Sa seit men, as er forskate ljue forkâlden binne: *it is in goarre*.

Hoe velen enz. Dizze regels binne út it dichtstik fen Willem fen Haren (1710—1768, broer fen Onno Zwier, grytman fen it Bildt: Het Menschelijk Leven.

Fortribele = mislearre, wei wurden troch 'e droechte.

In grúze strie, ek *grúde*. Wirdt it strie nei it terskjen by in-oar trolle en boun, dan kriget men grúden; wirdt it himmel by in-oar pakt, dan jowt it *skobben*.

Sûpmogge en waiboats. Kofje en thé wierne by de Frizen fen 'e foarige ien komselden op 'e tafel. Dy toarst hie dronk sûpe út 'e *sûpmogge* (sjuch ek *smoarmogge*). Yn W. D., S. R. lêze wy op side 66, dat er in pear tinnene sûpkrûsen en in sûpkanne stiene. In *boats* is hwet wy yn it Holl. in *kuip* neame; *waei* (wei) is it focht dat er oerbliuwt by it tsiizjen.

Alde igewige. Sa neamt men in âld frommis, dy in oar it libben sêr makket.

In strampel = in prikke yn 'e foarm fen in foarke, hwer-t-it tou fen 'e setangel op woun wirdt.

In weerhuis = rjuchthûs. Sjuch ek *warkeamer*. Efter de langwerpige tafel mei draaide poaten wier it plak for de hearen „van den gerechte.”

In sjoeltafel sjucht men nou komselden mear; it biljert hat him fordreaun. It is in lange smelle tafel mei opsteande rânren. Net fier fen de iene ein is in latte dwersuer slein mei fjouwer gatten, dy sa nûmere binne: 1, 4, 3, 2. De kinst is nou om fen 'e oare ein ôf tsien rounne boerdsjes sa foart to slieren (to sjoelen), dat sy troch dy gatten fleane. Giet in boerdsje troch No. 4, dat jowt ek fjouwer pinten; troch No. 3 telt trije eagen ens. Dy mei tsien boerdsjes de measte eagen telde, hie it spil woun.

In ringheakking of heak-en-ringspil is nou ek út 'e tiid. Yn 'e mûrre siet in heak; in eintsje der ôf hinge oan in tou in ring. Dy naem men yn 'e hân en liet him nei de heak slingerje; it wier de kinst him sa to slingerjen, dat er fen 'e heak fêst hâlden waard. Dy dat it faekst die hie it woun.

Yn it Ned. Magazijn van 1861 skriuwt J. J. Cremer, dat in heak-en-ringspil yn 'e boerehûzen fen 'e Betuwe alear folle foun waard om it folk hwet fortier to jaen.

Immen oer staech sette is ien fen 'e folle sprekwarden dy wy fen 'e sêljue oernommen hawwe. De staech (Holl. stag) is in swier tou, der de mêst mei steande hâlden wirdt. It skip wirdt oer staech set as it tel swinkt. Men set immen oer staech as men him fen syn stik bringt, troch in frage of in andert, dat er net forwachte hie.

In eftersteekje of trijetûte hoed (W. D., S. R. 13) = in plat hoedsje mei trije punten, dat folle in steek neamd waard. Sy waerden yet lang droegen fen domenijs, it lêst noch fen 'e ôfskiedene.

Blokjes oan 'e piip. Hwet de skriuwer dêr mei op it each hat, wit ik net. Is immen ek op 'e hichte fen it pipetuech, dat de âlde boeren brûkten?

In basiliskus is in bist út 'e fabelwrâld, dat berne waerd út in aei sunder djirre, troch in hoanne lein en op 'e rûchskerne útbret. As in minske sa'n bist oanseach, gyng er dea, en de basiliskus stoar sels, as er syn byld yn in spegel seach.

Trytrotten; fen *treiterje* en *trotsje*? Treiterje is immen oan 't gebiente ta pleagje en húnje — en trotsje is útdaeyje, it Holl. *tarten*. G. J. brûkt it:

„Ljeafd dage en trotte my earn út.”

Minne-fjuchtspil.

Trytrotten = heislik pleagje, hjitfalgeje.

IT BOIKE FEN SEISBIERUM.

It himelinkje (ek himmelinkje, heumelinkje en himeltsje) = in lyts persoan. Yn it Id. Fris. fynt men *hemelinge*, *hamelinga*, *homelinga* = verstommeling, dat wol bitsjutte seil in persoan dy om syn bytsje forstân by oaren net folle yn tel is. Sa koe 't ek brûkt wurde fen immen dy om syn lytsens en tearens fen oaren mei de nekke oansjoen wirdt.

By de Noren yn hjar skjearries. Yn it Holl. scoe men sizze: Bij de Noren in hun scheren (= klippen op de kusten van Noorw., Zweden en Finland).

Kaap Finster = Kaap Finisterre (= it ein fen 'e ierde), de noard-westspits fen Spanje.

In tros is in line.

Hja fleuglen ús = hja bounen ús. Sjuch V. D. op *vleugelen*.

Togniedsje = fêrgrime. Yn it Frysk wirdt *to* folle foar de tiidwirden (werkwoorden) set, om dermei oan to jaen, dat in ding alhiel to neate dien wirdt. „It hert scoe my tobrekke” (G. J.). Sa ek: tobarne, tofrette, ens.

Lavater (1741—1801) in forneamde Switserske gelearde, dy út 'e „wezenstrekken” fen in minske lêze woe, hwet er yn him siet.

LEED EN WILLE EN DE FLOTGERZEN.

UT IT FOARWIRD EN DE STIKJES TA 253b.

Placenta. Sjuch *onganzen*. Placenta hiet yn it Holl. *de moederkoek*.

Troch hinne frissele = deryn of dertroch hinne flechte. Frissels binne hierflechten en frisselje = flechtsje.

„Roazen frisselt se ús yn 't hier.”

De Goudene Tiid, Fr. L. b. Nr. 57.

It giet yn myn eagen mei myn gemâlk ens. d. w. s. it giet mei myn skriûwen nou oer dit, den oer dat As de skriûwer oer *ien* „onderwerp” hannele, scoe er it gjin *gemâlk* neame, mar hy jowt stikken en stikjes fen forskate ynhâld.

Onhuer = smoarch en ongedien, dat men it net oantaeste scoe.

Ockebyld = in flaeinamme as *nockje* en oaren. *Ocke* = ?

Beslinge-State wier it bûten fen 'e gouverneur Van Sytzama (stoarn yn 1848); it stie to Friens (net fier fen Grou) en waard nei Sytzama syn dea ôfbritsen.

Struwél = it Holl. *struweel*, wirdt hjir binammen brûkt for *keale strûken*.

Eiso, in soan fen gouverneur Van Sytzama. Syn heit wier earst grytman fen Idaerderadiel, letter waard hy dat (sjuch it 12de en 13de fêrs). Hy wier trouw oan Rinske Heringa Cats en stoar yn 1843.

It earste innerlyk getroet = de earste utering fen 'e memmeljeafde (Forg. it Holl. troetelen.)

Flitsje = as in flits der troch hinne fleane. In flits = it Franske *flèche*, is in pile; de jonges boartsje yet mei *flitse-bôgen*.

Ta de lêste tinne scoe yn it Holl. wêze: *tot den laatste gedund*, sadat er nau ien mear oer is. Sjuch yn it folgjende fêrske op ien nei de lêste rigel: „For de earme bern fen honger fortinne.”

Njûntsje = it Holl. *neuriën*.

Mistribeling = tsjinstuit, it rint net foar 'e wyn. „It tribelt tsjin” = it flottet net; „hy kin gjin tsjintribelingen hawwe” = it moat mei him altyt slagje wolle.

Longerhou is in doarpke net fier fen Bolswert.

Gelurk fen lurkje = mei lytse swolgjes drinke; ek yn it Holl. (V. D.) Nei-t Epkema seit, is it bisibbe mei *lorge* = kiel:

„Kom, swiete sliep! Mar wêz ús feste borge

„Dat gjin Nacht-grym ús fettet by de lorge.”

G. J. Nachtrêst-bijearte.

„Maar Knier was hem te gauw, sy dronek voor tijdtverdrijf

„En lurekten so langh, tot zijt hadt in haar lijf.”

Bred., Het Moortje.

Hy seit er by dat der fen dinne it sizzen komt: „immen by de lurven (= lorge) pakke.” Mar V. D. seit: lurf = slip fen in klaed.

Mei dyn miggeskoft = mei dyn skoft, dyn bealch sa klijn as fen in mich.

Longerhouster bolle. In manspersoan, bynammen in trouden, dy folle smucht op frouljue hat en der hwet mear mei wol as sljuchtwei tûtsjen, kriget al folle de namme fen de bolle to wêzen fen syn doarp (alear wier der meast mar ien bolle yn elts doarp).

De wrine = de tekken.

Ychel-swyn, ek swyn-egel, hwet yn it Plat-dútsk folle brûkt wirdt = stikelbaerch. Sjuch op *ychel*.

Wibren-Wibrens-gat = it tichthûs of ljeaver in gat yn it tichthûs to Ljouert. It wier, mien ik, ûnder it bolwark.

Hondert daelders breuken = sa folle boete.

Oude kale scheuken. Skeuken, dat binne oars unhure, smoarge ljue, dy fen ongemaak en jekte skeuke. De grytman seil de boeren hjir sa neame om-t se alde, kalde ljue binne, dy fen jeld en kjelt skeuke.

Yn it hek sitte, ek wol *hokkeling wêze*, seit men gikskearjende wei fen âlderlingen en diakens, dy yn 'e tsjerke binnen it doophek sitte.

In pluch. Egenlyk in lyts houten pintsje, dat de skoemaker yn 'e hakken en soalen fen 'e skoenslacht, en derfendinne in skelnamme for immen dy net folle bysunders is. „Plug” is by V. D. ek = losbol, ploert.

Sluch of wanich. Wanich seil hjir frij gelyk wêze mei sluch.

It skird laepje = de skûr laepje, wer better meitsje hwet bidoarn is. J. H., L. N. I, 219 hat skird = scherf. Hij moat it skird laepje = hy moat de pap koelje. G. J. brûkt it ek:

„En al hwet wy skraepje

Kin de skird net laepje.”

Reamer en Sape.

Egenlik is in *skird* gjin diggel (scherf) mar in skeind plakje oan stiengoed. It famke lit memme kopke falle; sy krijt it op en ropt bliid: „hea mem! dar is mar in lyts skirdtsje út.”

Oer de flalie slaen. Dat flalie kin ik net thús bringe. Ut 'e sin scoe men opmeitsje = oer of op 'e mûle slein, dat er net wer prate doarst. V. D. hat: „hy heeft op zijn falie gehad” = hy hat in wântsje hawn.

Ritsen = rampen, hastich. Forg.: hy wier *ritstû* (ek heart men *ritstê*) foart.

Soukje = as it iis yn skossen laeit of oars swak en gefaerlik is der dryst oer rinne.

Tjirje = it Holl. *tieren yn tieren en razen*, wirdt yn it Frysk folle mei *mâl* forboun. **Mâltjirje** = yen mâl, gik oanstelle.

In nôgergat is in gat mei in nôgerboar hjir of dêr yn boarre. In nôger = greate boar = it Holl. (n)avegaar.

Soarje = prottelje fen it sieden. Yn N. en Z., VII, bls. 202 fynt men it wird *sutteren*, dat yn âlder foarm *zudjren* wêze moast en it selde bitsjut as *soarje*. V. D. jowt dat wird net op.

Steallen (stealen) = stikken gleone turf en hout. Sjuch ek rikstealen.

Klinsgje = hwet rûch úthimmelje.

It Pelsrjucht. R. en T. 274a:

„Twa eagen der sok fjûr útflyucht,
„Bringt mannich oan 'e pels.”

Yn *Warenar* fen 'e dichter Hooft stiet, „dat Jan onder de pels moet;” wy scoene nou sizze: hy sit under de pantoffel. It pelsrjucht is dos it rjucht fen it wiif om 'e broek oan to lawwen.

It koalkleed. It koalsiedterskjen wier alear in feest yn 'e bontroeke fen 'e Fryske klaei, dat mei it minderjen fen 'e koalsiedbou, sêfkes wei út 'e tiid rekket. It sied waard op it lân ôfterske op in klaed, dat trochstrings fen de boer hierd waard. By sa 'n klaed hearden 16 man, hwer de boer faek yet in pear arbeiders by sette. Elts fen it folk hie syn egen wirk en waard dernei neamd: oandragers, dwersbongelders, kikkerts, ens. Allegearre moasten se hjar hâlde oan 'e terskwet, in soarte fen „reglement.”

Comfoai = convooi = it Holl. geleide. Convooigelden bitellen yn 'e Spaenske tiid de skippers as se troch oarlochskippen to plak brocht waerden, ek wol as se in frijbrief mei krigen.

It pjalke = it brûntsje. Sjuch *poulle*.

FOARLÉZINGE.

Sjirkassië is in lânstreek twisken de Swarte- en de Kaspiske Sé. It heart nou oan Ruslân, mar de Russen hawwe in danigen drokte hawn om it folk, dat ûnder de haedman *Sjamyl* dapper focht en yn 'e bergen fen 'e Kaukasus taflecht foun, ûnder it sim to krijen. Yn dy oarloch waerden sims freeslik wréde setten útfierd.

Van Hall. De minister, dy yn it jier 1843 oarder yn 'e finansjes brocht troch de „Vrijwillige Geldleening” fen 140 miljoen gounne (sa hiette it, mar men hâlde mei 117 op). Yn it hiele lân gyng er in stoarm tsjin him en syn wet op, mar hy wonn it dochs.

Espartero, in Spaensk generael, dy de Carlisten yn '38 yn 'e lytse loege brocht. Sjuch Christino's.

Hertoch v. Bordeaux of graef fen Chambord, de soan fen de hertoch fen Berri, dy de âldste soan wier fen 'e Franske kening Karel X. Yn 1830 moast er mei syn famylje it heitelân forlitte. Troch de *legitimisten* (de partij fen 'c Bourbons) waard er biskôge as de wettige Franske kening (Hindrik V). Hij stoar yn 1883 te Frohsdorf.

Thiers is in forneamde Franske staetsman en skriuwer, dy ûnder Lodewijk Philips (1830—48) faker as ienris minister wier. Nei de Fransk-Dútske oarloch fen '70 waard er president. Hij stoar yn 1877.

De greate Mogol wier in foarst yn Hindostan, mar yn 'e forige ieu hawwe de Ingelsken him lyts man makke.

De reaksjêrzen opswylje. As it hea droech is, set men it yn heapen, yn reakken. Binne dizze op 'e wein laden, dan bliuwe der ytlike hearayen lizze; dizze wirde wer by eltsoar swile. Dos = ophelje, by eltsoar sykje hwet efterbleaun is.

It biwâld fen kening Willem I kaem de „Vereenigde Nederlanden” wol in krûmke djûr.

Dy witte wol, ho ljue as de H. oer de wize fen regearjen tochten, kin dat sjen yn *Eolus syn antwird*.

In offysje (officie, office) = in bitsjinning, in postje, in baentsje.

Forasseredeearje, yn it Holl. verassureeren en dat fen it Frânske *assurer*, wirdt nou folle sein as men syn egen persoan of goed by in maetskippy tsjin skea frijwarret. It is hjir = dat siz ik jimme; sterker sein = ik wik it jimme.

By continuaesje = by oanhâlden. Al wer ien fen dy fremde Franske poehoannen, (continuer = oanhâlde) dy yn it Frysk sa lûd kraeye, mar der it ear fen in echte Fries mei to skûrre. H. leit Plinius dy útwreidske wurden yn 'e mûle om heare to litten, ho heislke mâl sok praet klinkt.

Representanten neamde men ûnder de Batafske republyk (nei 1795) de ljue, dy troch de kiezers nei den Haech stjûrd waerden om der nije wetten to meitsjen. Wy sizze nou leden fen 'e Keamer.

Provietiesjes en priveelesjes d. w. s. foardielen en foar-rjuchten, dy fen âlds oan bisondere persoanen of ynstellingen ta sein wierne. In profytsje is yet = in foardieltsje.

Observearje, consentearje, satisfaksje; wer trije Fransk-mannen: *observer* = opmerke, *consentir* = tastimme en *satisfaksje* = forgoeding.

Sopper of Sobber = it Holl. dot.

Lollemans-stip of Lollumer-stip is in saus fen moal, mólke, sjerp en bûter, dy folle oer strou en boekwetengroat iten waard (wirdt?) Stip is by de Lânfriezen it fet of de saus, der se de ierapels ens. mei bifochtigje (yn *stippe*; saus = jus = sjeu is by harren net folle yn tel). Mosterstip, sûrstip, stippantsje.

DE SINT-PITERSBOASK.

De Sint-Piters-dei (22 fen Selle of Februwari) is yn Grou hwet de Sinterklaesdei yn it oare Fryslân is. Dat seil noch wol komme út 'e Roomske tiid; Sint-Piter wier de patroan fen

'e Grouster tsjerke. Sa-t men wit is yn Grou en it leech lân derom hinne yet lang it âlde yn eare bleaun, foaral om-t it ienlik en forlitten laei.

Sinte Piter, goed heilige man, ens. Op oare plakken hiet it:

„Sinterklaas, goed heilig man,
 „Trek je besten tabberd an,
 „Rijd er mee naar Amsterdam,
 „Van Amsterdam naar Spanje;
 „Appeltjes van Oranje,
 „Peertjes van de boomen,
 „Rijke, rijke oomen,
 „Rijke, rijke juffertjes
 „Die zullen van avond komen.”

Dr. v. Vloten, Baker- en Kinderrijmen.

It is koeke fen jins egen daei is in sprekward, dat men tsjin immen seit as men him jowt itjinge him fen rjuchten takomt, of as it, sa as hjir by Saepke, al hiel fen him ôfkomstich is.

Haboes! grammesoes! Mij tinkt dit binne oars net as de Franske sizwizen *à vous!* (by it tabringen fen in slok) en *grand-merci!* (om to bitankjen; ek *serviteur!*) Sjuch yn F. Reuter, Zwei lustige Geschichte, fen W. Dykstra forfryske, it potsige toaniel fen it wyngelach twisken de Franskman en de mounler. Ik wit wol, de Sint-P. boask, spilet foar de Franske tiid, mar de flechtlingen fen 1685 (Hugenoten) hiene hjir, mei hjar manearen, ek al frij hwet fen hjar wurden en sprekweisen hiem makke.

Flaekshikkelje. By it braken slacht men de flaekshalen troch spikers, dat neamt men ek hikkelje. Mar hjir wirdt it bidoeld by it spinnen; men sloech it rûchste der sa ôf en dat neamde men *toppen*. (Sjuch ek op dat wird).

Trynweeskes, in soarte fen sûre apels, dy lang dûrje kinne.

In fiskbodde is in houten bak mei gatten lwer it wetter ta ynkamt om de finzene fisk libben to halden. Holl. = *beun, kaar*.

In fiskael wier in rjuchtspersoan dy for it rjucht en for de bilangen fen 'e skatkiste (*fiskus*) opkomme moast. Hy hie om-ende-by it selde offysje as nou de officier fen justitie.

As ik de toffels útsjoch en mei de foetten nei it Easten liz = as ik stjer en bidobbe bin. It is in âld brûkme om de liken sa yn it grêf to lizzen, dat it antlit nei it Easten keard is. Ut it Easten komt it ljocht en út dy herne wachtet men de opstanding op 'e jongste dei. By it biklaeyen fen liken lit men yet op it platte lân de foetten bleat; my is sein, ek mei it each op it opstean. Tsjerken waerden by âlds leafst sa boud, dat se fen 't W. (fen 'e boer ôfrekkene) nei it E. stiene; sa dwaende foel moarns daedlik it ljocht fen 'e sinne deryn en jouns groete de himelfoarstinne de tsjerke yet mei hjar strielen.

LANGESLEATMER MAN ENS. TA SKEARWINKEL.

263a—275b.

Langesleatmer man. Sjuch F. H. en H. jierg. '90, 1—14 en 41—43. Op side 42 wirdt it selde forhelle, hwet Dokterom op rym brocht hat en *man en peert* der by neamd. De Langesleat rint in eintsje oan 'e westkant fen Earnewâld it noardwesten op nei de Grefte en fierders nei it doarp Wartena.

Der ûl en reiddomp nêsten bout d. w. s. de ûl boppe yn 'e boereskûrren (ûlboerden) en de reiddomp (= roerdomp, butoor) yn 'e rûge petten.

Omdangelje is hjir = hinne en wer ware. Oars ek = om-male. „Astû sa omdangelst hast' wol in ûre wirk om by jimme omke en hjarres to kommen.”

Hantsjeriis (hantsjerijs yn V. D.), in soarte fen sûrstalle (oeverzuring); de bledden waerden wol brûkt tsjin it „scheur-buik.” De Lat. namme is *Rumex Hydrolapathum*.

Gariper rekken. Rekken binne lange net to wide farwettters, dy rjuchtút rinne.

Mei moed skou hja nei E. d. w. s., sa fûleindich as hja koe. Dy faem, dy sa heislike kjel wurden wier, hie gjin moed = koeraesje.

Bysitter = assessor, nou wethâlder. De namme wier net forkeard, hwent de grypman hie alles to sizzen.

Roffelskûte, ek rabbelskûte, is in frommis, dat drok praet, alles der útroffelt, mar net folle bysonders seit.

Proastich en boastich neamt men immen dy fry hwet in foarkommen oannimt en it boarst foarút stekt (boastich = boarstich?)

Matskje op mar = siz it mar 'ris tige op, heuvelje him mar ris út. *Mats* by V. D. = slach; *matsje mar op* wol dos yn 't Hollânsk egenlik sizze: *slach er mar op*.

Hoedsje (mei hjar trijegounen), to sizzen it hjir of dêr wei to stopjen om it tige to biwarjen.

IN JOUNPRAETKE.

In keats is in houten bakje mei in skean lid derop, der de fearskippers hjar iten yn mei nimme.

Topsûker wirdt sa neamd, omt se yn 'e handel foarkomt yn 'e foarm fen piramiden mei in *topke* op it ein (suikerbrood). Troch de winkelljue wirdt se dan raspe.

It kroansop dert de statekûgels op driuwe. It kroansop = it fornaemste, it kreftichste sop. De kûgels dy er op driuwe scille wol de kraeltsjes wêze dy by it útjitten op sterke jenever komme. Statekûgels om-t de Staten (it lânsregear) in bulte jild út 'e accyns slagge? (Sjuch de Ljue fen 'e pomp).

Boartsje mei hispelprikken en kouwebonken. Hispels of hispelprikken komme by it draekjeyen to pas; der wirdt de line opwoun. De mitselers neame it hout der it tou op woun is, dat se lans de mûrre spanne, ek in hispel. Oer 'e kouwebonken is praet op *keate*.

In Dokter Snelletje. Der moat in Dokter Snel wêst hawwe, dy syn patsjinten it drinken fen reade wyn oanrette; derfendinne krige in glas reade wyn dy namme.

Koartmoes = in soarte fen groatsop mei allerhande grienten der mank, bynammen koal.

Estrikken binne platte flierstiennen, blan of read fen kleur. De reade binne meast fen boppe grien forglêze. Om-t hja op 'e miette makke wirde, binne se noflik for de trouljue om gan it ien of-'t oare to mietten; in estrik is in *fean* (fen in alde jelne) lang en breed.

Drinsgje, Holl. drenken, hjir yn 'e sin fen (it ongedierte yn 'e lannen) fordriuwe mei wetter. As de greidboeren folle lêst hawwe fen mûzen yn it lân, dan jitte se de mûzengatten wol fol wetter; de bistkes wirde den *fordrinsge*.

Petielen = skûtels, itenspannen; de Flamingen sizze fen *pateelen*. „It is altyt fet yn in oarmans skûtel,” sizze wy nou.

Under it sim krije = ûnder de plak krije. Egenlik is it = *yn it net krije*. In sim sit boppe oan it net; it is it grouwe tou, hwer it net oanhinget.

V. D. jowt ek op: *iemand onder de sim hebben* = hem in bedwang houden, en seit dat *sim* it snoer fen in fiskangel is.

Fen alle Stammen Israëls. De lotbriefkes, binammen de lytse, tsientsjes en tweintichsten, hierbriefkes, en wit ik it allegearre, waerden folle troch jeuden, dy it platte lân ôfswalken. oan 'e man brocht. Mar de collecteurs of splitters, dy de greateste aep yn 'e bûse stiken, wierne Kristenen.

Hja geane troch 'e mesken. Mesken (Holl. mazen) binne de gatten yn in net. Hwet troch 'e mesken giet, bliûwt net hingjen. H. wol sizze: de gjirrige ljue geane mei de oaren foart, wirde der mei lyk steld.

Haveleas en bilabberd. Belabberd wirdt yn 't Frysk folle brûkt for *min, gemien, ellindich*; „it is in bilabberde boel.” Sa wirdt it ek yn it Holl. brûkt.

Kladden, yn it Holl. klitten, binne de blomknoppen fen 'e stikeltisters of stikels (*Cirsium Carduus*). Oan dy knoppen sitte stikelige útrinders, dy yn 'e klean boarje en meitsje, dat de kladden der oan hingjen bliuwe. „As kladden oan immen hingje” = tige by tige fen i. halde, net by him wei to slaen wêze.

It seil de gemeente wé opbrekke = it seil raer bikomme, freamd útpakke. *Forg.*: wé wirde, it wêwetter, in wébyt.

In rokje mei klinken. Klinken wierne skeane hoekjes, dy efter en yn 'e siden fen it rokje (baeitsje) set waerden om it fetsoen er oan to jaen.

In sémans-strûs. In séman hâldt er net fen om in das stiif om 'e hals to hawwen; hy knoopt him licht om mei in losse strûp er yn en lit de tippen der by del hingje (by del strûze). *Sjuch* ek side 293*b* fen R. en T.: „in staf mei porper strûzen.”

Yncroyabels (yn it stikje fen Sint Pontjer) = net to leauwen (it franske *incroyable*).

Ik mei wynsk en rynsk wêze, raensk wird ik noait = ik mei bryk wêze en rij mei it jild omsmite, der sitte gjin forkearde streken yn my.

Wynsk. As in stik katoen of linnen of sa oan 'e iene kant koarter is as oan de oare, of as de frouljue in lekken of in kjessensloop, om mar hwet to neamen, sa naeid hawwe, dat it oan beide kanten net like lang is (dat it *wynt* of *lûkt*), dan neamt men it wynsk.

Rynsk = rij (mild). Raensk fen raenjen (Holl. ranken) = forkearde streken.

„Giel-each mei syn fûle raenjen
„Moat nei Spaenjen.”

G. J., Lân-geanne.

En yn R. en T. 221*b* en 393*b*.

„Mem — bilôwe klean en jild
„Dat er ôfseach fen dy raenjen.”

„De âld spinwiele kriget raenjen.” For raenjen brûkt men ek

franjen. Flinken seit sa folle net as raenjen. „Hy sit fol flinken” dat wol sizze, hy haldt fen grappen, fen potsige oan-slaggen. De Jonkerboer syn pake bygelyks siet fol flinken. *Flinken en raenjen*, sjuch 276b ûnderoan. Mar by G. J. is flinken frij gelyk mei raenjen.

„Dat it troch útlitt’ne flinken

„Falt oan ’t bealgjen, bistich drinken.”

Tjesk-moar.

DE SKEARWINKEL FEN JOUTE-BAES.

Minger, wier by G. J. = keapman.

„Feinten, feinten! sjogg’ dy minger.”

Nijsgj. Jolle.

Hjir is it = ôfnimmer, klant.

In biezemstoerke = in lyts silveren jildstikje mei in bosk fen saun pilen derop ôffrinte, dat wol hwet fen in omkearde biezem hie. (De saun pilen wierne de 7 forienigde provinsjes).

In rûs as in kartou. In kartou wier in soarte kanon; dos = in swiere rûs, in omraek stik yn ’e kraech.

Bonsen Pilger. It selde teltsje is to finen yn ien fen ’e „bûndels novellen” fen J. v. Maurik. Ynte syn forhael út it hospitael to S. (side 277a) haw ik ’ris lêzen yn in toanielstik, it stiet my foar, dat it fen in Dekker wier en foarkaem yn in jiergong fen ’e Holl. Illustratie. En einlings, hwet Grypsma op bls. 304 seit fen ’e redener yn ’e polysjesael, dat stiet ek to lêzen yn Eigen Haard, 1883, bls. 100 en forf. (Een transport kolonialen, fen Assendelft de Coninck). Is it net freamd, dat dy Hollânske hearen de selde forhaeltsjes hawwe as H.?

Rabantke. Der komt fen ’e patsjinten gjin rabantke to lâne, d. w. s. *neat*. Ek yn it Platdútsk wirdt it sa brûkt:

„Ick finn der ook geen Raband mehr.”

„-- dat der geen Raband aver blifft!”

S.-W. II, 63 en 68.

V. D. seit op *raband* (zeeterm): zeker touw om voorwerpen samen te binden. Aldtiids sei men yn it Holl. *niet een twint*, hwet gelyk is mei *net in rabantke*. J. H., L. N. I, 46.

In groussomme tsjinst = in freeslike koarts. Forg. treddeis-tsjinst.

Koartjan op 'e kiel = it mes op 'e kiel. De séljue neame hjar mes *kortjan*.

Mei brij? Joute freget dat om-t brijbekken de skelnamme fen 'e Woarkumers is. Sjuch R. en T., 329a.

Oer de Hoarsa. De Hoarsa of Horse is in farwetter oan 'e Eastkant fen Woarkum.

Ho wjirmen! (wylde wjirmen!) In forbastere flokwird. Sjuch G. J.:

„Dan is 't Divel, Deale en Wjirme!”

Nijsgj. Jolle.

„Nou is 't gáljen, nou is 't kirmjen,

„Nou is 't tsjirmjen sunder ein.

„Ja, by gammen! wylde wjirmen!

Kupido. Beau-bjuster.

Oan 'e gyl = oan 'e jui, oan 'e swier. Gijlen = gisten (fen bier). Sjuch V. D. Der scil us Frysk wird wol mei gear hingje. „Der is in gyltsje yn 'e ierapels,” sizze de boeren, as de prizen hwet omheech rinne.

Separatisten, d. w. s. ljue dy hjar ôfskiede, Afgescheidenen of Christelijk Gereformeerden. Sa-t men wit bigoun dy stoarje under kening Willem I, dy der mei gewelt tsjin op woe en de ljue de foet dwers sette. Syn opfolgers wierne wizer, mar it durre dochs ont 1870, foar-t dy „Separatisten” troch de regearringe as in „Kerkgenootschap” yn 't lyk steld waerden.

Omgrûdzje = der yn om grieme en slabberje.

In ynpannige bocht = in bocht mei de holte nei de binnenkant.

Flienske poespassen, dat binne de fyndoeekspoepen, om-t hja fluensk en flaeyerich binne mei hjar krom praet.

De stânnen fen it boerekin = de stoppelige hierren fen it boerebird. Sjuch op *stânnen*, bls. 34.

Hoantsen. Sa wirde de studinten neamd, (sjuch ek side 343b) om-t se hjar faek hwet freamd en bont optakelje en ek om-t se net bang fen fjuchtsjen binne.

Kachelakje, scil wol gearset wêze fen kachen of kachern (it Dútsk hat yet kichern = súntsjes laeitsje) en laekje, dy beide lyk binne mei ús *laeitsje*. Tink ek om rûlebútsje, koeke-loere, moarsdea, e. o. wurden, dy út twa dielen bistean, dy it selde bitsjutte.

Thjea = Holl. de dijen. It wirdt foar sa fier ik wit, net mear brûkt. De H. H. Id. Fr. hat *thiach* = dijbeen, *thiach-merch* en *thiachscunke*.

Tipelsinnich neamt men inmen, hwaem de holle fen fratsen en neatige dingen troch rint. Sjuch ek *tipeltange*. As in jonge mei syn hannen oan 'e klean ploakt en lûkt, seit mem: „hwet getipel hastû dochs jonge?”

George III wier kening fen Ingelân, 1760—1820. Yn 1788 hie er al oanfallen fen gikkens; sims wier hy wer goed, mar nei 1804 boaze it oan, ont-er yn 1810 foar goed gik waerd. Foaral fen syn âldste soan (hy hie 13 bern), dy letter as kening George IV hiet, hie er in bulte lêst.

Poddehierrieh. De earste fearkes fen jonge fûgels neamt men it poddehier. Joute past it ta op it earste bytke rûch om it kin fen 'e studint.

Malappe = healloun frommis, tutsjemoai.

Puchel of pochel = it Dútske Püchel = bult.

Fen de stoel to fallen (fen in jong faem) w. s. fen 'e preekstoel ôflêzen to wurden. Sjuch side 66.

Foyaedsje = it Franske *voyage* = reis.

Gormandeur = goeverneur, nou Kommissaris der Keningin. H. seil it wird gourmand (= smuller) foar 'e geast hawn hawwe, do-t er de koster fen goeverneur gormandeur meitsje liet.

GABE-SKROARS REIS.

Ynhouten = „alle staande houten, die tot den bodem en de wanden, en alle liggende houten, die tot den bodem van een schip behooren.” V. L., Z. W. Seil in skip sterk en stevich wêze, dan mei der neat oan 'e ynhouten miskearje. Is immen sterk fen gestel, dan wirdt er fen him sein, dat er goede ynhouten hat; ek wol ris *ynhâlden* (R. en T. 303a).

In gouns rinne = omraek rinne. Op side 393a, underoan stiet: „jo ride in goede *gons*, Jonker.”

Mei bloarrige eagen, dat binne eagen fen in bloarre = in jong, nochteren feintsje.

Mephibosech wier in krepele soan fen Jonathan. Sjuch II Sam. IV.

Knûk-forskje. Met kneukelen vorschen om het kittelachtige plek te vinden van hem, met wien men stoeit, een bekend handwerk onder gelieven. Bij de Hindeloopers *knutsfuusje*. „Met de gewone meiosis, zoo geliefd bij de Friezen, gebruiken zij dit verbum thans in den zin van iemand gevoelig aan te tasten.” J. H., L. N. I 160.

DE HOANNE FEN WESTEREIN.

Toliter slein = hiel-end-al forslein. Sjuch V. D., dy *totaliter* hat.

Fjuchtsje as earne halzen, ek: as earne krychshelten. Do yn 'e fyftsjinde ieu de foarsten soldaten bigounen to hieren, joegen in bulte forearme en biroaide edelljue hjar der by om in plak to krijen as offisier. Ho fûleindiger as se fochten, ho

mear abbesaesje as se makken, en ek ho mear bût as er to heljen wier. Derom fochten dizze earmen halzen (helten) as hoantsen en is de boppeneamde sizwize troch hjarren yn 'e wrâld kommen.

Op egen manneboet, ek wol: *út egen bon en boete*, d. w. s. op egen forantwirding. Yn Fr. H., '58 liis ik *op egen bandedoe*. It is egenlyk = *op egen ban en boete*. As âldtiids in hear dy it regear hie in bifel joech, den hiette dat syn *ban* en dy it net opfolge krige *boete*. Wier nou immen sa dryst om in saek fen bilang op egen forantwirding to ondernimmen, den die er dat *op egen ban en boete*.

Boekstaverje, ek boekstoaye = it Holl. spellen. De Dútskers sizze *buchstabiren*.

Prinsen fen Haerlem. Sjuch bls. 94. Yn syn boekjes for it earste ûnderrjucht yn it lêzen, stie in printsje yn it midden, oan de lofterside de namme fen it ôfprinte ding en oan 'e rjuchterside in letter, op dizze wize:

Spa, dan it printsje en dan de letter *a*.

Bij, „ it printsje „ „ „ „ „ *b*.

Juda en Israel. Hiene de broerren H. yn ús tiid skreaun, dan wier der gjin mis op, of sy wierne útskeld for anti-semieten. Efkes to foaren seit de hoanne: „dat is dan dochs better as it getsjanter fen 'e toalf stammen, dy kranten skriuwe en lotterijbriefkes en brillen forkeapje om de hân yn jimme bûse to krijen (294a, underoan). Op bls. 307b lêze wy: „alle toalf stammen Israëls pjûwden Dupin nei” en de Grouster Weachmasters jouwe de merkegasten ta bislút de goede rie: „Wachtsje jimme foar de knyflokters.” Dy it nou weaget om to sizzen, dat er ûnder de Jôden wôl smousen rinne, wirdt troch follen al lyk steld mei de Dútske domenij Stöcker.

DE LJUE FEN 'E POMP.

Hy wit fen tewis of mewis = hy wit nearne net mear fen; hy kin de iene net mear foar de oare. Men wol hawwe

dat tewis en mewis forbastere binne út *Mattheus* en *Bartholomeus*, de nammen fen twa apostels. Sjuch *Laurillard*, *Bijbel en Volkstaal*.

Jan Doedel = de jenever. *It folk fen Jan Doedel* = de jeneverdrinkers.

Alde braken (ek = brakken) = âlde, útwenne húzen, hwer-t faken in kliber earne húsjesinnen in lêste taflecht fine. It komt fen it Franske wird *baraque* = houten tint. Yn doarpen neamt men sokke âlde húzen wol beyers (= bajerts?)

Grûzige gribussen. Grûzich = smoarch. Gribus = húske fen hâld-oan, kroech. Sjuch R. en T., 79a en 364b.

De miebringer = de jinge, dy in tiding brocht. *Mie*, *miede* waerd ek troch Hooft e. o. yet brûkt. Men hie ek it wird *miedbrenghen* = bericht, tiding bringe. It wirdt net folle mear brûkt, mar komt yet foar yn Aldegea (Fr.): „goede mie bringe” = goede tijding bringen.

Dylakker = in striette yn Bolswert.

De Carmignole wier yn 'e tiid fen 'e greate Franske revolúsje in sang (ek in douns), dy foaral tsjin de keningin Marie Antoinette opmakke wier. Hy bigoun sa:

„Madame Veto avait promis

„De faire égorger tout Paris,”

d. w. s.: Mefrou Veto (= de keningin) hie foar hjar nommen om Parys smoare to litten. It *refrein* wier:

„Dansons la Carmignole!

„Vive le son du canon!”

Napoleon makke in ein oan it sjongen en dounsjen fen 'e Carmignole.

De kop Oranje meitsje is in sizwize, dy-t oerbleaun is út 'e Patriottetiid. Sjuch Minne Jorrits reis nei it Kollumer oproer.

De reade roede wier it teiken fen it offysje fen bode. (Drein = dragen).

„Verdere suppoosten ten dienste van justitie en gemeente

waren de stadsmajoor en ondermajoor, de roededragers (deurwaarders), hellebaardiers." Sjuch *Oude Tijd* '69, side 131.

Mathew of father Mathew, „de apostel der matigheid,” wier in Iersk preester (1790—1856) dy in it súde fensyn lân yn in earmoedich distrikt syn ampt waernaem. Hy sparre jild noch drokte om de Ieren fen 'e *brandy* ôf to hâlden of se der ôf to bringen. Dêrta reisge en swalke hy it hiele eilân (letter ek Ingelân) ôf en hy spriik mei sa'n kreft, dat ienris to Galway yn 2 dagen 100.000 minsken ôfskaffers waerden. Om-t er al syn jild er oan skansearre hie, joech it ryk him in jierjild fen 3600 gounen.

Orkelpân. De H. H., Id. Fr., hat it wird *orken* = getúge. In orkelpân = in pân dat getúge moat fen hwet bilofd is.

G. J. brûkt it ek: — „Y kinne 't lêze

„Yn 't leaf fen Ljouwerd, dat jou hân

„Us tadruchte as in orkelpân.”

Op 't oanfirdigen fen ens.

Compabel = capable = yn steat, bikwaem.

Kerearje = yn 't Holl. cureeren fen it Lat. curare = genéze.

Healbekkige poep (yn 'e noat, side 301) d. w. s. ien dy it Hollânsk krom praette.

Ielbonne, in houten bak mei gatten, dy yn 't wetter laeit, om de iel der libben yn to hâlden.

Do wier der bod = do wier der romte. Bod jaen = romte jaen.

„Myn hert, myn flesk syk't romte en bod

„Om naekjen de oer-tiid-libbne God.”

G. J., Ps. 84.

It wird *bod* wirdt yet folle brûkt fen 'e jongens by it draekfleanen (vlieger oplaten). Giet de draek omheech, den moatte se it tou fen 'e hispel rinne litte, *hja jowe de draek den bod*.

Ich of rich boartsje. De ich dat is de skerpe kant fen it limmet fen in mes (Holl. snede), de rich is de stompe kant, de

rêch. By it boartsjen swaait immen it mes yn it rouw en freget den by it delsmitten: *ich of rich?* Yn lettere tiden boarte men op sa'n manear mei cinten (faek wier it gjin *boartsjen*, mar *spyljen*) dy men troch inoar rattele en den omheech smiet, wylst men frege: *lieu of letter?*

Yn 'e Dongeradielen ens. Hwet scoe H. wol sizze, as er de seine ris seach, dy der nou op rêst. It earmjild (hoofdelijke omslag) 10, 11 % fen it ynkommen, en dan moat it ryk yet mei ytlike tûzenen byspringe, hwent de gemeinten binne „noodlijdend.” Yn 1848, of om dy snûrje, krasten in hiele bult op nei Amerika en nou wer.

Mjirkus-domenij = emeritus.

Censuur. It is de plicht fen 'e tsjerkerie om ta te sjen op 'e libbenswize fen 'e leden der tsjerke. Giet immen him yn it iene of it oare to bûten, dan wirdt-er net talitten by it „Avondmaal,” of wol hy wirdt foar sa 'n tiid as lid ôfset. Dat neamt men de censuur.

In foet as in moarmert, dat hat in foet west fen sa 'n foarm, dat it glês net stean koe; men moast it dos yn ienen leech nimme. In moarmert is in albasteren knikkert.

De rûn fen 'e stâl helje.

„Lit ik de rûn fen stâl ris liede

„As ien folle wol beskiede,” (*)

seit Nijsgjirrige Jolle, en hy mient er mei: lit my it mes ris út 'e bûse helje. Yn 'e dagen fen Gysbert-om (en letter ek yet!) wier „bekkesnijen” in feest ûnder de boerefeinten. Hja hiene messen mei silveren heften en op it ein derfen wier in hynderke; derom spriik men fen 'e rûn fen stâl helje. J. H., L. N. I, 289.

Accyns op it distelearre. Sjuch ris efkes yn 'e „Staatsbegrooting” foar 1893, Iebele! „Accijns binnen- en buitenlandisch gedistilleerd (der is de wyn mei yn bigrepen) — f 24.400.000.

(*) Dat is: as er ien folle praetsjes hat.

Dupin. Der wierne yn Frankryk twa gelearden fen dy namme, to sizzen de broerren André en Charles Dupin, dy beide lid wierne fen it Franske parlemint (beide hawwe se ek minister west). Ik tink dat H. Charles mient.

Leve de Diana van Ephesen. Domenij fordraeit de tekst hwet; it is: Groot is de Diana der Epheseren! Sjuch de Handelingen der Apostelen, it 19de Haedstik, to begjinnen by it 23ste fêrs.

Baduhenna wier in great bosk yn it âlde Fryslân, — yn „Sevenwolden” sizze goeds; oaren wolle it sykje mear nei it Noarden, hwent de namme sizze dy, wist ús nei it Wad. It rjuchte plak is net mear bikend.

Staf oer nacht = yn ienen, sunder útstel. Ek wol: staf-en-af. Sjuch Forjit my net '92, side 154.

Nemo saltat sobrius = nimmen dounset, as er nofteren is.

Soare tsjillen = tsjillen dy droech roun binne. Op side 410a: „de mûlescil so wol soar wurde fen dat forheljen.” En yn S.-W. II, 160 „Op in *soren* twiig” = op in deade toeke.

In hwotte = hotte; Holl. *wetsteen*. Sa seit men ek: „men kin fen balstiennen wol sop siede.”

Bella-donna, yn it Holl. *doodkruid* en *dolmakende nachtschade*, hat in frucht as swarte-beyen hast, in bytke greater. Lokkich, dat dy plant hjir yn it wyld bynei nea net foarkomt.

Spelt en gierst binne soarten fen granen; it earste hat folle wei fen ús weet; de gierst waekst yn waarme, droege lannen.

Ierkloarkers = ljue, dy de earme minsken it bloed ta de ieren út kloarkje. Kloarkje (klorkje) is nei-t Epkema seit bisibbe mei lurken = zuigend drinken. Sjuch *gelurk*.

Wyntsje en Tryntsje = wyn sûpe en it omgean mei lichte frouljue. Salverda seit:

„Lit wyn en Tryn net yn.”

Wellington. De ierapelsjuchtme fen 1845 sette bynammen Ierlân yn ûnk en lijen. In gefolch derfen wier, dat de forieniging dy tsjin de ynfierrjuchten fen 'e granen ivere (de *anti-corn-law-league* ûnder Richard Cobden) hjar sin krige; it ministearje, hwer ek Wellington yn siet, makke it plak rom for oaren.

To Snits yn Nr. 11. Dit wol sizze to Snits yn it gikkehûs. It skynt dat er to Snits alear in hûs wier om er gekken yn op to slûten, alteast yn „It heksershol” komt it ek foar, R. en T. side 369a. Nou seit men: to Frentsjer yn Nr. 11. Hwerom yn Nr. 11? De taelgelearden wolle hawwe, dat wy hjir net tinke moatte oan it getal 11, mar oan *elf*, *alf*, in wêzen út 'e gôdenlear fen ús âfaers (ek bikend as *it wile wiif*). Sjuch N. en Z. VI No. 12.

Lardich, ek *ladderich* = flau, om-t men gjin iten hawn hat, of kost dy net by de man stiet.

Lawaeisaus, sa neamd om-t it hwet liket en neat by bringt.

It hûs fen Jan Nekje = it tichthûs. Jan Nekje seil wol fen it skaei fen Japik Ingberts west hawwe.

MOSTERT NEI DE MIELTIID.

Hearringslynders, yn it Holl. *Futen* neamd, ek wol satijnduikers. Hja wirde net folle mear sjoen, om-t er sa'n fûleinige jacht op makke waerd om hjar bûnt. Sjuch S. en R. bls. 100.

Klapmoulke, in moulntsje, dat men op boereskûrren set om 'e rotten wei to jeyen.

„Sadat se siker as se woe

„For klappermonne tsjinje koe,”

seit W. D. fen in faem, dy rap mei de mûle is.

Bollestâl = de romte twisken it foarûnder en it roer, op sokke skippen dy in foarûnder hawwe mei doarkes der foar. Yn it Holl. *stuurstoel*.

DE SKEARWINKEL.

Hy hat suppleesje. Yn 'e foarige ieu joegen de Staten fen Fryslan in taslach op de leechste domenijstrakteminten; sy brochten dy op 450 Carolus of Keizersgounen. Dy taslach hiette *suppletie*. Letter waerden op lest en ta foardiel fen 'e Staten in bulte *pastoralia* forkoft; op dy plakken der dat foarfoel, joegen sy ek *suppletie*, dat nou yet as *Rijkstoelage* fen 'e Staet jown wirdt. Sjuch: V. Slooten, Verkoop van Frieslands Pastoralia. Dat domenij suppleesje hie, wol dos sizze, dat syn traktemint net heech wier.

Forknippe = fornije, fortelle.

In quibus of *kwibus* is in gik.

Vianen yn Hollân wier alear in frijpleats for bankerottiers.

Pejoatkes. Dy bistkes binne wol bikend. In *piot* is in soldaet. Nou wierne de soldaten by alds net sa hiet op it forskjinjen as in Fryske hûsfrau, sy libben der wol hwet rûch en smoarch hinne, sadat it yen gjin nij hoecht to dwaen, dat se net allinne rounen. Kin sa hjar namme ek ris oergien wêze op hjar kammeraten? Boargers en boeren wierne hjar frjeonen net en wol yn steat de bistkes dy namme to jaen om it soldatefolk to húnjen. Mar it kin ek wêze, dat pejoat = lûs wier en dat men soldaten pioten neamde, om-t dy bistkes folle yn hjar selskip wierne.

Stranken = doageneaten. „Biste enen *strank* van ên kerel.” S.-W. I, 535.

Sint Ealskleaster, yn 'e njoggende ieu to Starum boud, mar letter troch 'e sé ynslokt. Sint-Eal = Sint-Odulphus; sjuch J. H. Lett. N. I, 226.

Ten Broecke Hoekstra wier yn 1794 grytman fen West-Dongeradiel, mar moast it lân romme, om-t er in Oranjeklant wier. Yn 1816 waerd er wer grytman, lykwol al wer for in lyts hoartsje, hwent hy waerd oansteld as Professer to Leuven. Hy stoar yn 1828. Sjuch ek J. H., L. N. I, 284.

Congeriel, yn it Holl. = kongeraal, meeraal of zeepaling.

Starumske ribbekljuwers of klauwers. De earste rédens wierne kouwebonken. Dy fen Starum wierne sa yn forfal rekke, dat hja gjin nijmoadrige rédens bitelje koene en sa op kouwebonken foart klauwe moasten.

Hinljipper tsjeunken en tsjoaten. Ik haw in bulte war dien om to witten to kommen hwat dizze wurden bitsjutte, mar it wier om 'e nocht. Ut Hynlieppen wirdt my skreaun, dat men it der net wit. Fen *tsjoaten* wirdt wol ris sein: it koe bisibbe wêze mei *jutten* (strânjutten, ljue dy oan it strân om bût sykje), mar dat is net wis. Tsjeunken is er al hiel unbikend. Yn Laurillard Sprokkelhout, hwer-t oars in bulte skimpnammen yn foarkomme siket men dy fen H. toforgees. W. Dykstra yn „Friesland en de Friezen” jowt de namme *tjeunken*, ek sunder forklearring.

Hjouster klienroggen. Klienroggen = soarte fen bôlen, dy fen fyn wetenmoal bakt wurde.

Makkumer strânjutten. Strânjutten, ek jutters, neamt men oan 's sêkant de ljue dy lans it strân om bût sykje.

Skelnammen. Ek bûten Fryslan is it jaen fen skelnammen oan ynwenners fen freamde plakken hiem. De Amsterdammers hiete koekefretters, de Dimterljue stokfiskien, ens. ens. Laurillard jowt er in hiele lyst fen yn syn *Sprokkelhout*, side 206 en fierder.

It bleauw net altyt by skellen. Der bigoun it mei, mar it eindige meastentiids mei slaen en fjuchtsjen. Yn myn jongesjierren waerden de Drachster bôltsjes op merkedei de Sweach útband, mar sy forhellen hjar skea sa gau as in Sweachster bôle him yn Drachten sjen liet.

Yn 'e wanhab (noat under oan side 329), d. w. s. sy hiene hwet forkeards. Forg.: wanginst, wanhoop, ens.

IT HEKSERSHOL.

Yn dit forhael hat J. H. by inoar brocht, hwet er ûnder it Fryske folk yet libbet fen bygeloof. Ek hat er jacht makke op sizwizen en wurden dy ûnder it folk hiem binne; derfendinne komt it, dat er wol ris hwet rûchrouws mank rint.

Der seille mûglik goeds wêze, dy net leauwe wolle, dat er yet sa folle geloof slein wirdt oan foartsjirmerij, tsjoenen en tovermiddels.

Dy meye wol ris opslaen en lêze H. G. v. d. Veen, Wylde Lantearne, dy hjarren wol oars ynljochtsje seil.

Wâldierde, forg. hjirmei: *wâldreis, nei de wâlden*. Dat seit men fensels op 'e klaei; sjuch op side 348b hwet de kreamheinster oan 'e bern fortelt. Yn 'e wâlden seit men, dat de lytse bern ûnder de blauwe stien wei komme, op inkele plakken ek út in grouwe beam. Dat de earebarre se bringt is Dútsk en de blomkoal is út Hollân oersetten kommen.

Pilarbiter = immen dy út skynfrommens folle nei tsjerke giet.

Apen fen apen. De Hollânners binne de apen fen 'e Fransken, wylst de Friezen de Hollânners wer nei dogge. Yn 'e Iduna fen 1850 komt in stikje foar fen W. D. (Waling Dijkstra?), dat mei dizze wurden slút:

„Doch Fries, nou ried ik dy en mij dy for dy knapen:

„Wotst' alles Hollânsk ha, dan wirdst' *in aep der apen*.”

Skiechtich as in akke = sa bang as in ekster.

Franjes; sjuch *raenjen*.

Oan it leed gean. It leed is it deamiel. By âlds koe it er mei iten en drinken op in bigraffenis skou troch gean. It hearde by it fetsoen, dat men sa folle mûglik útredige om de deade mei wei to bringen. Sa 'n útnoeging neamde men: op it leed sizze.

In wyt klaed oer 'e kiste. Dat barde by âlds stees as er in kreamfrou opdragen waard.

Sy tommelen yn 'e miebringer. Sjuch op *miebringer*. Hjir is de miebringer in skip, dat nei de Helder foer en ek brûkt waard om it séfolk der ôf to leverjen. In miebringer (overbrenger) neamden de Hinlieppers in skipke, dat foar de sêgatten krúste en de frouljue de tiding (miede) brochten, dat hjar manljue út Riga wer thús wierne, to Amsterdam oplein en de reis nei Hinlieppen oannommen hiene. (Coronel, Herinn. Fr. Tent.). It hietten ek *oertoller*.

In magere gûl = in meager hynzer. It Dútske *Gaul* en it âld Holl. *guil*:

„Vroegh hengst, vroegh ghuyt.”

Yn *Posthumus, Hjouwerkoerke*, wirdt it sprekward „it is gûl om goalle bihannele en de skriuwer seit, dat gûl en goalle beide = *hynder* binne.

Pierewaeye d. i. waeye (plat Holl. for waden) oer 'e pieren (wjirmen) op it strân. Men seit it ek fen immen, dy-t it for in kear ris mâl docht.

In rispiske = recepis, in skriftlik biwys dat men it ien of it oar krige hat.

Opfantelje, ek *opfandelje* = by eltsoar sykje. By de boer moat de jonge moarns de aeyen opfantelje. Tjeskmoar praet tsjin Wif fen fûken fandelje.

Hierlotten. De splitters, dy fen 'e Staat hiele lotten krigen, splitten dy, d. w. s. makken der tientsjes ens. fen (altyt krekt tsien of tweintich?) Dy forkoften se oan de mindere man, ef ek wol sy forhierden se, dan wierne se mar for *ien* trekking jildich.

Koite, fen koaitsje = siede; hwet mei sieden klear makke is. Coite = brouwsel, De H. H.

De lieu yn 'e bek sjen. As de sintinsje fen it hôf in giseling of brânmerk wier, dan waerden de pasjinten op it skavot oan in peal fêst boun, mei it gesicht nei de peal en de bleate rêch nei de boal ta. Op dy peal nou wier it wapen fen

Fryslân (of fen 'e stêd Ljouwert?) skildere; dy sa'n waerm miel oproun, seach dos de lieu yn 'e bok. Cor., Fr. Tent.

E. H. seit yn *De Rûker*, No. 3: „Der stiet de galge op en op syn minst de lieu yn 'e bek sjen.”

In skriemer = in tsiis, der-t de waei net goed útparse is, sadas dy der letter útrint.

Neulje = sanikje, seure.

Lovekke = in hiel tin bledsje fen goud of silver, sa-t de farvers dy twisken pompier hawwe to lizzen. De kleurde pompierkes, der de bern jongtroude ljue wol mei bistruije, hiete ek *loverkes*.

De kreakeling waerd makke; de Uterske mars. Twa „figuren” út 'e Skotske trije, de earste better bikend as „deur elkaer;” hwet de twadde is blykt wol út H. syn wurden. Sjuch oer dy dans fen it platte lân (derom ek wol *boereplof* neamd) F. H. en H., 88, side 188.

Trewant. „In trewant fen mynhear Rounpoat” — „in trewant fen de divel (357b). De moanne is in trewant fen ús ierdbol.

In tsjokke moggel = in grou frouspersoan, dy it fet yn 'e wei sit, sadat se net giet, mar der oer skout.

Oremus, ek *oeremis* = it stiet forkeard, it is net plûs. It wird bitsjut *lit ús bidde*; nou komt bidden meastal oan 'e bar, as de need oan 'e man komt. Sa lit it him hiel wol heare, dat it Holl. *het is daar oremus* it selde is as *het is daar jammerlijk gesteld*. Sjuch V. D.

Sintinsje = sententie = fonnis, doem.

Oan 'e kaek. By âlds waerden doagneaten op in tonne of oan in peal to pronk steld, meastal mei in boerdsje foar it boarst, hwer-t hjar ondogenske streken op stiene. Bringt men nou immen syn skande oan it ljocht, dan seit men yet fen *oan 'e kaek stelle*.

Amelânder kjedden. Men hie alear op it Amelân in *stoeterij*. De boeren út 'e bouwklâni gean yet folle nei it Amelân om fôlen to keapjen.

Oerdum, is in gehuchtsje oan 'e eastkant fen Frentsjer, tichte by *Zweins*.

Dat's gjin trewes = dat's gjin saek. Trewes = it Franske trêve = stilstân fen wapens. Is it hjir of der for immen gjin trewes, dan hat er dêr dos spil, onrêst to wachtsjen.

De kluwers (sjuch ek bls. 364b) = de tsjinnern fen it gerjucht, dy de boel yn „beslag” namen.

Sutmestsjiis, ek forbastere ta *sipmanstsjis* seil wol swietmolkstsjis (zoetemelks kaas) wêze.

Mûzekeuteltsjes, ek wol keuteltsjethê neamd = Gumpowderthê. De bledden fen dy soarte wirde ta lytse kerltsjes by inoar rolle, sadat se wol op mûzekeuteltsjes lykje.

In lazarusklep. Do de freeslike melaetskens (lazarussjuchtme) yn alle lannen fen Jeropa hiem wier, moasten de lijers, as se op strjitte wierne, de foarbygangers warskôgje troch in klep of rottel om to draeyen. Et sa'n ding nou folle geweld útjoech, of dat er in bulte tagelyk heard waerden, dat wit ik net, mar men seit yet fen ien, dy drok praet: de bek giet him (of hjar) as in lazarusklep.

Biersalmen = sangen, lieten, dy songen waerden as it folk op merke to bier gyng. De oerdwealskens, hwer ús oars sa dimmene foarâlders hjar dan oan oer jaen koene, sprekt yette út folle fen dy sangen. Om noch in pear to neamen, bûten dy troch H. opneamd binne, wierne der:

„Toen ik op Neerlands bergen stond.”

„Lieve schipper, vaar mij over.”

„Daar was laatst een meisje loos.”

„Daar kwam eens een meisje van Scheevningen aan.”

„Schuin over de groenelands heide.”

„Gij komt, o stille avond”

en mear oare.

De bok fen Herodes. Herodes, dy it talei op it libben fen Jezus, stie by it Kristenfolk net yn in bêst bledsje, ja, net folle heger as de kweade. De bok fen Herodes scil hjir ek wol gelyk wêze mei in divelsbist.

Drempelmaegden, dat binne klaprinsters, dy by in oar in blikgat rinne en itende en dragende gasten binne.

V. D. jowt it wird *drempelmeid* net yn syn wirdboek, mar it wirdt brûkt troch Potgieter: „Jannetje ziet allerzuurst, als zij in het huis van een harer kinderen vreemde *drempelmeiden* ontmoet: Brabantsche bonnes, Zwitsersche gouvernantes, Fransche floddermadammen . . .”

Potg. *Jan, Jannetje en hun jongste kind.*

Smycht = smeunt of smient, in ondogenske, gemiene feint.

Snoar, snaar, snarre, Holl. schoonzuster.

Immen seinje. De tsjoensters rôppen by it bitsjoenen fen minsken of fé de hulp fen 'e kweade yn en sprieken derby swiere wurden. Woe men se derta bringe om immen to onttsjoenen, dan moastu sy goede wurden sprekke; dat hiet *seinje*.

In piip tabak drinke. Yn it Holl. sei men ek: „toebak” drinken (ek zuigen). Sjuch oer it rooken yn âld Fryslân: J. H., L. N. I, 151.

Smelle earenen tabaksdoazen. Ik haw sa'n doaze foar my lizzen. Hy is sa hwet 1½ dM. lang, ½ dM. breed en 3 cM. heech. Op it deksel is yn 't midden in hert ôfbyld; oan 'e lofterside sjucht men in harder en in harderinne; oan 'e rjuchter kant in harder, dy op 'e floit spilet, mei in keppel skiep. Under it hert stiet:

O Soete herderin
myn hart mijn vroolyk
wesen geniet ik
maar u gunst so was
myn Pyn genese.

Under is yn 't midden in keppel skiep, oan 'e lofterkant binne twa harders oan it skiifsjitten en oan 'e rjuchter hat men wer in harder en harderinne. Der stiet op to lêzen:

So schiet ik in u
 Schoot met vreugde on
 belaan en drijve met
 u voort ons schaapies
 al te saam.

Oan 'e kanten, foar en efter, stiet in jager dy mei twa (en trije) hounen jacht makket op in hazze en in hert. Dizze doaze is fen 1784. Nei-t men my seit binne se er ek yn 't silver.

Fêstmierje = oan in tou fêst sette. Sjuch ek *miertou*. It Holl. *meren*.

Wy steane foar de breken = Wy nimme op ús hwet er fen komt. Breken of breuken = boeten.

De foarflechter. Dizze hearde by it „kapsel” fen in Hynljipper trond wiif. As in faem de breid wier, krige sy de *breidsfrissel* of it *wiitsnoer*; der oer hinne kaem de *foarflechter* en oer dizze waard yet in moaie doek slein, dy mei flippen by de holle del hinge. Wy lêze der fen yn: *Merkwaardigheden v. Hindeloopen fen Roosjen c.s.*:

„Wanneer een meisje des Zondags in de kerk zou trouwen, dan kreeg zij des Dinsdags te voren een hoofdtooisel, *de bruidsvlecht*, geheeten, hetwelk aldus was ingericht: een band om het hoofd; het haar gevlochten met band; een muts met een opening er boven in, waarop het gevlochten haar opgerold werd gelegd; hier overheen de *foarflechter* of *huitje* van zwaar linnen met rood laken overtrokken en stijf bestikt, die voorovergebogen kwam te zitten en van achteren een driekant flipje met tandjes had; twee zwarte lokken hingen aan iedere zijde der oogen; twee losse vlechten van zwart garen en wit lint, in elkander gevlochten, werden beneden om den voorvlechter rond gelegd; eindelijk werd een fraaie doek als een sluier om het hoofd geslagen.”

En yn in *Bijvoegsel* sizze hja yet:

„De muts, welke er over (oer de foarflechter) wordt getrokken,

is *in* den rouw een stroepmuts van fijn linnen, welke *uit* den rouw wordt vervangen door een fijne kamerdoeksche, de *blinker* genaamd."

To bek takkelje = sefkes efterút helje. Fen in bern, dat bidoarn is, seit men: it moat in takke to bek, d. i. it moat efterút set wirde.

Slypboard = sleepboerd, in soart barte, hwert de boeren by alds as de klaiwegen min wierne, ploech of eide op nei it lân sleepten. Yn 'e greidhoeke brûkte men in *slyptroch*, yn 'e bouhoeke in *slypboerd*.

Rodger yn 'e helge. Sjuch oer Rodger, R. en T. 327 en 328. Mar hwet is *yn 'e helge*?

Cum annexis of forkoart c. a. = mei hwet er by biheart.

Gridzen = malle kûren, oanslaggen, flinken.

Bisije = binaeye, bistikje. Halbertsma brûkt inkele wurden, dy hiem binne (of wierne) yn it Súd-Westen fen Fryslân to s. yn Hynljippen, Molkwarren, ens. *Roosjen* yn it boekje *Merkwaardigheden van Hindeloopen* brûkt it wird *siejen* = naeye: „De mekke klaan kenne vaaik zo vuele noat opbriinge as se van *siejen* koaste hebbe.”

Sjuch ek *oerscis*, *formale*, *smoarmogge*.

Silen en beagen. De sile is it kromme stik hout, dat mei in *keat* troch it gat fen it kromtiksiel stitsen en troch de *look* fest hâlden wirdt. Oan 'e beide einen wirde de stringen (touwen) mei in strûp fêst makke en dy wirde op 'e oare ein forboun mei de *beage*, in bréde bân dy it hynzer foar it boarst hat.

Philantrope = minskefrjeon. *Filou en troupe* (in „woordspeling”) = skelmen yn mennichte.

Grabbedaye = stelle, kape.

Mei kjitte en pôlkjen, d. w. s. sy smieten se mei smoargens en gêrs- of heidepôlkes.

Gybje = nei de lêste siken gapje, op it stjerren lizze. Holl. „op it gijpen.”

Unwittende bygeloavich. Unwittend of onwitten tsjinnet ta forsterking (it is in „bijwoord van graad"): unwittende sterk, great, ryk, ens.

ÛT DE LÊSTE STIKJES.

It Ingelgerecaunt = hwet de Ingels reauntsje, yen yn it ear lûsterje. Holl. *fluisteren*. Flûsterje, dat nei it sizzen fen W. D. (sjuch S. en R., side 131b) gjin Frysk is, wirdt yn dit gedicht fen Halbertsma brûkt (12te fêrs).

„En *flûsterje* hjar pop yn t-ear

„It wird fen God de Heare.”

En sa ek yn „Nacht” (R. en T. 63a):

„k Hear it flûsterjen allinne:

„Iwich, iwich ljeafde en trou!”

Stiennen oan 'e mûrre loegje fen kaepmomme slavernij = mei dwaen om slavernij, (dy it sabeare net is), yn to fieren. *Kaepmom* = it Holl. masker; *kaepmomme slavernij* = verkapte slavernij.

Dit leaf, Holl. loof = dit blêd.

Prûzer = it Holl. *fierder*.

In sodze = in poel, in wetter mei driuwpôllen en sa. „Ut 'e sodzige Grou.”

Do wier 't hui en hoart = den stie er stil, den stuitte er wer foart. *Hui!* in útrop om immen tsjin to kearen, en hoart = it Holl. horten.

By honk = thús. „Bij honk bliuwe.” Honk is by it berne boartsjen it plak, dêr se rêst hawwe. Ek yn it Holl.

Hja wier sa fornimstich en prot. Dy fornimstich is, jowt op alles acht, sjucht om him hinne, lit him net forrifelje en is dêr wol ris hwet great op. Prot, dat oars = *lills* is (en dan scil it wol mei protteljen bisibbe wêze) scil hjir it selde wêze as *prat*, frij gelyk mei it earste wird. For beide scoe men sizze kinne *kein*.

Langemear, in wetter twisken it *Lang Deel* en de *Wide Ie*, sa hwet fen *Warstiens* nei *Suwâld*.

Jeni! In útrop. G. J. hat it ek: „Jeny! ho mei 't komme kinne!” Mûglik forbastere út *Jemenie!* en dit wer út *Jezus Marie!*

Altenborch is in herberch oan it wetter *It Langdeel*, twiske *Warstiens* en de *Froskepolle*.

Ho baestû = ho praetstû sa frjemd. **Baze** = dwylje, der yn om prate. „Bazestû net, fjildebouer?” freget by G. J. de faem oan *Swear*. Yn it Holl. *bazelen*.

Ronfels (ronfelic hies) fynt men bynei altyt op marren en rivierkes (sa as de Boarn en de Tsjonger).

Tollens fen fieren neifolge. Bikend is it sankje: „De wintervorst vierde zijn woede den toom.” Der komt yn foar fen „Schoon Elsje, een boerinnetje poezel en malsch, verloor onder 't rijden de boot van haar hals,” ens.

Hertha, de moeder-godinne fen de ierde by de âlde Dútskers. Yn in hillich bosk (op Rügen? Der fynt men yet it *Hertha meer*) biwarre men hjar wein, dy jiers ienris troch twa kij it lân troch litsen waerd om oeral frede to bringen. As er wer to plak wier, waerd er yn in mar skjin makke, wylst de slaven, dy dat dien hiene, deid waerden.

Stjûr us in nije Grietman oer ens. Yn 1841 waerd de grytman fen Idaerderadiel goeverneur fen Fryslân. Syn soan waerd as grytman syn opfolger. Sjuch *Beslinga-State*.

Heibeyich. In *heybey* wier by alds in fêkke, in tange fen in wiif. Sjuch Oudemans. Nou, as in kwea wiif yn hûs omslacht, is it der net út to hâlden, dan laeit it er *heibeyich* hinne.

Yn S.-W., II, bls. 68, stiet to lêzen: „Do stund Moor (= mem) hêsebèsig sülvt up,” en yn 'e oanteikingen ûnder oan 'e bls.: „*hêsebèsig* = geschäftig, voll Feuer;” dos = drok, hastich, rimpen, lyk as in *heybey* dat docht.

Ik lies it wird ek (*hijbij* wier it stoaid) yn it Tiidskrift *Eigen Haard*: „Mevrouw was een hijbij.”

Sa lang as hja mei hjar fyanden wedde binne d. w. s. sa lang sy dêr drokte mei hawwe. „Gewed zijn om iets,” seit V. D. woe by âlds sizze *der om to dwaen wêze, yn gefaer sitte*.

It hoarnleger = de romte hwer in boerehûs (boeregelegenheit) op stiet, it *erf*.

In hynstepresser. Kening Willem II stoe bikend as in firdich rûter; men wol hawwe, dat soks him yn 1830, do-t er yn it oproerige Brussel kaem, it libben biwarre hat. It wird wol hjir sizze: de kening hie it hynzer yn 'e macht, hy wie er baes oer.

In igewige fen in guds is in guds, dy frij hwet to keap hat, lang net mak is. Sjuch *igewige*.

Breagelonger = it longerjen, it útsjen nei brea.

Lanterluijen = omrinne sûnder hwet to dwaen. Men seit ek *lanterfantsje*.

Der sit gjin groede yn = it wol net groeye of waekse, it sjucht der net soun en tierich út. „Dy jonge bliúwt like lyts en onsjuch; der sit gjin groede yn.”

„Ik seil dat koarn wol wer omploeye moatte; der sit gjin groede yn.”

In dikkop Hubert en Wopke = in dikkop (= 2 dL.) anys en jenever.

De rollebol, yn it Holl. *rijfelspel*, miste alear op gjin merke. Troch in soarte fen trachter (rijfelbeker) waerd in bol smiten, dy ôfslipe wier, sadat er 12 flakke kantsjes oan sieten. Op elts fen dy kantsjes stie in nûmer. Op 'e tafel, der de rollebol op stie, laeien oan wearskanten twa stikken swilk, elts ek mei 12 nûmers. De bol kaem yn in earden panne (rijfelbord) to lanne, en nou waerd er neisjoen, hwet nûmer boppe laei. Stel it wier Nr. 5 en ik hie bygelyks 'ris trije cinten op dy Nr. fen it swilk set, dan moast de spillebaes (rijfelaar) my 10 kear myn ynset werjaen. Koe dit foar sa'n man út? Men scoe sizze fen lang net, mar op 'e oare nûmers wierne ek cinten set en dy stiek de baes stikum yn 'e bûse. It wier op 'e merken yn it lyts as oan 'e spylbank yn it great; de bankhâlder woun. Nou wirde „rijfelaars en spelen om gewin gestrengelijk geweerd” en der wirdt nea net mear spile, om cinten; och hea, né!

DE JONKERBOER.

Krysttiid en Sint Steffen (dat is de twadde Krystdei), waerden, sa-t wy út dit forhael fen Dokter Eeltsje to witten komme, fen de âlde Friezen heech set. Dat siet him dermei yn, omt men dan de berte fen Jezus fierde en yen forhúge oer de lear fen ljeafde en minskemin. Der tsjûgt it dwaen fen boer Piter op 'e Wieren fen, dy midmacht it fé in jefte hea brocht en ek de fûgeltsje bûte net forgeat. Mar it kaem er foaral fen dinne, dat it yet yn it hert biwirtle wier fen âfaers tiden, do-t er greate fjûren flanden ta eare fen Warn (Wodan of Odin). It Krystfeest is yn it plak kommen fen it heidenske Midwinterfeest, it greatste feest fen 'e âlde Germanen. Sjuch ek op *Krystwich*.

It docht my nij, dat Dokter-om gjin gewach makket fen kloklieden. Dat wier oars yn 'e Krystwike in jamk wirkje foar 'e boerefeinten. Ik mien, dat it op St. Thomas bigoun (21 Dec.); dan hiene jy alle jounen it gebeyer oan 'e gong ta St.-Sylvester (âldjiersdei) út. Yn myn jongensjierren bingelen to Beets en oeral yn 'e walddoarpen dy in klokhûs op it tsjerkhôf hiene, de klokken, mei alle staesje en hiene gjin lins foar-t de úrwirken op âldjiersjoun toalf ûre oanwysden. Sjuch hjir oer: F. H. en H. 1890, side 370 en fierder.

Nim it foar ljeaf. Dat skreau ek Gysbert-om oan syn stalke S. A. Gabbema: „Nim it foar ljeaf; it is rjucht en sljucht as dy fen Bolsert.” Sjuch Xde Brief. Dy wurden binne oanbrocht under it kopstik fen G. J. yn 'e Sint-Martenstsjerke to B.

De wurden fen de Dútske dichter Heine, dy as *motto* boppe De Jonkerboer stean, bitsjutte:

„It libben is yn 'e groun sa droevich earnstich, dat it net to libjen wêze scoe, as it kluftige net mank it trúrige roun.”

Instituten en pandecten binne boeken oer it Romeinske rjucht.

Kynhout = hout, dat yn 'e lége feanen foun wirdt en oerbljeaun is fen 'e greate bosken dy alear Fryslân for in great diel biditsen.

Poask is in fisk, dy yn 't Holl. *post* hiet. Yn it Frysk neamt men him ek *skilige poask* en *snotterige poask*. Dy nammen meitsje it ús dúdlik, dat er net folle achteneard wirdt.

Dy is fen 'e finne op 'e jester kommen, d. i. dy hat folop hawn en sit nou yn earmoed en lijen. Yn 'e finne hat it fé goed iten, de jester is fortrape en forwadde, sadat er gjin spjirke waekst. Men seit ek: „fen 'e want yn 'e tomme.”

Lége aen en lége wâlden dat binne de streken om 'e Snitser mar en de poelen, dy der oan fêst hingje. *Lege aen* moat wêze *lége geaen* = laaggelegen streken. Sjuch F. H. en H. '90, 287 en S. en R. 173.

Rosolis. Yn 'e 282ste oanteikening fen Oudemans útjefte fen *Het Moortje* (skreaun fen *Brederoô*) lêze wy hjir fen, dat er om 'e snurje fen 1500 yn Rome in man wenne (*Mutio Frangipangi* hiette hy), dy fen wyn en krûden in drank makke, hwer hy de namme fen *ros solis* (= sinnedau) oan joech. By V. D. stiet, dat it in fine likeur is, = rozenbrandewijn.

Klaerkamp wier in forneamd kleaster by de Geast. It marke by dit doarp hiet der nei yet *Klaerkampster m.*

Tsjoel = it net.

In manekarper is hwet greater en platter as in gewoane karper.

De Wetering is de útrin fen 'e Boarn of it Keningsdijp (ek Alddijp) yn 'e Snitser mar. *Boarn* hiet it wetter, hwer-t it farber wirdt (twiske Beets en Oldeboarn).

Dat is in jierstoune = dat bart jiers mar ienris; nou is er in jier forroun.

Houk fen Bôzum. Dit teltsje is ek fen 'e beam, dy by de broerren Grimm yn it hôf stiet (sjuch it Foarwird).

In diveldans, nei it âld bygelove, dat de tsjoensters ienris yn it jier mei hjar hear en master, menear Koarthakke, dounsje moasten. Yn Dútsklân dogge se dat yn 'e Walpurgisnacht (fen 30 Apr. op 1 Maeye) op 'e Bloksberg. It seil wol foartkommen wêze út 'e dounsjende alven en nixen (nikkers) fen 'e heidentiid.

De Roaspollen binne lytse eilantsjes yn 'e Snitser mar, tichte by de Roekoepolle, der it hirdsilen wei bigjint. As de lége mieden ûnder wetter stean, neamt men de plakjes dy boppe wetter útstekke, pôllen.

Alde waerûl = âlde tsjoenster, omrinster. De tsjoensters bleauwen net stil sitten, mar gyngen der faek by nacht en untiid op út om immen yn it unk to bringen. Men neamt ek immen, dy der moai skoan troch doar, in waerûle. „Hearink noch ta! dêr hawwe wy Aefke yn dat waer! Fanke, dû bist altyd sa 'n waerûle west!”

In kealforlizzer = in kou, dy kjellet foar 't de tiid fen dragen om is. Ier binne boerkerijen, der-t men er in danigen lêst fen hat. „As de boeren er lêst fen hawwe, dat hjar kij de keallen forlizze, dan moatte hja hinne gean en snije de kop fen it earste kealforlizzers keal ôf en bidobje de rompe fen it keal foar de heafeksdoar. De kop moat yn in nije blauwe doek, dy yet nea net brûkt is, bitrolle wirde en moat men ophingje oan 'e spierren boppe de bûthústillinger — dan komme er gjin kealforlizzers mear. — (Bûthústillinger of tillingen is de souder boppe de hynstestallen). V. d. V., W. L.

Sketjefstiid = tiid om in *jefte* (gifte) to jaen oan it *sket* (= fê). Sjuch R. en T. bls. 296 (2de printinge), hwer-t H. seit dat *schat* = *sket* = *stâlfé* is.

Skoalboerd. Yn folle húzen treft men yet in skoalboerd, hwer de bern hjar printen nou yn bewarje. Foar de skoallewet fen '57 wier it in stik húsrie, dat de skoallebern net misse koene; do moast elts for syn egen „leermiddelen” soargje en dy founen der hjar hoede yn.

Troch it margehoarntsje foerje. In margehoarntsje tsjinnet om er de woarsten troch to stopjen. It woarstflesk wirdt der linke bytkes troch treaun. Dy-t der troch foerre wirdt kriget it dos by bytkes, hy wirdt by de tomme heind, lyk as dat wizansje is by ljue, dy it fen 'e earmesteat hawwe moatte.

Myn sisters op it slot. Hjir hat Dokter-om him forskreaun, hwent letter hiet it ommers, dat de Jonker mar ien sister hie, dy sa hwet omgammele.

Dy batske Kening. Batsk = rimpen, koart oanboun. Sjuch T. H. en H. 1889 side 182:

„'t Is nou forskate jierren lyn,
„Do boaske batske Jan mei Tryn.”

H. v. Warners.

En V. D. hat *batsch* = trotsch, overmoedig.

Dat harderke fen in soan = dat stimper. De deiske sizwize is *herterke*, fen *hert* en = hertsje, flaeinamme for in bern. Men tinkt oan lijen en tsjinstuiten, as men sprekt fen in *herterke*.

It hert is til en rom = it is loftich. Forg.: it hert tilt op.

Derten = it Holl. dartel, uitgelaten, weelderig. „O, derten liete!” seit Tjerne by G. J. en Tetke:

„O, dat boaskjen bûte rie!
„Derten wier ik, do 'k it die.”

Reidhintsje, yn it Holl. = riethoen of waterhoen, hâldt folle thús yn 'e reiden en lizen, hwer-t it ek syn nest makket.

Sok bálten ter care Gods, ens. De rom fen in master yn 'e foarige en ek yet yn it bigjin fen dizze ien wier it salmsjongen. Dy dêr in bol-David yn wier, krige de skoalle. Men sei den ek fen *skoalle-forsjongen*, as der in examen hâlden waard hwet yet wol 'ris sa neamd wirdt. Domenij seit, dat de man de broeksbân los makke as-t-er ta kaem, mar ik haw fortellen heard fen in pear bazen fen sjongers dy fen it iene doarp nei it oare to tsjerke gyngen. De domenij spriik de salm ôf en de master sette moai heech yn. „It gyng oan 'e hege fa ta,” fortelden se letter, „mar do-t wy der oan ta wierne, sprongen wy oerein, en wy paken him wol.”

It oare part wier oan it lotsjen. It lotsjen op Krystjoun wier foar gjin lange jierren yette frij hwet hiem yn Fryslan, alteast yn ytlike oarden. Sinte-Klaes-joun gyng it op taei en letters (ek wol op einefûgels), mar Krysttiids op krintewiggen. Wier op Sinte-Klaes in great wiif fen taei de priis, hwer-t men om dobbele mei 6 bline dobbelstienen, (d. w. s. eltse stien hat 5 bline kanten en 1 mei eagen) op Krystjoun kaem de lokkige winner yn it bisit fen in oeribel lange bôle.

In ielkwab seil it selde bist wêze, dat yn it Holl. *kwabaal* hiet, to s. in fisk fen sa om-ende-by twa foet lang, mei in bréde, stompe kop en in swarte hûd; hy haldt folle ta yn 'e weake modder fen sleatten.

Sint-Marten. De hillige Marten, dy yn 'e fyfte ieu biskop fen Tours wier, waerd yn Dútsklân, de Nederlânnen en ek yn Frankryk tige foreard. In bulte tsjerken wierne, of binne yet him tawijd; in Belgie wol fjouwer hûndert en hjir yn Fryslân dy to Snits, Frentsjer en Bolsert. De 11de Novimber is syn feestdei; de bern rinne dan jouns op inkele plakken mei ljochtsjes en sjonge der by:

„Sint-Martinus bisschop,
„Roem van deze landen,
„Dat wij hier met lichtjes loopen
„Is voor ons geen schande.”

Bikend is ek it bernerymke:

„Sinte Maarten is zoo koud,
„Geef een arm vol turf en hout enz.”

Sint-Marten is ek de tiid fen 'e fette gies, dy dan by in bulte ljue op 'e tafel komt.

Lyk as de measte Kerstenfeesten is ek de Sint-Martensdei in oerbliuwsel út 'e heidentiid. Sjuch hjiroer Alm. van 't Nut, 1868, side 151.

Heal en hear wêze = net to tige wêze, se alle fiif net hawwe.

Ofbeund = al hiel ôf. It is = mei it Holl. *afgebeeld*.

De haem yn 'e beam. As er in fôltsje smiten wier, dan waerd de haem (it fruchtflues) yn in beam hinge en wol sa heech mûglik; men die dat omt it bist dan letter as hynzer in flinke stap krije scoe. Sjuch V. d. V., W. L. 56.

Fortige = it Holl. verwelkte, verkwijnde. Sjuch It Jonge Fryslan, side 54: *Ier fortige*, fen Lútsen.

De hilde op sizze. Dit sizzen wiist ús tobek nei de tiden fen it „Leenstelsel.” In „leenman” of „vasal” moast hilde (= trouw) swarre oan syn „leenheer.” Woe-d-er nei dy net mear heare, dan sei-er him de hilde op; hy hie dan „neat mear mei him oan 'e klep,” lyk as men wol seit. Sa mient Ageboer it ek.

In boerehoatske, ek *hotske*. In boeredochter of faem, hwer men fen fierens al oan sjen kin, dat se oars net folle omgong hawn hat as mei hjar heite kij en skiep.

Slobben binne in soart wylde einen, in stikje lytser as de gewoane wylde einen. Noch lytser binne de telings (talingen).

Brilloft. Brilloftsje, dat it stá sei, wier foar in tritich, fjirtich jier yet in fêst brúkme by ús Fryske boeren. In hûndert of mear gasten, der seach men gjin niget oan. Sjuch J. H., Lett. N. I, side 143. Mar nou is der de mot ek al yn.

Starters nye Brillofts-sang. J. J. Starter 1594—1626? wier fen geboarte in Ingelskman, mar hat to Ljouwert en Frentsjer wenne. Syn gedichten (yn it Hollânsk op ien stikje nei, dat yn it Frysk is) binne meast „gelegenheidsverzen;” ek hat er kluchten skreaun. De lêste kear binne se útjown yn in moai boekdiel fen Dr. van Vloten (Utrecht, L. E. Bosch 1864), under de namme: „Friesche Lusthof, beplant met verscheyden stichtelyke Minneliedekens, Gedichten ende boertige kluchten” (6de druk).

MINNE JORRITS REIS.

It fjûr oantreaste = oanwekkerje. Sa seit men ek: *immen hwet oantreaste*, d. w. s. oanprate om to dwaen, hwer hy tsjin opsjucht.

De forkiezingen binne nou ens. Halbertsma hat dit stikje skreaun yn 1851, dos yn 'e snurje fen 'e nije grounwet, gemeintewet, ens. Foar 1848 hiene wy yn ús lân de saneamde *getrapte verkiezingen*: de Provinciale Staten keazen de leden fen 'e Twadde Keamer (dy fen 'e Earste waerden troch de kening bineamd).

Mjokskret = in kret, kroade, om to mjoksjen, d. w. s. de stâllen en de gruppe der efter skjin hâlde. Mjoksplanke is de planke dy by de rûchskerne opliedt. In kret is ek it sketsje efter op in boerewein (efterkret) en de planke foar, hwer-t de foerman op sit (foarkret.)

Nepotismus neamt men it foartkroadsjen fen neefjes en nichjes of goefrjeonen troch de ljue, dy oan it regear binne.

De tsjoele is stikken, mar de simmen wurde yet fêst hâlden. De tsjoel is it *net*, de *mesken* fen in skeakel; de simmen binne de touwen der it net yn sit, lyk as in seil yn 'e liken. Oan it ûnderste tou hat men ornaris stikken lead om it net nei ûnderen to lûken. H. wol hjir sizze: „Passe op; jimme binne de twang ûntkommen, mar der wirdt op loerd om jimme der wer ûnder to bringen.”

Burschenschaft = studinteforieniging. De lânsregearing yn Dútsklân hie net folle op mei dy *Burschenschaft* en siet de leden der fen yn 'e faksen, om-t men miende, dat it in gearset wier fen republikeinen. Hwet hja der yn Heidelbergh songen

komt sahwet hjir op del: „Heech laeit by ús it sin for it Heitelân en for 'e frijheit; wy wolle fen gjin boeyens witte.”

It manuael mei it gewear = it bihandeljen fen it gewear, it hantearjen.

Swikjes for 'e brouwers binne houten pintsjes, dy men yn it swikgat fen in fet slacht. Dat gat is der yn om de loft tagong ta it binnenste fen it fet to jaen.

Mei in jager op stôk = mei in roes yn.

Hoffenje. It fé hoffenje = it fé ôfrosse en skjin meitsje. It wirdt ek fen bern sein. „Jonkje, hwet sjuchst der út; ik mei dy wol ris goed hoffenje.”

Burger municipael. Do de Fransken hjir yn 1795 de „frijheit” brocht hiene, moast it spiltsje, ek yn it regear, fensels foroare wirde, net allinne mei dieden, mar ek yn namme. Sa waerden de froedskippen ôftanke en yn hjar plak kamen *municipaliteiten*. Elts lid fen in gemeinteried wier in *municipael* en om-t men it Franske *citoyen* neiaepje moast, sette men dêr, lyk as foar alle oare nammen, *burger* foar.

Representant. Hwet foar 1795 Provinciale Staten en Staten-Generael wêst hiene, waerden yn de „Baviaenske” republiek (side 227a) „representanten” (yn it Holl. = vertegenwoordigers) neamd.

In druvetros is in skiif mei in stange yn 'e midden en der wirde in heap lytse kûgels om hinne steapele, dy nei it skot út inoar spatte.

Troch riden en sleatten; ek wol: troch sleatten en slodzen. In slodze is in nauwe sleat, in ryd is wiid. De sleatten by dyken lâns neamt men folle riden.

Rizenbry en hjitte poffen (útdield troch de boal). Dy gisele waard krige *rozenbry* (ryskes), en dy mei in branmerk forsjoen waard, waard trakteard op *hjitte poffen*.

Kollumer oproer (4 en 5 fen Selle 1797). Mei Jan Binnes waerden ek finzen nommen Gjalt Bodzer fen Mûntsjesyl en

Marten Jonker, skoallemaster to Driesum. De earste rekke bêst wei, hwent hy krige graesje, mar Marten Jonker moast trije jier ûnder de blauwe pannen. Twa dagen foar-t syn straftiid om wier, stoar hy to Ljouwert yn it tichthûs. Sjuch Iduna, 7de boek oarde rige, bls. 91.

It himpen finster is de strop. Himpen stiet for *hinnepen*; in finster fen hinnepe, om-t it tou folle fen hinnepe makke wirdt.

Inplejeare scil komme fen employer = brûke. De bakker koe syn 18 goune aerdich brûke yn 'e krappe tiid.

Syn Brutuskop. Yn 'e Romeinske histoarje komme twa persoanen foar, dy Brutus hietten en dy sa folle wierne as Romeinske patriotten. Derom die yn 'e tiden fen 'e Franske revolúsje de namme Brutus ek opjild by de Jakobinen. Yn dy dagen liet men yen ek it hier knippe of opmeitsje *à la Brutus*; mûglik ek, dat Minne syn giele lokken nei dat nijste fatsoen snije litten hie.

In hynstepresser fen in wiif = in teapert, in boas frommis, dat nearne for stiet. Sjuch ek *hynstepresser*, yn *De Forname Utfenhuizers*.

Koaihakken, dat scille hakken wêze sa hird as in koai, in houten of stiennen foarm dy men yn eine-en hinnekoerren leit for nustaei.

Catrineprommen = droege prommen, dy sean en oer weake bôle skept, folle oan kreamfrûljue brocht wurde.

In wearaksel = in tsjinsin. Forg. wearakselje, tsjinakselje = tsjin keare, yen tsjin immen forsette. Mûlk wol fen *aksel*, yn it âldfr. = skouder (Hd. achsel).

Blomkesoalje wirdt *tsen* út 'e bloeisels (blomkes) fen greate beane.

Spears is in gehuchtsje twisken de doarpen Goyengea en Dearsom.

Sa bliid as in staring. Men seit ornaris: sa bliid as in protter; de protter is in libbene, frolike fûgel. Staring seil hjir ek wol sa folle wêze as protter en is dan forbastere fen it Dútske Staar. To Beetstersweach en dy kontreyen neamt men de „spreeuwen” *starken*.

Torminten = torment, pleage, lijen. In Geuzelietsje lit de boargers fen Alkmaer sjonge nei hjar romrofte fiktoarje yn 1573:

„Zij meenden ons stad te vernielen,
 „Als zij daar kwamen omtrent;
 „Met stormen en met schieten
 „Haar te brengen in torment.”

IT PARSOP.

In tuolle (toelle) is in blokje hout mei in plankje der boppe op, hwer-t de melker op sitten giet ûnder de kou. It wirdt, mien ik, ek wol ris skammeltsje neamd.

In broudoek brûkt men by it tsiizjen. It waei rint er troch en de brokken bliuwe der op lizzen.

Sa-t it rydt en fart is in sprekwise, hwer men mei sizze wol: „sa as it ding is, sûnder der hwet by of ôf to dwaen.”

Foeke Sjoerds wier skoallemaster to Nijtsjerk yn E. D. fen 1742—1770. Hy wier berne to Ie yn East-Dong. en fen syn handwirk oars skoennakker, mar yn 1739 waerd er master to Ljoesens. Hy lei him mei de boarst op de skiednis ta, bynammen op dy fen Fryslan. Derta sneupte er allerhanne âlde skrijûwers, ek yn frjemde talen, troch en wist for syn tiid moai aerdich it tsjef fen it koarn to skiftsjen. Behalve in „Kort Vertoog v. d. Staat en de gesch. d. Kerke” 4 dl., skreau hy: „Algemeene Beschrijving van O. en N. Friesland,” 2 dl., en „Historische Jaarboeken v. O. en N. Friesland,” 6 dl., wirken dy ont nou ta greate wearde hawwe.

Batthyany. Yn 1848 stiene de Hongaren, dy troch de Eastenrikers jierren hûne wierne, tsjin dit folk op en under

Görgei en Kossuth scoene sy de frijheit siker wol bifochten hawwe, as de Rusman net mei in great leger de Eastenrikers to hilp kommen wier. De keizer stjúrde nou generael Hainau om de rebelske Ongersljue to straffen en dy die dat op in alderskandaligste manear. B. dy foar de opstand wol ta de *oppositie* heard, mar him bûten de revolúsje hâlden hie, waard finzen nommen en demd om ophinge to wurden. Syn wiif wist him in dolk ta to krijen en der snei er him de halsier mei iepen. Mar de wréde Eastenrikers forbounen de woun en skeaten him letter dea, wyls-t al syn goed forbard forklearre waard, sadat syn wiif (in grevinne Zichy) en trije bern ta earmoed forfoelen.

Roafkroäten. De Kroäten, dy in diel útmakken fen it Eastenrykske leger, binne út it lân Kroätië ôfkomstich. Kroäten en pandoeren wierne in woest folk, dy yn rôven en moardsjen it „sieraad van den krijg” seagen.

TAHEAKKE.

ÚTJEFTEN FEN 'E LAPEKOER.

De earste útjefte fen 1822 is in lyts fjouwerkantich boekje fen 36 blêdsiden. (De blêdsjes mei 33, 34, 35 en 36 teikene, binne mar oan ien side bprinte). Pompier en printinge binne beide tige min. Op it earste blêd stiet: „De Lapekoer fen Gabe Skroar; drukt to Dimter by de widd. J. H. de Lange en soan, oan de Brink, yn 'e Wintermoanne fen it jier 1822.” (*)

De ynhald bistiet út:

Foarwird, *Bolswerter merke* (mei neiwird as yn R. en T.) *Widzesang* (mei neiwird), *Jonker P. en S.*, *Deagraverssankje*, *Ut-fen-hûs by de boer* (m. n.), *It Famke* en *It Libbensein* (m. n.) Yn it neiwird fen it lêste stik komt net foar, hwet yn R. en T. to lêzen stiet op 7a fen rigel 30 f. b. ôf ont bls. 8a rigel 18 f. û ta. It Foarwird is gelyk mei *In wirdke foarâf* yn R. en T., mar der folget yet:

„Miene wize ljue, dat Gabe net goed boekstaverje koe, sy moatte tinke, 't wier mar in skroar, dy weiskreau sa as er praette. Er scil noch wol oar lek en brek fen to sizzen wêze, mar derom wolle wy er gjin jild foar hawwe en smite dizze rymlerij as in hânfol lapen ûnder ús folk en goede frjeonen to grabbel. De mage kitelt ús noch net unfoech, mar sa gau as de jûkte ús dermei yn 'e beide foarste fingers en tomme slacht, lyk as de ljue tsjinwirdich yn 't greate boekefabryk om deihier arbeidsje, dan scille wy de koer noch ris útskodsje en for alle skibbigge lapen en flarden, dy er mar útrolje, tige jild bitingje. Dat hiete se nou ynteikenje, leau ik. Goen dei!”

(*) Ik haw de boekstoaying foroare en de hjoeddeiske folge, dy foarsteld is troch it Frysk Selskip en útwirke yn 'e Friesche Spraakkunst van Van Blom.

De útjefte fen 1829 is in kreed boekje, lyts-octavo-foarm, fen 237 bls. mei yet 12 siden muzyk; dan folget noch in *Toevoegsel* en in *Naricht*. Beide binne to finen yn R. en T., side 184a en forf. De titel (mei lapekoer en skjirre der op útprinte) is:

„De Lapekoer fen Gabe Skroar. Dimter, for ien fen Gabe folk, by J. de Lange.”

Ynhald:

Foarwird, sa-t it yn R. en T. foarkomt; de stikjes út 'e jefte fen 1822 mar sûnder neiwird. Der steane net yn: *De Bear op Reis* en *De fûgel fen Bearn-poep* dy yn R. en T. foarkomme op siden 8b en 9a. Op *It Libbensein* folgje: *De Reis nei de Jichtmasters*, *Omkearde Widzesang*, *Nije Widzesang*, *Geale Slipke*, *Oan Ljûwe*, *Nimmen libbet fen 'e Oerfloed*, *Skipperssankje*, *It Marke*, *Ald Jan-om*, *It Tsjerkhôf*, *Trije gebetkes*, *De Rottefwacht*, *It Bolswerter Nut*, *Doch dyn plicht*, *Miswier*, *De âlde Friezen*, *Fryslân*, *S. fen 'e Ryp* en *Nacht*.

Der komme net yn foar it proza fen J. H. nei *Oan Ljûwe* (R. en T. 19b en forf.), *De Harkers* (R. en T. 37b) en hwet yn R. en T. to lêzen stiet fen 54a—61a. De brieven yn *It Jild* binne yn 't Hollânsk. *S. fen 'e Ryp* is in lyts krûmke oars as yn R. en T.

De muzyk is for 'e folgende stikjes, dy allegearre opnommen binne yn *Van Loon*, *Frysk Liete boek*: *Skipperssankje*, *Bolsw. m.*, *It Marke*, *N. Widzesang*, *De âlde Fr.*, *Widsezang*, *Fryslân*, *S. f. 'e R.*, *J. P. en S.*, *Nacht*. (*)

Op it earste blad fen 'e útjefte fen 1834 stiet: „De Lapekoer fen Gabe Skroar. Tredde Jefte. Dimter by Jan de Lange oan 'e Brink 1834.” Oan 'e rêchside fen 'e titel:

„Le monde est vieux, je le crois; cependant

„Il le faut amuser encore comme un enfant.” (†)

La Fontaine.

(*) Yn it *Nij Frysk Lieteboek* komme fen Dr. E. foar: *It Blomke tink oan my*, *Sémansklachte* en *Grouster Weagen* (Dokter Eeltsje Sankje).

(†) Dat is: De wrâld is al âld, dat leau ik, mar men moat yet as in bern mei hjar boartsje en djoeye.

Ynhald:

Inleiding (yn 't Holl.), sa-t dy yn R. en T. stiet ont it ein fen side XXIa ta. Dan, de bls. mei Romeinske cifers. nûmmeren: *De frijeon, It Blomke, Eltse man dy kaem, ens., W. Bilderdijk aan J. H. en Het Rietmuschje*. Gjin neiward efter de stikjes fen 1822. De brieven yn *It Jild* binne yn it Frysk, en *S. fen 'e R.* is der foroare yn 'e foarm sa-t dy yn R. en T. stiet. Oars is de ynhald lyk as dy fen 1829 en dan komme yet de stikken, dy yn R. en T. to finen binne op bls. 63a ûnderoan en fierders, (op 'e beide lêsten nei: *Request en It Alderhûs*; dy komme yn 'e jefte fen '34 net foar). Op fjouwer aparte blêdsjes binne printe. *Oan in Berntsje yn 'e oare Wrâld* en *Famme-wille*, beide mei muzyk.

Musyk fen OAN IN BERNTSJE:

$$\begin{array}{|c|c|} \hline \begin{array}{ccc} 3 & 3 & 3 \\ 1 & 1 & 1 \end{array} & \begin{array}{ccc} 3 & 2 & 3 \\ 1 & 7 & 1 \end{array} \\ \hline \end{array} \quad \left| \quad \begin{array}{ccc} 5 & 4 & 0 \\ 2 & 0 & 0 \end{array} \quad \begin{array}{ccc} 0 & 0 & 3 \\ 0 & 0 & 1 \end{array} \quad \left| \quad \begin{array}{cc} 2 & 2 \\ 7 & 7 \end{array} \quad \begin{array}{ccc} 2 & 5 & 4 \\ 7 & 7 & 7 \end{array} \right|$$

$$\begin{array}{|c|c|} \hline \begin{array}{ccc} 4 & 3 & 0 \\ 7 & 1 & 0 \end{array} & \begin{array}{ccc} 0 & 0 & 0 \\ 0 & 0 & 0 \end{array} \\ \hline \end{array} \quad \left| \quad \begin{array}{ccc} 3 & 2 & 1 \\ 1 & 7 & 1 \end{array} \quad \begin{array}{ccc} 1 & 4 & 3 \\ 1 & 2 & 1 \end{array} \quad \begin{array}{ccc} 2 & 1 & 6 \\ 7 & 6 & 6 \end{array} \quad \left| \quad \begin{array}{ccc} 7 & 6 & 0 \\ 5 & 4 & 0 \end{array} \quad \begin{array}{ccc} 0 & 0 & 0 \\ 0 & 0 & 0 \end{array} \right|$$

$$\begin{array}{|c|c|} \hline \begin{array}{ccc} 5 & 3 & 1 \\ 1 & . & . \end{array} & \begin{array}{ccc} 5 & 4 & 2 \\ 7 & . & . \end{array} \\ \hline \end{array} \quad \left| \quad \begin{array}{ccc} 1 & 1 & 1 \\ 1 & 5 & 4 \end{array} \quad \begin{array}{ccc} 1 & 0 & 0 \\ 3 & 0 & 0 \end{array} \right\|$$

FAMME-WILLE.

I.

$$\begin{array}{|c|c|} \hline \begin{array}{cc} 1 & 3 \\ 1 & . \end{array} & \begin{array}{cc} 3 & 4 \\ 7 & . \end{array} \\ \hline \end{array} \quad \left| \quad \begin{array}{cc} 5 & 1 \\ 1 & . \end{array} \quad i \quad \left| \quad \begin{array}{ccc} 1 & 2 & 1 \\ 1 & 2 & 1 \end{array} \quad \begin{array}{cc} 7 & 6 \\ 7 & 6 \end{array} \right|$$

Heare Saske, hwet in nocht! Heare Saske,
Ljea it skutters-folk is thús; Daelk is 't keamer

<u>6</u> . <u>5</u>	<u>5</u>		<u>4</u> <u>5</u> <u>4</u>	<u>3</u> <u>2</u>		<u>6</u> . <u>5</u>	<u>5</u>	
hwet	in	nocht!	Hear	ik	dêr	de	trommen	net
op	mei	ûs!	Dan	springst	mei	hjar	yn	de bocht

<u>5</u> . <u>5</u>	<u>6</u> <u>7</u>		<u>2</u> . <u>1</u>	<u>1</u>	:	
Blinke	de	gewearen	net?			
Hea-re	Saske	hwet	in	nocht!		

II.

<u>3</u> <u>4</u> <u>3</u>	<u>2</u> <u>3</u>		<u>5</u> . <u>4</u>	<u>4</u>		<u>4</u> <u>5</u> <u>4</u>	<u>3</u> <u>4</u>	
Saske,	binn' dyn	rédens	klear?	Saske,	binn' dyn			
Ryd dan	dat it	gûlt	en giet;	Gjin	faem	dy	al-	

<u>6</u> . <u>5</u>	<u>5</u>		<u>7</u> <u>1</u> <u>7</u>	<u>6</u> <u>7</u>		<u>1</u> <u>3</u>	<u>4</u> <u>6</u>	
rédens	klear?	Al	de	skutters	út	it	lân	
linne	stiet.	Al - les	rydt	wer	pear	oan	pear.	

<u>5</u> <u>4</u>	<u>2</u> <u>7</u>		<u>2</u> . <u>1</u>	<u>1</u>	:	
Nimme	in	famke	by	de	han.	
Sas	ke	is dyn	ark	al	klear?	

III.

<u>3</u> . <u>3</u>	<u>4</u> . <u>5</u>		<u>6</u> . <u>5</u>	<u>5</u>	
<u>1</u> . <u>1</u>	<u>2</u> . <u>3</u>		<u>4</u> . <u>3</u>	<u>3</u>	
Saske	hastû	boaske	ljea?		
Liz	nou	oan	en	tûtsje	ta;

<u>5</u> . <u>5</u>	<u>6</u> . <u>7</u>		<u>2</u> . <u>1</u>	<u>1</u>	
<u>3</u> . <u>3</u>	<u>4</u> . <u>4</u>		<u>4</u> . <u>3</u>	<u>3</u>	
O,	dyn	skut - ter	is	net	dea!
Gjin	poep	- in - ne	scil	him	ha

$\overline{3 \quad \cdot \quad 3}$	$\overline{4 \quad \cdot \quad 5}$	$\overline{6 \quad \cdot \quad 5}$	5
$\overline{1 \quad \cdot \quad 1}$	$\overline{2 \quad \cdot \quad 3}$	$\overline{4 \quad \cdot \quad 3}$	3
Fiel, dû	hast him	by de	hân
Foi! dat	wier gjin	wachtsjen,	ljea!

$\overline{5 \quad \cdot \quad 5}$	$\overline{6 \quad \cdot \quad 7}$	$\overline{2 \quad \cdot \quad 1}$	1 :
$\overline{3 \quad \cdot \quad 3}$	$\overline{4 \quad \cdot \quad 4}$	$\overline{4 \quad \cdot \quad 3}$	3 :
Dy syn	trou dy	joech to	pân!
Sûn - der	skutters	wier 'k ljeafst	dea! (*)

In oar skutterslied, dat ek net yn R. en T. opnommen is, kaem yn 'e tiid fen 'e Belgiske revoluesje apart út ûnder de namme fen: *Foeke-Skutter en Hospes Tryn, fen Eeltsje fen Grouvergea*. Hjir is it:

I.

$\overline{1 \quad 2}$		3	3	$\overline{3 \quad 4}$		5	3	$\overline{3 \quad 4}$		5	3
Hwer		moastû		nou		hinne		myn		Skutter?	

$\overline{1 \quad 2}$		3	3	$\overline{3 \quad 4}$		5	3	$\overline{3 \quad 4}$		5	3
Hwer		moastû		nou		hinne		myn		Skutter?	

$\overline{2 \quad 3}$		$\overline{4 \quad 4}$	$\overline{4 \quad 4}$	$\overline{5 \quad 4}$		4	3
Nei		Brabân		ta, myn		ljeave	Nynke!

$\overline{2 \quad 3}$		$\overline{4 \quad 4}$	$\overline{4 \quad 4}$	$\overline{5 \quad 4}$		3	0
Nei		Brabân		ta, myn		ljeave	Tryn!

5		1	1	3		5	0	3		2	5	$\overline{4 \quad 2}$		1	0	
Kom,		taepje		ris		yn!		Kom,		taepje		ris		yn!		

(*) In bytsje foroare om 'e mjitte.

2.

Hwa scil dy dyn poatstrou dan koaitsje?
 De kok, de kok, myn ljeave Nynke!
 De kok, de kok, myn ljeave Tryn!
 Kom, taepje ris yn.

3.

As de poatstrou dan klüttert, myn Foeke?
 Riere, riere, myn ljeave Nynke!
 Riere, riere, myn ljeave Tryn!
 Kom, taepje ris yn!

4.

Hwet poatstrou scil de kok dy dan riere?
 Ratsjetoe, myn ljeave Nynke!
 Ratsjetoe, myn ljeave Tryn!
 Kom, taepje ris yn!

5.

Hwa scil dy dyn kofje dan siede?
 De pomp, de pomp, myn ljeave Nynke!
 De pomp, de pomp, myn ljeave Tryn!
 Kom, taepje ris yn!

6.

As de saed dan kâld wirdt, myn skutter?
 Dan in slokje, myn ljeave Nynke!
 Dan in slokje, myn ljeave Tryn!
 Kom, taepje ris yn!

7.

Hwer scistû op sliepe, myn skutter?
 Op de striesek, myn ljeave Nynke!
 Op de striesek, myn ljeave Tryn!
 Kom, taepje ris yn!

8.

Hwa scil dy dyn wrine dan spriede?
 De kapot, o myn ljeave Nynke!
 De kapot, o myn ljeave Tryn!
 Kom, taepje ris yn.

9.

As it strie to hird wirdt, myn skutter?
 Skodsje, skodsje, myn ljeave Nynke!
 Skodsje, skodsje, myn ljeave Tryn!
 Kom, taepje ris yn!

10.

Hwa jowt dy dyn bûsjild, myn skutter?
 Kening Willem, myn ljeave Nynke!
 Kening Willem, myn ljeave Tryn!
 Kom, taepje ris yn!

11.

As de tiid dy dan lang falt, myn skutter?
 Poetse, poetse, myn ljeave Nynke!
 Poetse, poetse, myn ljeave Tryn!
 Kom, taepje ris yn!

12.

As de Brabânders komme, myn skutter?
 Sjitte, sjitte, myn ljeave Nynke!
 Sjitte, sjitte, myn ljeave Tryn!
 Kom, taepje ris yn!

Om 't wy nou doch mei skutterssangen dwaende binne,
 skriuw ik hjir ek ôf in sankje fen Tsjalling Hiddes, dat foar-
 komt yn in âld boekje, *Frysk Rym en Onrym*.

DE SKUTTER.

1.

Der stie in skutter op 'e wacht
 By heil en wintertwierren;
 Al traepjend yn 'e tsjustre nacht
 Tocht hy oan oare jierren.
 It famke yn 't heitelân,
 Syn ljeafste en wirdste pân,
 Dat koe hy net forjitte.
 „Hwet ek de tiid my brout,
 „My lok of unlok jowt,
 „Ik scil dy net forlitte.

2.

„Hjir binn' wol famkes, gled en moai,
 „Mar net sa tsjep as Anke,
 „En derom is it bûten roai
 „Tink ik net oan myn fanke.
 „Dy faem fen 't heitelân,
 „Dat ljeafste en wirdste pân
 „Dy scil ik net forjitte.
 „Hwet ek de tiid my brout,
 „My lok of unlok jowt,
 „Ik scil dy nea forlitte.

3.

„En kom ik dan wer yn Westhim,
 „Dan flean ik nei myn famke;
 „Dan siz ik hjar mei mylde stim,
 „En patsje 't moette lamke:
 „Jow my dyn rjuchterhân,
 „Myn wirdste en beste pân;
 „Koestû my net forjitte,
 „My hest' ek net forlern;
 „Myn hunichswiete bern,
 „Nou wol 'k dy nea forjitte.”

(It kin songen wurde op 'e wize fen No. 11, yn Bruining-Halbertsma Liedjes v. School en Huis).

Fierders binne yn 'e Rimen en Teltsjes net opnommen: 1. de rymkes, dy Dokter Eeltsje út it Platdútsk fen Klaus Groth oerbrocht en under de titel fen *De Quickborn* to Ljouwert by E. Hosbach J.Cz. yn 1857 yn it ljocht joech; 2. de *Teltsjes út Esonstêd* (20 teltsjes mei foar- en neiward), to finen yn 'e Fryske Húsfrjeon fen 1858; 3. de fiif stikjes (fen Eeltsje en Tsjalling?) under de namme fen *De Rûker* útjown bij H. C. Schetsberg to Ljouwert yn 1832 en 33. (*) De hear W. Eekhoff jowt yn syn biskruwing fen it libben fen Dr. J. H. H. ek yet op: *Friesche heiligen* fen Dr. J. H. H., Dr. E. H. en Keapman T. H. (1837?) Deselde neamt yn 'e list fen wirken fen Dr. E. (Sjuch *De Jonkerboer*, útjown yn 1858 to Lj. by W. E.) ek yet trije stikjes, yn it Hollânsk opmakke: *Het dorp Grouw* (Fr. V. A. 1837) en *Een Doctor aan een meisje, dat hem om een Sint-Nikolaas vroeg* en *Rosa. Aan de meisjes* (Ov. A. '36 en '37). Do-t yn 1849 de Fryske leden fen 'e Twadde Keamer, *Oosting* en *Engelen* tsjin 'e ôfskaffing fen 'e slavernij stimden, kaem er in fêrs yn it ljocht (†) (ik kin net sizze of it ek printe waerd), hwer dy beide hearen ûngenedich yn trochhelle waerden. Men sei, dat it fen Eeltsje wier. In Frysk fêrs fen Dr. Eeltsje, *Us Gysbertomme*, dat to finen is yn it earste stik fen *Hulde aan G. J.* hat de hear W. Dykstra ek opnommen yn *Sljucht en Rjucht*, wylst Piter Jelles yn 'e foarste jefte fen *For Hûs en Hiem*, 1888 in stikje opnaem fen Keapman Tsjalling: *De Brûne en de Blês op trije Romers*. Dit stikje komt ek foar yn: Buitenrust Hettema, Bloemlezing uit Nieuwfriesche Geschriften, blz. 24. Deryn fynt men ek fen Tj. H.: *Sets en Tzjerk yn Snitser Merk*, en *It Stimrjuecht*. Tj. H. skreau wol yn: It Friesk jierboekje. Hjir is noch in fêrske, dat Dr. E. yn in silveren tabaksdoaze printsje liet, dy-t er yn 1844 mei syn jacht Gysbert Japiks to Snits woun.

(*) De opskriften fen dy stikjes binne:

In jounpraetke oer it bankerotspyljen;

It paed nei de jilddobbe;

In jounpraetke oer it reisjen;

In jounpraetke oer it iwich kredyt- en

In jounpraetke oer it stimrjucht.

(†) Dit is ek yn it Hollânsk.

Gysbert Japiks greате namme
 Haw ik oan myn skipke jown,
 En de priis der elts op flamme
 Fiks mei glans en glorie woun.

Earn fleach Gysbert mei syn pinne
 Op 'e wjukken fen 't forstân;
 Nou oer Fryslans marren hinne
 Brûst er, sylt er as de brân.

De Rimen en Teltsjes waerden foar it earst útjown yn 1871, foar 'e twadde kear yn 1881 en yet ris yn 1887. De jeften fen '81 en '87 binne krekt allyk; de selde flaters dy yn 'e oarde printinge foarkomme fynt men wer yn dy fen 1887. Mar 't is lokkich gjin great tal; ik haw se yn myn oanteikeningen oanjown. Nou op dit egenblik is nei it skriûwen fen 'e útjowers it boek *útforkoft*. Litte se gerêst in nije printinge jaen; sa lang men op hat mei Fryske sin en Fryske tael scil er freech bliuwe nei Halbertsma's *Rimen en Teltsjes*.

REGISTER.

A.

Abbegaesje 39.
 Abstoanje 33.
 Aden 22.
 Adstint 25.
 Aeyen (a. yn klopje) 100.
 Aen 61.
 Aes 68.
 âldfrinzieh 51.
 âld-outer 90.
 Altenborch 134.
 Alteraesje 69.
 Amerij 13.
 Apen fen apen 126.
 Ark 19.
 Auto-da-fé 91.

B.

Baduhenna 122.
 Baerch (in fet b.) 95.
 Baeitsje (it b. ophingje) 31.
 Bakkershoarn 56.
 Balken (b. oan twa sprekke) 65.
 Bamberg 13.
 Bare (bûter b.) 52.
 Bargefinken 98.
 Bartjes 60.
 Pasiliskus 102.
 Batsk 139.
 Batthyany 145.
 Baze 134.
 Beage 23, 88.
 Beanhearre 30.
 Bek (to b. takkelje) 132.
 Bekker 86.
 Bekstallich 15.
 Bella-donna 122.
 Beslinga 103.
 Beu 64.
 Biderf 95.
 Bidest 73.
 Bidrippe 25.
 Bientsjekou 30.
 Bier en barnihertichheid 25.
 Bier (to b. gean) 17.

Biersalmen 129.
 Biezemstoerke 114.
 Bigangel 47.
 Bigoarje 25.
 Biheind 90.
 Bijenzelje 50.
 Bijlegger 83.
 Biklinke 59.
 Bikluye 85.
 Bilêze 24.
 Bink 45.
 Binn'hûs 97.
 Bisje 132.
 Bisouwe 71.
 Bitrollemolle 92.
 Bitsich bodsje 41.
 Bordeaux (hertoch fen B.) 107.
 Bysitter 111.
 Bysjager 58.
 Bjûwe 65.
 Blastich 56.
 Blauspinalen 100.
 Bleistrich 42.
 Blibben 27.
 Blij 19.
 Blier 19.
 Bliid 19.
 Blikkers 81.
 Bloarre 23.
 Bloarrige eagen 117.
 Blokjes oan 'e piip 102.
 Blomkesoalje 144.
 Bluistrich 56.
 Boalsalve 30.
 Boarne 39.
 Boarst (mei in b.) 50.
 Boask 26.
 Bod 120.
 Boddelerij 32.
 Boekjes f. Prinsen 118.
 Boekstaverje 118.
 Boerehoatske 141.
 Boerekofje 49.
 Bok f. Herodes 130.
 Bol-David 100.
 Bolle 104.
 Bollekeal 58.
 Bollestâl 123.

Bolswerter merke 16.
 Bolswina 55.
 Bonne foi (op 'e -) 64.
 Boun (yn 't -) 26.
 Boxumerslach 77.
 Braken (âlde -) 119.
 Bras 61.
 Brat (yn 't -) 43.
 Brea op 'e knibbel 22.
 Breahogge 76.
 Brebiersstok 100.
 Breedskaed 21.
 Breken 131.
 Breuken 105.
 Brief (it - lêze) 50.
 Brij (de - is opskept) 37.
 Brodze 43.
 Brodzich 90.
 Brogge 65.
 Bros (it lân -) 54.
 Broudoek 145.
 Brouwe (it skip -) 13.
 Brutuskop 144.
 Bûgeltas 58.
 Bûkswjergea 51.
 Burschenschaft 142.
 Bûtsje 66.
 Butte 54.
 Bûzhappert 84.
 Bûzkoal 38.

C.

Camstra-steate 95.
 Carlos (don) 93.
 Carmignole 119.
 Catrineprommen 144.
 Censuur 121.
 Comfoai 107.
 Compabel 120.
 Congeriel 125.
 Continuoesje 108.
 Cum annexis 132.

D.

Daemsteech 15.
 Danich 27.
 Darkert 43.
 Deizen 71.
 Demd 55.
 Derten 139.
 Diana f. Ephese 122.
 Digerje 35.
 Digerkykje 45, 77.
 Diggelfjûr 53.
 Dimmen 73.
 Dimpen 15.
 Dipper 58.

Diveldans 138.
 Dizenich 47.
 Doaske f. Pandora 92.
 Dobbe-ich 30.
 Dobke 23.
 Dod (yn 'e -) 35.
 Doem 91.
 Doeren 31.
 Dokkumers 75.
 Dokter-Snelletje 112.
 Doljorum 38.
 Douanen 31.
 Douweflappe 60.
 Drankbaerch 85.
 Drinsgje 112.
 Druvetros 143.
 Dryakel 68.
 Dûbelliddich 47.
 Dûkelhalzich 60.
 Dûkelige dammen 41.
 Dûnje 59.
 Dupin 122.
 Dweilen 63.
 Dwersbongelje 48.
 Dyk (út 'e - dold) 27.
 Dylakker 119.

E.

Eardske 45.
 Earen (de - bikôge) 22.
 Earen, earen 32, 38.
 Earne halzen 107.
 Earnamer 100.
 Earsling 36.
 Eart 89.
 Eck (van) 88.
 Efterbaks 77.
 Efteroansblok 49.
 Eftersteekje 101.
 Eiso 103.
 Eksteur 24.
 Eptich 73.
 Erfsilver 67.
 Espartero 107.
 Estrikken 112.
 Evels 62.

F.

Faen 95.
 Fâlden (yn 'e jamkste -) 87.
 Falle (fen 'e stoel -) 66.
 Faren 67.
 Feet 25.
 Fêstmierje 131.
 Fetseput 50.
 Fimelje 64.
 Finne (fen 'e - op 'e yester) 137.

Finster (kaep -) 102.
 Fiskael 110.
 Fiskbodde 109.
 Fiterhynst 70.
 Fjárboeter 53.
 Fjárput f. Starum 51.
 Flaekshikkjelje 109.
 Flak en njút 47.
 Flalie 105.
 Fleale 76.
 Fleugelje 102.
 Fliensk 116.
 Flint (de - skouwe) 99.
 Flitsje 104.
 Floataftich 53.
 Flodder 22.
 Flotgêrzen 58.
 Flut 58.
 Foarflechter 131.
 Foarhaed 53.
 Foeke Sjoerds 145.
 Foldedich 44.
 Forasjeredearje 108.
 Forknippe 124.
 Formale 49.
 Formôgle 20.
 Fornimstich 133.
 Forrêdde 80.
 Forskrouwe 96.
 Forsprekke 48.
 Fortige 141.
 Fortokke 83.
 Fortribele 100.
 Fotse 86.
 Fotsen 56.
 Foyaedsje 116.
 Franjes 126.
 Frisselje 103.
 Froskepôle 95.
 Fym'l 56.
 Fyndoeckspoep 46.
 Fyt 95.
 Fûgel 45.

G.

Gammel 16.
 Gariper rekken 40.
 Gayom-en hjar 32.
 Gearjeft 72.
 Gear ript 92.
 Gegou 35.
 Gegryn en getrún 48.
 Geld en wyld 63.
 Geizenich en tsjouwerich 54.
 Geye 27.
 Gelurk 104.
 Gemâlk 103.
 George III 116.
 Gerben f. Jobbegea 32.

Getroet 103.
 Gibelkes 53.
 Giizje 18.
 Gjúwe 63.
 Glês (it - wier forroun) 24.
 Gljirje 49.
 Gload 50.
 Gloppe 37.
 Glúpe 18.
 Glúpich freegjend 71.
 Gnobje 34.
 Gnod 35.
 Gnorje 36.
 Goarre 100.
 Goarrich 29.
 Gobje 22.
 Gopperje 89.
 Gorm ndeur 117.
 Gouns (in - rinne) 117.
 Grabbedaye 132.
 Grevi 92.
 Grevel 46.
 Gridzen 132.
 Grilke 37.
 Grinich 24.
 Grobbelich 53.
 Groede 135.
 Grúsje 69.
 Grúze 100.
 Grúzige gribussen 119.
 Gûl 127.
 Gylbe 132.
 Gyl (oan 'e -) 115.
 Gysten 19.

H.

Haboes 59, 109.
 Haem yn 'e beam 141.
 Haerlemer tape 62.
 Haffelje 21.
 Haftich 50.
 Hakketeearje 39.
 Hall (van -) 107.
 Ham en gram 50.
 Hamboai 79.
 Hânbakje 79.
 Hânfet 15.
 Hantsen 59.
 Hantsjemieren 43.
 Hantsjeriis 110.
 Harderke 139.
 Harje 34.
 Harnzer 85.
 Haveleas en bilabberd 112.
 Heal en hear 140.
 Healbekkige poep 120.
 Healnôch 84.
 Hearrich 36.
 Hearringslynder 123.

Heibeyich 134.
 Hek (yn 't) 105.
 Helm 65.
 Herne 93.
 Hertha 134.
 Hesperuslaempe 95.
 Heuch en meuch (tsjin -) 77.
 Heukererslibben 51.
 Heuverich 80.
 Hierlotten 127.
 Hiete poffen 143.
 Hikke en tein 44.
 Hilde (de - opsizze) 141.
 Himelinkje 102.
 Himpen 66.
 Himpen finster 144.
 Hinnewine 23.
 Hipperts 28.
 Hispelje 96.
 Hispelprikken 111.
 Hjouwer (de - forrinne) 99.
 Hoantsen 34, 116.
 Hoarnleger 135.
 Hoarnwiif 69.
 Hoarsa 115.
 Hoask 55.
 Hoeden 64.
 Hoedsje 111.
 Hoffenje 143.
 Hoiteflap 39.
 Hôlefôlje 38.
 Hollandismen 85.
 Holograaf 68.
 Hommers 84.
 Honk 133.
 Honke 97.
 Hopsek 43.
 Hosk 65.
 Hotsje 41.
 Hotte en file 60.
 Hounekalmei 70.
 Hounemizel 28.
 Houwe (de folle -) 82.
 Hubert en Wopke 135.
 Hui en hoart 133.
 Hûnich slikje 55.
 Hûs (it - f. Jan Nekje) 123.
 Hû himmelersdrankjes 29.
 Hwotte 122.
 Hyla 46.
 Hynstebiter 13.
 Hynstepresser 135.
 Hynstetysker 79.
 Hypochonder 98.

I, Y, J

Ich of rich boartsje
 Ielboune 120.
 Ielkwab 140

Ielpieper 86.
 Ierkloarkers 122.
 Igewâlden 97.
 Igewige 101.
 Ingelgereant 133.
 Inpertinent 99.
 Inplejare 144.
 Instituten en pandecten 137.
 Ychel 68.
 Ychel-swyn 104.
 Yester 19.
 Yl en swird (troch -) 66.
 Ylbijen 71.
 Yncroyabels 113.
 Ynfieren 72.
 Ynhouten 117.
 Ynpannich 115.
 Ynskewiele 54.
 Yntsje-Jans-boekje 78.
 Jager (in - op stôk) 143.
 Jan Doedel 119.
 Janke-en-hjarre 90.
 Jeltich 51.
 Jeneveroaljekeap 32.
 Jeni! 134.
 Jenten en drenten 43.
 Jestaël 54.
 Jierstoune 137.
 Jild sjitte 92.
 Jimmetsje 45.
 Jine 85.
 Jisluk 41.
 Jobbe 79.
 Jûk! 41.
 Juttebier 85.

K.

Kachelakje 116.
 Kaek (oan 'e -) 129.
 Kaeyen (de - f. de himel skierje) 22.
 Kaepmom 133.
 Kajûtsfracht 83.
 Kâld jild 61.
 Kalkoensprint 79.
 Kantens 23.
 Kaplaken 83.
 Kasie 62.
 Kealforlizzer 138.
 Keap jaen 57.
 Keate 74.
 Keats 111.
 Keatsen 9.
 Kedize 53.
 Keeft 40.
 Kein en tipsidich 51.
 Keizersgoune 80.
 Keppels 50.
 Kerearje 120.
 Kerfstok (de - is izer) 52.

Ketierspoat 81.
 Kien 100.
 Kilemoardsje 59.
 Kjikou 40.
 Kladden 113.
 Klaerkamp 137.
 Klaphout 30.
 Klappmoulke 123.
 Kleaster (rotte -) 37.
 Kleau (op 'e -) 79.
 Kleauwe 20.
 Klienroggen 125.
 Klikje 50.
 Klinken 113.
 Klinsgje 106.
 Klinte 90.
 Klipke 42.
 Klirkje 51.
 Klitser 83.
 Kluenskonk 69.
 Kluvers 129.
 Knevel 95.
 Knikelsblêdden 69.
 Knisterje 96.
 Knoffelbân 67.
 Knotte 26.
 Knûkforskje 117.
 Koalboer 95.
 Koaihakken 144.
 Koalkleed 106.
 Koartjan 115.
 Koartmoes 112.
 Koarterboer 58.
 Koeke f. egen daei 109.
 Kokeslengerje 10.
 Koerang 66.
 Koeze 33.
 Koite 127.
 Koker (út 'e - spylje) 38.
 Kollumer oproer 143.
 Koltsje 22.
 Kouweribben 96.
 Kraenooch 13.
 Krankyl 59.
 Kreakeling 128.
 Kreamheinstjer 69.
 Kriebintich as in kroade 28.
 Krieme 76, 89.
 Krimmenearje 68.
 Kroandea 62.
 Kroansop 111.
 Krodde 28.
 Krok 66.
 Krôkje 49.
 Krouske 63.
 Krupsje 32.
 Krûste penning 41.
 Krystwich 94.
 Kwea (eigen —) 70.
 Kwibus 124.

L.

Labbekak 84.
 Laech 74.
 Lân en sân 73.
 Lânbrebier 15.
 Langemear 133.
 Langsleatmer man 110.
 Lânopfretters 15.
 Lânsitiger 39.
 Lanterluyen 135.
 Lardich 123.
 Lask 66.
 Lavater 102.
 Lawaeisais 123.
 Lazarusklep 129.
 Lazeris 53.
 Leaf 133.
 Leavich 34.
 Lêbbich 88.
 Leed (oan 't - gean) 126.
 Lege aen 137.
 Lege wâlden 97.
 Lepsen 65.
 Lewaske 42.
 Leye 54.
 Liaukama (abt) 73.
 Lieu (de - yn 'e bek sjen) 127.
 Liezich 35.
 Liken (út 'e -) 64.
 Lilje 85.
 Linieren 94.
 Linde 46.
 Line (de - om 'e reak) 65.
 Lins (gjin -) 29.
 Lipske 13.
 Ljeaf lodske 39.
 Ljeafdestrûp 26.
 Ljerdichkes 35.
 Ljue út Dokkum 57.
 Lodde 19.
 Lodde (nei de - rûke) 43.
 Lodderein 73.
 Lollenansstip 108.
 Longerhou 104.
 Longerje 98.
 Longrich 31, 46.
 Lonte (der sit gjin - yn) 46.
 Lotsje 140.
 Loverke 128.
 Lymoer 46.

M.

Ma (útgong -) 44.
 Mael 60.
 Maertebloemke 56.
 Maeye meitsje 14.
 Malappe 116.
 Mâlkje 97.
 Manekarper 137.

Mank 59.
 Manneboet 118.
 Manuael 143.
 Marge 31.
 Margehoarntsje 139.
 Margeniel 64.
 Markol 85.
 Marot 32.
 Master 30.
 Mathew 120.
 Med 47.
 Mephibosech 117.
 Merke-skierie-iel 99.
 Mesken (troch 'e -) 112.
 Meuke 64.
 Miebringer 119, 127.
 Miedstik 98.
 Mienskar (it greate -) 32.
 Miertou 54.
 Mieslerije 67.
 Miet (de - birinne) 96.
 Miggeskoft 104.
 Mik (út 'e -) 68.
 Minger 114.
 Minskebihagers 51.
 Mint (de - krije) 47.
 Mistribeling 104.
 Miswier 49.
 Mizel 54.
 Mjirkusdomenij 121.
 Mjoksje 21.
 Moarmert 121.
 Moarns- en jounsmiel 96.
 Modder (oan 'e kloet) 69.
 Moetel 18.
 Moggel 128.
 Mogol (greate -) 107.
 Mólkenkeamer 39.
 Mólkstap 60.
 Mork en risken 51.
 Mounle-ie 69.
 Municipael 143.
 Múzekeuteltsjes 129.

N.

Naed (op 'e - gean) 48.
 Neigeande (rju -) 58.
 Neipjûwe 48.
 Nemo saltat sobrius 122.
 Nepotismus 142.
 Nerf 58.
 Nerf (nei de - tingje) 68.
 Neulje 128.
 Nijgêrs (yn 't -) 79.
 Njirre 76.
 Njoggenûrset 47.
 Njûntsje 104.
 Noardske balke 51.
 Noardkaper 51.

Nôgergat 106.
 Nôtich 46.
 Nulle en lepkje 97.
 Nr. álve 123.
 Nuske 63.
 Nuver 16.
 Nychheit 27.

O.

Oanstjerte 46.
 Oantolje 63.
 Oantreaste 142.
 Oarre 40.
 Observearje 108.
 Ockebyld 103.
 Oer (nei ierd en -) 56.
 Oerd 39.
 Oerdum 129.
 Oerdwealsk 22.
 Oerhearich 60.
 Oeribel 17.
 Oerize 25.
 Oerscis 45.
 Oes 98.
 ôfbeund 140.
 Ofearde 81.
 Offysje 108.
 ôfstekke (de bûter -) 15
 Omballingen 95.
 Ombidich 14.
 Omdangelje 110.
 Omgrûdzje 115.
 Omkoal 13.
 Omlúnje 49.
 Ommasterje 58.
 Omneulje 40.
 Omslach (yn -) 47.
 Onbinlik 47.
 Onbismoede feint 63.
 Onganzen 21.
 Onhjirmlik 66.
 Onhuer 103.
 Onk 47.
 Onlân 55.
 Ontfytmanje 59.
 Ontheistre 27.
 Onthjusk 42.
 Onwiten 65.
 Opfantelje 127.
 Oplûke (de paden -) 14.
 Opmatksje 111.
 Opperman 90.
 Oppernolk 44.
 Opsaltsje 51.
 Opswylje 56.
 Oranje (de kop - meitsje) 119.
 Oremus 128.
 Orkelpân 120.
 Oquendo 91.

P.

Palais Royal 191.
 Palladium 93.
 Pampes 84.
 Passiflora 55.
 Patsje 17.
 Peasgje 81.
 Peasjou 35.
 Pejotkes 124.
 Pelsrjucht 106.
 Perdoes 88.
 Permantich 18.
 Pestalozzi 94.
 Pestoarske 30.
 Petielen 112.
 Philantropie 132.
 Pierewaeye 127.
 Pijd 38.
 Pijkeamer 76.
 Pilarbiter 126.
 Pip (de russiske -) 93.
 Pipen op 'e hoed 17.
 Pipermûs 82.
 Pisbiloaitser 52.
 Piseamelters 76.
 Piskiker 29.
 Pizelje 57.
 Pjalke 106.
 Pjut 66.
 Placenta 103.
 Pljims 22.
 Plomkebiezems 40.
 Plotsk 54.
 Pluch 105.
 Plure 94.
 Poalke 54.
 Poanne 30.
 Poask 137.
 Poatstâl 78.
 Poatstikken 61.
 Poatterich 40.
 Poddebûkje 40.
 Poddehierrich 116.
 Poelepetaet 89.
 Poep 27.
 Poepeslomke 34.
 Poetsje it each út 57.
 Pof (op 'e -) 41.
 Pogge (yn 'e -) 67.
 Point d'argent ens 42.
 Pokhout 67.
 Pôlkje 132.
 Pompierblazers 61.
 Presinning 83.
 Prikel 66.
 Prinsen 94.
 Proastich en boarstich 111.
 Proes 16.
 Prommedanten 15.

Pront 99.
 Proppen (op 'e -) 66.
 Provietiesjes 108.
 Provinsjehout 75.
 Prûs 133.
 Puchel 116.
 Punthoun 62.
 Pylk 87.
 Pypkeniel 17.
 Pytske 63.
 Pytskje 19.

R.

Rabantke 114.
 Raensk 113.
 Range 98.
 Raskest 12.
 Raspich 58.
 Reade roede 119.
 Reaksgêrzen opswylje 107.
 Reamme fen 'e aden 15.
 Reap (de - is draeid) 30.
 Reap (net oan 'e - slein) 31.
 Reau 19, 40.
 Reauntsje 49.
 Rebinketsje 12.
 Regaet 77.
 Reidhintsje 139.
 Reinkleed 37.
 Reinskaed 89.
 Reis n. Jerusalem 21.
 Remceedsje 50.
 Representant 108, 143.
 Request 72.
 Rhumatisme Chronicus 32.
 Ribbekliuwers 125.
 Riboskje 23.
 Ride en farre 145.
 Riden (troch -) 143.
 Rie 84.
 Riezel oer de bûk 69.
 Rikstealen 30.
 Rimpn 19, 74.
 Ringheakking 101.
 Rinket 56.
 Riskepitten 58.
 Rispijske 127.
 Risse 21.
 Ritse 90, 105.
 Riwwenearje 73.
 Rizen brij 143.
 Rju 46.
 Roaspollen 138.
 Roafkroaten 146.
 Robbe 82.
 Roffelje 57.
 Roffelskûte 111.
 Rollebol 135.
 Ronfels 134.

Rosolis 137.
 Rûlebûtsje 38.
 Rûn (de - fen 'e stâl liede) 121.
 Rûs (in - as in kartou) 114.
 Rûterskerp (op -) 78.
 Rynsk 25.

S.

Saend 86.
 Santepetyk 47.
 Santinne 55.
 Sarjes baitsje 25.
 Sas (yn hjar -) 99.
 Scheuken 105.
 Sehnurrij 99.
 Seadbulten 78.
 Seinepôle 41.
 Seine 130.
 Sémannsstrûs 113.
 Separatisten 115.
 Sib wirk 25.
 Siikkreunich 71.
 Sikersonk 53.
 Sile (de - op 'e hakken) 11.
 Silen en beagen 132.
 Sim 112, 142.
 Simperje 56, 96.
 Singerje 67.
 Sint-Ealskleaster 124.
 Sint-Janstried 34.
 Sint-Marten 140.
 Sint-Petersdei 108.
 Sintinsje 128.
 Sjaggelje 36.
 Sjamme 95.
 Sjammeûk 45.
 Sjedriden 22.
 Sjippe (om -) 76.
 Sjirkassie 107.
 Sjobis 42.
 Sjoeltafel 101.
 Skabberich 45.
 Skalk (in - each) 52.
 Skeetsk 97.
 Skeizen 59.
 Skek 56.
 Skel 24.
 Skelnammen 125.
 Sketfê 40.
 Sketjefstiid 138.
 Skichtich 126.
 Skip oan 't keatting 85.
 Skird (de - laepje) 105.
 Skjearries 102.
 Skirkert 16.
 Skoalleboerd 138.
 Skoft (op 't lêste -) 67.
 Skovel 71.
 Skoveling 40.

Skraech 79.
 Skraits 89.
 Skredich 85.
 Skriemer 128.
 Skrok 50.
 Skrokste smjirkert 90.
 Skrousk 24.
 Skûtefaer 35.
 Slinke 23.
 Slingerij 32.
 Slobben 141.
 Slypboerd 132.
 Slyptroch 75.
 Smeulsk 14.
 Smoar sette 60.
 Smoarmogge 45.
 Smoezen 53.
 Smycht 130.
 Snipper 56.
 Snipperheit 23.
 Snoar 130.
 Soar 97, 122.
 Soarje 106.
 Sobje en knobje 18.
 Sodze 133.
 Sodzich 96.
 Soebadde 63.
 Soepelaers 63.
 Soldaet f. Herbayum 33.
 Sopper 108.
 Souderke (op 't pompiere - weenje)
 44.

Soukje 105.
 Spatskûtel 21.
 Spears 144.
 Spelt en gjerst 122.
 Spier (yn 't -) 21.
 Spinael 89.
 Spinjoun 78.
 Spinnebealchs jupe 41.
 Spjirren 23.
 Splinterich 88.
 Spykoalje 67.
 Spyn (gjin -) 74.
 Spynke 18.
 Spynsalve 67.
 Staech (oer -) 101.
 Staf 33.
 Staf oer nacht 122.
 Staid 48.
 Stalke 44.
 Stannen 34, 116.
 Staring 145.
 Starter 141.
 Stealen 106.
 Stiif yn 'e rêch 59.
 Stikel (mei de - rinne) 24.
 Stimmende hûsstallen 66.
 Stimpheft 70.
 Stoatskave 75.

Stokmantsje 25.
 Strampel 101.
 Strânjutting 125.
 Stranken 124.
 Stroatskaevje 43.
 Stroukje 36.
 Strûne 36.
 Struwel 103.
 Stryksom krije 98.
 Stuiting (foar in -) 84.
 Stûken (om 'e -) 89.
 Stymje 51.
 Stypmoer 66.
 Sûkerdijear 64.
 Sûpmogge 100.
 Suppleesje 124.
 Sutnestsjiis 129.
 Swé slaen 14.
 Swietekou 17.
 Swift 33.
 Swiid 68.
 Swikjes 143.
 Swinge 78.
 Sy 92.

T.

Tabaksdoazen 130.
 Taetsen 60.
 Taheakke 40.
 Tantsje 42.
 Tapije 40.
 Tas 56.
 Tategelonger 33.
 Tawite 20.
 Teamich 65.
 Teapert 34.
 Teisterkes 71.
 Terra 93.
 Tewis 118.
 Thiers 107.
 Thjea 116.
 Tier en fet 19.
 Til 139.
 Tine 23.
 Tinen 23.
 Tinnen 104.
 Tipelje 11.
 Tipeltange 83.
 Tipelsinnich 116.
 Tippe 10.
 Tize 33.
 Tjirje 106.
 Tjirmje 21.
 Toelje 37.
 Toelle 15, 145.
 Toffels (de - úttsjen) 110.
 Togniedsje 102.
 Toliter 117.
 Tonder 70.

Top (f. - ta teil) 45.
 Toppen 31.
 Topsûker 111.
 Torminten 145.
 Touwerfleagen 72.
 Trawaet 48.
 Treeft 69.
 Trelit (yn -) 60.
 Trewant 128.
 Trewes 129.
 Tros 102.
 Trudze 80, 90.
 Trulje 98.
 Trûnje 59.
 Trutlingen 40.
 Trynweeskjes 109.
 Trytrotten 102.
 Tsjep 16.
 Tsjenken en tsjoaten 125.
 Tsjildich 52.
 Tsjinst 45, 46.
 Tsjinstich 54.
 Tsjitte 61.
 Tsjoarre 34, 38.
 Tsjoad 37.
 Tsjoad 142.
 Tsjok 18.
 Tuikje 47.
 Tuitich 37.
 Tûk 16.
 Tutsjemoi 60.
 Tyspelje 71.

U.

ûlefysten 70.
 ûlkjes 82.
 Unwitend 132.
 útscriptis 71.
 útksaeid 44.
 útwreidsje 38.
 útwreidsk 38.

Vulturna 132.

W.

Wadlegger 85.
 Waeyen (oan it - f. è flagge to
 sjen) 14.
 Waerlamkes 65.
 Waerûl 49, 138.
 Waiboats 100.
 Wâldierde 126.
 Wammes (houten -) 38.
 Wammis 45.
 Wan 98.
 Wanhab (yn 'e -) 125.
 Wanich 105.
 Want (fen 'e - yn 'e tomme) 43.

War 60.
 Warkeamer 39.
 Weach 92.
 Weane (yn hoopjende -) 55.
 Wearaksel 144.
 Weaze 84.
 Weazich 82.
 Wé (by syn -) 52.
 Wé opbrekke 113.
 Wébyt 65.
 Wedde 134.
 Weerhuis 101.
 Weiflêd 55.
 Weitake 62.
 Wellington 123.
 Wêrzje 98.
 Wetering 137.
 Wetterboerd 99.
 Wettergulpen 34.
 Wettersich 18.
 Wever op 'e lánstdei 36.
 Wibren-Wibrensgat 105.
 Wiel 35.

Wier 35, 36.
 Wif 37.
 Wiggelje 18.
 Wiggemoannen 51.
 Wiid en waech 63.
 Wikke 94.
 Wiskje 49, 89.
 Wite klean 79.
 Witsjers 42.
 Wizansje 44.
 Wjirmen 115.
 Wjirmsk 47.
 Wjoldich 52.
 Wolfangers 30.
 Wraek (ien f. de -) 85.
 Wrigge 86.
 Wrine 24.
 Wydlanske soalen 81.
 Wylde wolven 29.
 Wynsk en rynsk 113.
 Wyntsje en tryntsje 122.
 Wyt klaed oer de kiste 126.
 Wytling 53.